

[DE TEKST WURDT HJIR NET TOAND SA'T IT PRINTE BOEK OPMAKKE IS]

Herman Gorter syn MAAIE (MEI)

ISBN 90-73554-30-6

Fryske oersetting fan Klaas Bruinsma

Earste Sang

In nije maaie dy't in nij lûd bringt!
Ik wol dat dit liet as it floitsjen klinkt
dat ik faak heard ha op in maitydsjûn
bylâns de greft, dy't troch 't âld doarpke rûn.
5 Yn 't hûs wie 't donker, mar de stille strjitte
fergarre skimer. Yn de loft blonk jitte
it lette ljocht; in bank en gouden glinster
niigd' oer de hûzen nei myn slûge finster.
Dan fluit' in jong' as blies in oargelpiip.
10 De klanken trillen yn 'e loft, sa ryp
as jonge kjiensen, as de maitydswyn
strykt oer it hôf en set syn strunen yn.
Hy dribbl' oer brêg' en wâl bylâns it wetter;
hiel stadich dangl' er. Rûnom rûn 't gekwetter
15 bliid sa't in protter fluitet, dy't de grûn
fan eigen blidens net ken yn hjeljûn.
Mannich mêd man heard' oer syn miel dy stim
as wie 't in âld ferhaal, en glimk' in glim.
In hân dy 't finster ta die, wifke by
20 it floitsjen fan dy jong' ien amerij.
Ik wol dat sa dit liet klinkt; en ik woe
ek dat ien faam myn stim oerstrielje soe
mei mear as 't glânzjen fan har mylde each.
O lok! Ik fiel har hân en sêfte weach
25 gean fan har earm. In krâns fan blyn ljocht rize,
en baait myn antlit yn in mylde dize.
Myn lûd baamt yn my as de giele flamme
fan gas yn glêzen stolp. In ikestamme
ûntbloeit yn twigen; jong leaf oan de rank
30 sprút út. - Stil! Hark! Dêr klinkt in nije klank:
in jong soldaat stiet ree; yn blau en goud
trompettet oan de poart' in lûd heraut!
De see dreau blau; der streamd' in floed fan sinne
as frisse dau út gouden welle hinne
35 oer skiere weagen, dy't as skiep har wosken
rein yn syn ljocht. Doe stien' út wiet wei bosken
fan weagen lykas wite keppels op,
mei wollich skom as hoarnen op 'e kop.

Op d' igge waard de see ta rimpels roppe
40 hielyd en hielyd wer; dêr dreauwen boppe
as gouden bijen wolkens yn it blau.
En tûzen mûlen tuten dau
fan sâlte drippen op 'e râne fan
readlipte skulpen, blommen fan it strân:
45 sa wyt as molk' en giel as reamm' en readich
as berneneilen; oare streekt of leadich
blau lyk de jûnloft yn it wintertij.
Kinkhoarnen nûndren reauntsjend har meldij
yn rêst; op 't wâljen fan de weach drea u hurd
50 in klearder rûzjen - as yn 't droege wurd
de wiete lûden -. Yn it glinstrich wiet
rinkinklen skulpen glês en stiennen, sierd
mei sulvren ringen. En in lichte rûzer,
swier fan muzyk, droech dampen; en sa strûz' er
55 op wjokken wetterbûlen. Oer it dún
dreaun troch de loft bedarren hja yn 't tún
fan 't leechlân. Eltse bûl dy't fol wie, sonk
en brik by 't sinke, wylst muzyk wjerklonk
swietlûdiger as stimmen; fier en hein
60 hark' elk dún op fan 't rûzjen fan 'e rein.
Dêr't fier op see syn wiete widze dine
mei 't skomjend tek fan tûzenfâldge wrine,
dêr riisd' in jonge Triton op in weach.
In glim glied oer syn troanje, doe't er seach
65 de wetterklingen om him en de kroan
fan wite wolkens boppe him. Syn hoam,
dy't blonk yn bleate fûst, wie goud en blank.
Hy blies derop: der foel in dimmen klank
út gouden mûlstik, sêft as simmerrein.
70 Doe lak' er lûd en krôl' en wâl' oerein,
en swom omhegen troch de wetterfal
fan skom en snie, dy't wielet yn it dal
betusken wetterbergen. Yn it nêst
fan 't krollich wiet in widzebern, dat rêst
75 nei 't waskjen smûk op memme waarme skerte.
Syn lytse lea dript nei fan pearls wetter.
Djipread syn earmkes; út it mûltsje lûd
gekraai. Sa blies er mei de bolle tût,
de gouden tsjelk tusken de lippen yn,
80 in wel fan gouden klanken, sa't de wyn,
yn rynske romers kraaljend yn har fal,
fjoerreade gloede snjit oer 't klear kristal.
No troanet hy op 't wetter, wylst er weach
nei nije weach by 't laitsjen riizjen seach.
85 Hy skattre 't út en blies de hoarn brutaal;
en oer it wetter skettr' in lûd sinjaal.

Waard doe de see gjin steatlik hear allyk
út âlde tiid, klaaid yn habyt sa ryk
as hjoed wol? Brún ferwiel en sulvren sier
90 fan sid' en fan swart filt en pelsbûnt, fier
komd út Sibearië. Giel koper blonk en
liet gloede barn' yn plaoen fan 'e pronken
fan broek, yn knopen en yn sierbân, swiid
syn mantel seamjend, as in klok sa wiid.
95 Wie sa de see? Nee, stêd wie 't dat er like
mei plein en strjitten yn 'e merkewike:
jongfolk en âlderein, muzyk en nocht,
dûnsj' yn 'e herberch en yn krâns fan ljocht
de merk mei diskjes fol snypsnaarderij.
100 Of 't like oft de kening kaam, as rij
jûns elts rût blinkt fan ljocht, en flaggegroet
út eltse went. Sa wie de see, in flood
fan flaggen fan de huzen; efter 't finster
fan weagen rigen ljochten; yn 't geglinster
105 rûn al t' folk gear. Mearmannen swommen derten
mei fammen fan it seewiid en besetten
de griene skeanten. D' âlde Tritons skûlen
mei 't skiere burd fan siden; haren mûlen
trompetten; har sinjalen bouden kwyk
110 oer 't wiid in lange brêge fan muzyk.
Doe waard it stiller en in wolk fan ljocht
dreau oer it seewiid yn in glêde tocht
tichtby de wolkens, dêr't in wite kloft
fan jonge winen lake. Yn 'e loft
115 foel alles stil. Der riisd' in giele stîp,
dy't út 'e dize kroep; fóar op it skip,
foar 't linnen seil, in bern yn rôze pracht. . .
O! Wee my, no't myn herte my ferslacht
en myn stim stom slacht, no't dit jongst fizioen
120 hjir berne is! - Der is in heimgesjoen
yn alle dingen. Wa't dat wit, syn trêd
giet altyd oer jong gers by 't wiet; jûns let
sil jît syn foet yn koele dauwe baaie.
Foar him is 't nimmer hjerstich, mar in maaie
125 fan bern en blommen, dêr't syn wente stiet.
Sa giet it my ek: neat as djip geniet
wie dit bern, súvre leaflikheid en tier.
It stiet sa stil te stoarjen; o! hoe blier
blonken har eagen yn it skaad, dat sungen
130 foel fan it seil op bellefleurge wangen.
Sa prûs en sêft wie hja as 't roazeblêd,
dat mei de lije wyn fan 't bosk oer 't bêd
gliidt fan 'e wjittring ûnder hazzebeam;
en mank de lege mieden giet de stream
135 troch 't grien, dêr't blauwe himels boppe driuwe.

Hja seach ferheard, as mocht hja nòch net leauwe,
dat hja op see wie, oant ferwûndring ripe
ta noflik laitsjen en om bar hja kipe
nei wellen skûm en nei glêde krún
140 fan weagen yn dy blommewite tún
fan 't hôf, of nei de wyn, dy't dûnsjend twirke
as in jongfeint, dy't trantet op 'e merke,
of nei in fisk, dy't reade finnen út
it wetter stiek. Dat alles wie in bût
145 no foar har eagen. Yn 'e fierte pûle
in Triton op 'e teannen heech, de mûle
rûn' om syn gouden hoarn. En rûnom bûle
ien lûd sein op fan wetter en dan loft,
gloednij foar ien dy't nimmer sa'n geroft
150 heard hat. - En hja waard slûch en die de eagen
ticht om te sliepen. 't Boat glied oer de weagen
hiel stadich fierder. Roerleas stie de sinne;
de wyn lykwols gyng mei en om har hinne.
Wa wie hja? Ien fan 't tolvesusters-bûn,
155 dy't hân yn hân stean om heit Sinn' yn 't rûn,
as bëm dy't spultsje yn in lytse kring.
Elk op syn bar is ôf en brek de ring,
en lit tryst d' oaren efter, mar har smert
fan triennen is gering; it skriemen dêr't
160 sa'n gouden ljocht is, kin gjin lang skoft skrine.
Hja bëm' gau bliid wer; dan ferdwynt har pine.
Dochs rekke harren no op 't fûlst de smert
by 't lêst ferlies: hja hien' sa'n lange set
bliid mei har djoeid. Hja wie de kreaste jimmer
165 en nocht fan elts, want oergeunst wie dêr nimmer.
No wie hja hinnegien. De susternige
stie niigjend op 'e hark en seach it stigen
fan 't tûj mei har. Der damp' in dof geroft
fan spattend skom en hoarnen nei de loft
170 en d' alv' omheech. De fammen moasten krieme
en stien' yn stilte neist elkoar te skriemen.
Hja dy't dêr stienen, wien' de ljochte moammen,
en berne tagelyk, doe't Mem de moanne
har bern' yn stjerreljochte winternacht
175 as neaken bern. Heit Sinne hold de wacht,
blau fan 'e kjeld, oant hy mei Dage kaam,
dy't harren wuollen yn 't kleurich klaad. Hy naam
de bern oan. - Sjoch dêr dy ljochthierge rige
stean yn in blanke ring; ien is fertige:
180 de mûtle, klearste, leavelytse Maaie.
Neat yn 't hielal kin sa yn blidens baaie
as dizze ierd. Wannear de Moanne sit
yn 't nachtboat, laket hja har blank gebit
fan 't laitsjen bleat. De twillingstjerren stean

185 neist har en freegje: , , Soe hja hjirlâns gean?"
En altyd is der blidens yn de loft
dêr't hja foarby gong en it sêft geroft
fan wjokken wykt. Dan leit in blomtapyt
spraat oer har baan, plôke fan ingels dy't
190 har namme sizze en hoe grut har skat
fan wûnders is. En mank it heech gers, dat
waakst yn 'e himel, lizz' hja yn 'e finne
lang nei te praten of yn drôg'allinne.
Ien ding is tryst en kleit op dimmen wize
195 om d' ierde hinne, lyk in dampe dize;
fyn klaad om ierde' liif: 't is wikseling
fan wêze en wêz' en dat elts ding,
blommen en sielen driuwe nei it ryk,
dat wyt en stil is en de dea allyk.
200 Want sa't oan d' ein fan 't waarm seizoen it hear
trekfûgels 't lân ferlit mei lûd gebear
fan fûgelstimmen yn 'e hege loft,
en dan op strjitte 't bern dat dit geroft
fernimt, seit: , , Hark! 't is dien mei 't simmertij.
205 De kjeld komt, want heech oer ús gean foarbij
de fûgels!" - sa giet alle ding foarbij.
En sa't ik lêsten oer it seestrân rûn,
en sa't myn hert yn noed wie yn dy jûn,
en trill' yn ûnrêst, yn dat skymrich skoft
210 fleach foar bloedreade kym lâns fan 'e loft
in swarte fûgel. Skerp naam 't dier de wyk:
syn brede wjokken waarden wei. Krektyk
komt en giet alle ding; 't is hearlik om't
it ienlik is. De Ierd' is út 'e romt'
215 fan Chaos beme, út tsjusternis ta 't ljacht,
en stjert wannear't de dea it hommels slacht.
Mar ider wêzen stiet yn ierde' ljocht
syn libben lang. Ik sykj' oant myn each sjocht
't antlit fan Maaie yn har libbensnocht.
220 No dreau hja by de banken, dêr't in wolk
fan skier sân alle weagen skierret: folk
siet dêr yn kloften. Yn in griene grot
skûlen in wetterfaam en wettergod.
En Maaie lake en in sêft gebletter
225 klonk út har mûle en doe wâl' oer 't wetter
in kletterjende weach fan klappen; letter
rûn as fan frouljustongen drok gesnetter.
't Each fan de Triton blonk; in reade kaam
rûn Maai oer 't wang. Hja gyng oerein en naam
230 in sulvren doaze yn 'e hân; de faam
hold stiif dy fêst. En út har wite jûpe
koe stadich by de earm in ploai los krûpe.
En hûndert eagen seagen; 't rûzemoezjen

foel stil, en neat waard langer heard as 't rûzjen
235 fan wetterstreamen, dy't de berch del sizzen,
en 't gycheljen fan wa't jit gobbegizen.
It sulver skittre en dêr fleagen hja:
twa flodderjende flinders. Ien wie twa
snieblanke bledsjes fan Yndysk ivoar;
240 in sjaal út Perzië allyk wie d' oar.
Yn bûnte glâns dûnsen de flinders tel
oer 't brâningbrûs, en doe sei Maaie kjel:
, , De lange dei fynt no syn ein yn 't westen;
yn wolkens giet de sinne al te rêsten.
245 It wurdt al let en donker; ik kin no
net langer bliuwe. Swim mar fuort! Ik leau,
niis seach ik al 't ljocht fan 'e jûnstjer daagjen,
dy't heite mantelslippen pleecht te dragen.
Fier yn it Easten riist de moanne; in glâns
250 fan blank ljocht tynt al fan har strielekrâns.
Dêrom: farwol! Mar swim hjir kalm fandinne.
Ik wol myn earste nacht sa minlik jerne
stil drage. Sjoch! de moann' is ûnderweis
as freonlik reismaat. Gean mei har op reis!"
255 Sa't nachts de einfûgels, dy't sliep' yn 't moas
dat yn 'e sleat groeit, hommels yn it kroas
kjel wekker wurde en mei lûd gesnetter
slobj' yn it flaach - ien spriedt oerein op 't wetter
de wjokken út, kwêkjend yn hoare nacht -
260 sa waard de djippe stilte ûnferwacht
beweech, doe't hja har reppen. Mar jit lang
glommen trompetten oer it wiid; in sang
klonk fan in kloft mearmannen, dy't no swom.
Hjir dunen spantsjes om en dêr beklom
265 in jonge god in hege weach en dikre,
oft Maaie dêr jit wie; hie hja net like
in lyts wyt beaken? Yn 'e nacht dêrnei
wie longerjen om mei de weagen mei
te gean nei har. En withoefolle prinsen
270 seagen 't koralen rêstbêd net, mar jinsien
sieten hja yn har mantels stil; en dêr
spielde de see ûnder in lege stjer.
Hja wie hast bang no't hja, allinne litten,
de drôve weagen skriemend út 'e fierten
275 oanrôljend seach, as froulju dy't ringsom
in drinkeldeade rinne om en om
slaan hja de earms yn drôv' en dûme fleagen -
allyksa waarden, d' ien nei d' oar, de weagen
al donkerder. En 't hert waard Maaie tige
280 benaud, oant hommels út 'e wolkens sige
in rein fan strielen en de gouden moanne
it wiid oer geat. - Sa seach 'k as by in boarne

in muonts, dy't by in folle donkre kûpe
syn tsjelken droech. Hy liet de douk útgâlpe,
285 dat 't fonken spuit' yn romers, oft de wyn
jit sinne hie fan draven by de Ryn.
Sa stie de moanne yn 'e loft omheech.
En tusken see en wolkens lik' in kelder
290 ferljochte, en de wite wyn rûn helder
har oer de foet. Doe't hja troch 't moanneljocht
gong, glimken pearels fan de moann' yn nocht,
en eltse drip wie om har skonk in stjer.
Hja seach it en bleau stilstean, hieltyd wer.
295 Der stie op 't strân in sânterp, in kastiel
sa't bern wol bouwe - skom en wetter spielt
de greften yn, wannear't it tij opkomt.
De bleate fuotten flechtsj' as brâning bromt.
't Is boud troch fiskersbern of by gefal
300 troch wetterelfen, sa't by 't simmer wol
te sjen is moarns, as ier de sinne skynt
en krekt genôch ljocht yn 'e dage tynt.
Dan is der yn 'e fiert' in glimp te sjen
fan guon dy't út 'e dunen stowe: bern,
305 jonges en famkes, roazich skinend, neaken.
Fuort binn' hja as 't sân wyt begjint te bleakrjen.
Faaks hienen dy de stins boud, dêr't allinne
hja sit naam tsjin in wâl oan. Om har hinne
leinen de nûnders dy't as moanne blinkt,
310 skatkeamers binn' fan ljocht, mar as hja sinkt,
dan stjert de glâns en wennet fan fertriet
gekroan dêryn; net mear in noflik liet,
lykas men heart yn 't middeisskoff by 't simmer.
Hoe kjel waard hja by alle wiksling jimmer
315 fan donker yn 'e loft en op it wiet
ta molkwyt ljocht, wannear't de moanne glied
út losse wolkens yn 'e swarte himel,
dêr't stjerren fonklen, mar hieltyd ferskymren
as blomkes, dy't yn 't skaad stean fan in roas.
320 De golle moanne geat aloan in hoas
fan strielen út. Hja hat in lang skoff skoarre,
ear't it hertsje fan 'e lytse faam bedarre.
En doe't hja yn 'e sliep foel, wie it oft
in mem har benn ferlit as 't slommet; dof
325 fertsjuster' yn memme hân de moannelampe
efter de timme, wolkenskermen. Dampe
dize hong skier foar de lege loft. In reef-
gat hie de moanne: ien lange skreef
hie lang jit gloed en dy waard let pas dwêst.
330 Hja sliept' op 't stille strân en lei gerêst
allyk in skulp. Der wie gjin oar beweech
as 't ûndjip wetter, dat bytiden heech

by Maaie oprûn mei in glinstering
yn lichte rimpeling, as wie 't in ring
335 fan dof goud dy't dêr lei; en ringsom skien
it wetter boarte mei de edelstien.
Hja dronk de sliep dêr yn; sûnder geroft
sykhelle hja dêr yn 'e koele loft.
Doe spile dêr op 't wiid toaniel fan see
340 in oerâld drama mei gâns Och! en Wee-
gerop fan Moard! Moard! - En de rook fan bloed wurdt
rûkt yn 'e seal; 't toaniel is leech. Der woedet
in swiere stoarm om 't hege hûs; der skuorre
skoarstiennen om en wachters op 'e muorren
345 hearre 't rumoer fan fijannen. Trelit!
De rein gjalpt en de wyn raast en dêr sjit
in moardner 't hûs út en men ken de need:
dêr leit in lyk! De tonger droant en wreed
smyt no de moann' oer dit toaniel in spear.
350 De djipte kriet fan 't skipsfolk, dat alear
nei bûten fear, nei winst en rôfbút slij,
en thús dan kaam mei sulver en mei rij
frucht fan Westynj' yn kaapte skippen, prizen
op sleeptou. Fiskers seagen 't skipsfolk wizen
355 nei tuorren op 'e kust, as bylâns
dy stjûnen farrend, seach d' oranje glâns
fan appels en sitroenen en de kleur
fan goud en sulver, en de swiete geur
dan roek, dy't út 'e iepen rommen lôge.
360 Mar no't de nacht kaam, dy't rju wolken tûge,
- de tsjokke kjessens dy't ta har bêd har strekk' en
dêr't hja op sliept - seach hja de line brekken
en 't strânen fan ien fan dy rike skippen.
Wreed klonk it laitsjen fan 'e donkre lippen.
365 Dy liken no te kjirmjen; mank it wâld
fan goud lein' yn it djipt deadshollen, âld,
lykwyt en deaswart. Fan har lippen skeat
de rop fan skipfolk dat yn need ferkeart.
Yslik wie 't lûd dat doe omhegen weage.
370 Mar dôf fan sliep wie Maaie, en de eagen
die hja net iepen jit. Sa't hja dêr stiet,
in nachtblom mank de hege raaien wie 't.
Hja dronk de sliep dêr yn; sûnder geroft
sykhelle hja dêr yn 'e koele loft.
375 Hiel lang bleau dat ysbaarlik gûlen kliemen
út djipt fan see. It like 't trienjend skriemen,
dat hjerst docht yn 'e bosk, of sa't de wyn
lûd yn 'e skou gûlt fan 't fertrek, wêryn
in lyts bern slûget. Mar it hat fertriet
380 yn eigen hert en sliept dus net. - Sa kriet
dy gjalp út see dy't no ris heechop rize

nei donkre loft, dêr't wyn benearjend tize
de tryste wolkeseamen; dan hiel heech,
dêr't mank de slommerjende weagen dreech
385 walfisken swommen op 'e logge romp.
Dan klonk de rop as fan in reiddomp: domp
as dy te midnacht yn 'e sompe bromt.
De gonger dy't yn 't gers ta stilstân komt
bylâns de skiere strjitwei, heart fermoanne
390 stil yn it skaad fan blêdte. Yn 'e moanne
giet er dan fierder fol ferwûndering:
Wat lûd is dat yn fiere skimering?
Is faaks de himel oandien? Of is dat gespús
395 lykas it seeskom gjalpt? - Ik hear 't gebalt
as fan in kobbe, dy't de stoarm oarskalt,
as op it skiere strân in lyk berêst.
Wat lûd is dat? Wat steurt de swiete rêst
fan Maaie, dat hja d' eagen iepen smyt
400 en stoarret as in sljochte frou yn 't wyt?
It binne grif har wûnderfrjemde dreamen,
dy't rimm' yn optocht oer de see syn seamen,
dêr't wite weagen oer de fuotten snjitte.
D' eagen fan Maaie gean har bliid temjitte.
405 Mar wat is 't dat dy swarte mannen drage
yn muontse kap' en pîj? Hark hoe't hja klagjen
as om in deade; dy leit op 'e bier.
Hja is jît jong en yn it lang ljocht hier
binn' frissele de blommen fan April.
410 O wee! it is har suster! Sjoch, hja sil
al nei har ta: tútsje har bleke hân,
dy't leit op 't wyt kleed. Mar hja kin fan 't sân
oerein net komme. Hark! hark hoe't hja kryt!
Heech wjokje roeken en har kriezjen ryt
415 de loft oan flarden; en in dof gerûs
as fan in sniejacht om in nachtluk hûs,
bromt om 'e fuotten fan dy't gean har wei.
Leaf bern! wês stil en sjoch der net mear nei!
Dêr riist de Dea, dy lange bleke fint,
420 de swarte staasje nei; hy inkele kin 't:
dy treaste. No is er dy foarby.
Leaf bem! Wês stil! Wat dea is, berget hy.
Sa't ien dy't op in gerzge heuvel stiet,
de keppel skiep sjocht, dy't yn 't twiljocht giet
425 fier fan 'e heideseamen - stadich geane
hja om 'e hoeke yn in tsjustre leane -
sa seach ek Maaie, sa lang kobben krieten,
dy lju nei dy't yn lykstaasje ferlieten
it drôvige toaniel fan 't wide strân.
430 Pas doe sonk d' eangst fan har gesicht! Har hân
lei. . . nêst har, lyts en blank en têt,

feilich te sliepen; en in dream soe net
har mear benearje. † Wie as hie de Dea
dy meinomd, doe't er wiek nei noardlik gea.
435 Wit immen wat it moaist op ierde is?
It aldermoaiste, waans gelikenis
er sjocht yn alles wat syn wille wint?
Wêrom't er al wat om him libbet, mint?
Wêrom't d' ien rykdom wol en d' oare graach
440 in frou, en d' oar himsels, al witt' hja skraach
dat har allinne mar in wurd betsjont.
Wit immen 't antwurd? Nee? Wel, harkje goed:
't Is wêrom't it pykje langst hat nei de hin,
en 't bern nei memme boarst; wêrom ik bin
445 bang foar de hjerst en winter en de nacht.
It is wêrom in lyts bern nèt de pracht
fan stjerren leafhat; wol it fjoerich weagjen
fan ien wyt kearske; mei in skerp stoareagjen
leit klear hy op it kjessen lang te sjen.
450 Syn eagen folgje 't spril geflikker; 't bern
't bern sjocht yn syn dream jít, hoe't it flamke gloart.
't Is wêrom my muzyk en sang bekoart,
mar marmer my ferskrikt en wite kleur;
ik reade roazen leafha, en de geur
455 fan glânzge frucht en 't erf dat dêroer leit.
It is wêrom in faam in feint taseit
him yn har earms te waarmjen, en sa'n jank
hat nei de blide troudei; 't is har tank
dy't hja him gol jout foar syn wiere minne.
460 It is de waarmens; 't is it fjoer, de sinne.
De wolkens waarden fan in licht kamyn.
Ut 't skiere wetter wâle glâns, wylst wyn -
read wolkens troch de weagen hinne lutsen,
as wie 't Bengaals fjoer. † Ljocht waard djipper dutsen
465 troch rûge skûmkoppen, mar 't glimke fyn:
Sa laket jít yn 't wetter in drip wyn.
De see waard doe oan Grikelân gelyk
lykas it no is; mar by âlds wie 't ryk
oan bylden en oan tûmpels. No betize
470 binn' blokken kapiteel en pylders; grize
stien is ferwar' yn brokken, skiere skimen.
Wol waakst dêr blomt en iverige imen
sûgje dêr hunich; dochs binn' tryst de kimen,
as pas de sinne skynt. - Mar yn kadâns
475 gau dûnsen alle kleuren op 'e skâns
fan wolkens, dy't yn 't Westen lei as hage.
De wyn begûn te waaien en in flage
like te klappjen, of in blanke swaan
stie by in fiver wjokjend út te slaan
480 syn flerken, dat los rekke mannich plom.

Allyk dy fûgelfearren stode 't skom.
De sinne struide goud en spegels stoarten
mank gouden bylden yn 'e see; der boarten
bliid kleuren op it wiid; yn eltse kûle
485 ferskynden hja en gyngen hja beskûle.
Dêr wienen 't bûrlen sjipsop, mar oan 't strân
de kleuren fan dat derten tsjoenderslân,
dat skulpen skeppe; pearse ûndergrûn,
griis pearelmoer, giel barnstien, en omjûn
490 mei lytse nûnders as fan wiet granaat
Der riz' in diz' út op mei 't ynkarnaat
fan al dy glânzen ta ien wite toai
oer 't hiele strân. Mar 't byld waard wûndermoai,
doe't Maaie dêr mei d' eams yn socht te gripen.
495 Oereingien út 'e sliep fûn hja in stipe
yn 't grûnflak fan har hannen. Doe kaam gekreak
fan skulpen. Op har teare wang,
damp fan 'e sliep jit, balk' in sinnestriel
oer top fan 't dún. Har bloed ûntflamm' alhiel.
500 Har loaits is dêrlâns nei de sinne flein.
Hja lak' en wekker sprong hja kwyk oerein,
en naam de ploaien fan har jûp op. Sa,
mei bleate knibbels bleau hja stil stean. Wa
dy't simmerdeis troch gleone miede rûn,
505 hat yn 't griene reid fan 't folle beekje sjoen,
dat sa in bosknimf lake, ek al loek
deunby in ljurk har sang omheech, al doek
in foarn op of in jufferke yn 't blau,
al hie hja roggeblommen yn in sjou.
510 Sok laitsjen heard' ik wolris op 'e heide,
wannear in brune bij let op 'e dei de
swietswiere fracht hurd nei de koer ta tûge.
De klingen waarden donker, mar in lôge
fan giel en poarper flamm' út westerkim.
515 In famke rûn bylâns 't strewel; slûchslim
glinstren dêr jongeseagen. En it boefke
rissle troch toarre blêden; 't steile tûfke
hier glied troch 't jûnljocht. Doe in sêft gekeuvel
en dan it noflik laitsjen op in heuvel.
520 Lykas hja lake sit in geal wol lang
de loft te koezjen mei har súvre sang
bopp' in boskfiver. Mei de iepen bek
trillet de tûke. En it blêdetek
lit amper twiljocht troch. Yn 't fiere beamt
525 is wol geroft, mar alle lûd oerstimt
de brune fûgel mei har lyljend floitsjen.
Sa wolk' en wâl' út Maaie' mûle 't laitsjen.
Lang stie hja stil; doe fleach hja troch 't wyt sân,
op roazereade fuotsjes oer it strân.

530 Wylst oer de wite jûpe 't gouden hier
delweage, swaaide mei swide swier
de earms en hannen as in bern. In skelle
rop rinkle as in hynsteslide-belle.
No stiet hja op it steile dún en waait
535 it helmgers om har yn 'e wyn, dy't aait
oer har gesicht en hier, en efter har
in fal fan streamend goud, as rûn de mar
leech fan de himel oer in gouden treppen.
Troch 't goud is 't blau ûnsjenber; inkeld klepprjen
540 fan linnen, dat yn giele gloede wiuwt.
De see is iensum, no't hja 't lân yn stoot.
No set har tocht mei tsjoen fan mearkes yn.
Sa sylt de moanne 't swurk yn en de wyn
stekt sa op. Lit elts sjen nei har, want wier:
545 Wa't ienris dit seach, hat it hiele jier
plezier genôch; ek yn 'e wintertiid
sjocht har eagen jit. Hja dûnset bliid;
har earms swing' yn 'e mjitte as de ra
fan 't skip yn 't hôf. De wyn komt op har ta
550 en hja rint troch de gouden sinneskyn,
soms yn 't hyt sân en soms de ljite yn.
By alle dunen dy't hja op en dol klom,
dêr hieten har de dellings hertlik wolkom,
en smeken har te bliuwen. Flank nei flank
555 hien' blauw' en giele blommen, elts har bank
yn rigen sa't men yn 't teater kriget.
Elts neamde eigen namme en hie niget
oan Maaie' byld: de giele anjelieren
560 har tsjelken belderj' oer de gersgrûn del,
en kâlde neaken wyfkes by 't strewel.
Har bea wie om 'e nocht, want Maaie' doel
wie d' effen dobb' yn 't dún, in fûgelpoel,
dy't simmerdeis allinne 't wollich fee
565 wjerspeeglet dat de loft beweidet, ree
yn keppels nei de koai te kearen; dêr
dêr leit al it mânske hoarnfee. En in stjer
baarnt dêr de jûns. Sa gau de skimer komt,
saaie dêr fûgels del. De holder bromt
570 bylâns de skeanten, en oer 't dún gliidt waaien
fan 't sêfte rûzjen fan 'e see, en raaien
dy't wiuwend niigje. - Dêr stie hja te drinken
mei lippen út 'e holle hân. Te blinken
lei 't wetter, dêrt de drippen rûgljend rôlen
575 yn 't bliigrien gers. En om har hakken wâlen
de weachjes op. En doe ferdwûn 't beweech en
it waard hiel stil. D' eagen die hja omleech, en
hja seach harsels. En hja waard hommels kjel
fan blid' opteinens en hja koe in tel

580 net tinke mear, sa fol fan swiet gefoel
fan elfrige oerdwealskens wie hja. Koel
lei jit de wel. Hoeden die hja in trêd
en seach, de wangen readzjend, har portret
yn blauwe spegel: in robyn dy't blonk
585 op keningsklaad. It wie foar 't each in pronk
en nocht te sjen; har lippen krollen swiet.
Hja knibbl' en soe harselme tútsj' yn 't wiet.
Doe't twa pear lippen moeten en har each
de eigen wjerglâns deunby blinken seach,
590 ferryfle 't wetter har en ronfle yn
de wangen fan it byldmoai bern, en fyn
dobbre har kin yn weachjes. Hja bleau stil,
en wachte rêstich, oant de wide ril
oan d' igge wei waard. Ut har mûltsje sloep
595 in snoer fan drippen; dêr't it foel, dêr kroep
in blomke út 'e grûn: in maaieklokje.
Hja sit mank blommen, dy't har eagen lokje
woen' nei de wite strusen, oant it wetter
har byld hold. 't Wie as lies hja mannich letter
600 fan eigen tsjeppens; amperoan bewegen
har lippen, doe't hja skru ten en ferle gen
opseach: Soe hja it oan ien fertelle kinne?
Mar nee, der wie gjin oar dêr as de sinne.
Mar út 'e poel wei rûn in wjittering
605 mei suver ljocht as in juwielen skittering.
In marmerstien yn 't sânbed liet in brok
kwiksulver los; dat glinstre fyn dêr't tsjok
de reiden woeksen, wylst rju bies en sigge
mei skerpe snilen weauwen op 'e igge.
610 Dy stean te harkjen nei it sêft gerûs
fan 't wetter, dat dêr springt mei swart gebrûs
en yn it skaad wat minder kletst en sunich.
Klimmer en rintfear harkje, mar 't heechkrunch
beamt harket amper. Dy binn' altyd gol
615 mei sinn' en wyn en rinne jûntiids fol
mei tsjotterjen fan protters. Mar as 't daget,
heart men it wetter: as de ûle klaget.
Troch bûnte plakken ljocht rûn hja, as blonken
twa wite flinders. Op har wite skonken
620 bylke hja bûnt. Hja gong bylâns de ie
sa fier de wjittring streamd' en mûning hie
midsmank twa mieden, dy't er streaket myld.
Dêr sjocht as wacht in wylch syn spegelbyld.
Dêr komme altyd grouwe kij om wetter
625 te drinken jûns; en dêr falt loom en letter
't leaf yn novimber. En yn d' iere simmer
is dêr it sinneljocht altiten dimm'her.
En yn 'e miede, yn 'e smelste harne,

stie tusken d' elzen en de hagedoarnen
630 mei reade knoppen sierd, in blommekoer
fol frisse blommen; en de râne oer
in slinger fan seringgen. Hoe 'n geflonker
fan blommen wie 't! Hiel djip yn 't skimerdonker
glom jit in bûterblom. En Maaie keepste
635 de foet yn 't weake sân en d' ankels sleepte
hja troch it kleare wetter fan it streamke,
dat wiske 't spoar. En 't like, 't oerflak glimke
fyn om har fuotsjes. Om it wetterbledte
dêr toverden spiralen jit op 't wetter.
640 Amper op 't lân komd, seach hja yn dy hoeke -
sa kipet om 'e doar in bern, wa't koeke
tasein is - blommen, en dêr hinne sloep hja
in koarte wei. En troch de hage kroep hja,
dat blossems roeiken, en hja goaid'yn dol
645 joechhei de blomkoer om. En hamen fol
út dauw' opskeppend, die hja troch de miede
optein in dûns en elke klaver sierde
de kroan. Ringsom it bern dat dûnse, twirre
de loft fan blomt. In beam dy't reinbeswierre
650 syn blêden falle lit, jout sokke buien
fan sier de ierde net. 't Wie 't rynske struien
allyk, sa't men op Sinteklazejûn de
heap pipernuten struit, of as men bûnte
aaikes op Peaske te fêrbergjen giet.
655 Hja dûns' yn 't rûn: de miede hie geniet
de wjitting ek, want krekt allyk in wel
dy't yn in striel opspuitet, mar dan del
yn dripkjes fâlt, foel by har skouders dêr
in flood fan blommen. Hieltyd wurp hja wer;
660 wyn blies se fier. Sa't troch in gûchler ballen
yn bûnte kleur opgoaid, omhegen wâlen
dwers troch elkoar; - 't each sjocht reinbôge - skitting -
sa foelen ek gâns blommen yn 'e wjittering.
Dy naam hja mei en stiek hja yn 'e râne
665 fan greiden. Sa soe hiele Fryslân brâne
fan al dy flammen. Skippen dy't dêr sile,
wien' fol fan swietrook fan 'e miede; milen
fier wurde bûnte blommen ta in rêst,
troch wyn op fruchtbeamt brocht. Mar 't is gjin lêst.
670 Doe socht hja mêd deunby de hage rêst,
allyk in keal dat têd en hiel bedêst
syn swakke skonken sinke lit. - It kin
folle har hannen. Doe kaam har yn 't sin,
hoe moai 't karwei, sûnder dat minsken 't merke,
675 fan Maaie geande wie. - Sa wurdt in tsjerke
fersierd en pylders, it ferwulf ta skoarren,
fol bylden beetle. Yn 'e toer ek warre

arbeiders har, dy't yn in skoatsfel stean.
men skildret finsters, leit de flier. Wa't gean
680 op strjitte, hearre dêr neat fan. - Hja tocht:
, , Sil ik ris sjen: haw ik al blossen brocht
oan d'appelbeam, en oft de skûlemuorre
de moerbeï bloedread stooft, oft om d' âld skuorre
de druvebeam al ranket? Of sil 'k blier
685 hjir boartsje mei it wetter en plezier
mei flinders hawwe, dy't dêr by de daam
fan 't lân omdûnsje? Of it oangenaam
soart flearhout sykj' en dêrút boarj' in floitsje?
Dan kin ik troch de toarnehaage tsjoitsje
690 yn 't lân hjirnêst, sadat de keallen stomme
kjel fjouwerje. Ik kin ek tsyskeblommen
wol sykje of de hazzenút syn franje
of elzeppen by elkoarren fandlje. "
Sa tocht hja, mar in flinder wie 't dy't oars
695 beskikte: dûnsjend foar har kliene noas,
teard' iepen hy en ticht. It tekenskrift
wie skraach te lêzen op 'e wjokjes; grift
wie dêr in djoer geheim, yn runen skreaun.
Men ken 't yn Ynje; 't is yn runen reaun
700 op 't Eastersk rjemmewyt tapyt. De faam
koe 't riedling ek, alteast nei rap geraam
fan fingers, dy't doe sels wol flinders liken,
hie hja him yn 'e hân. Har eagen dikren
mei stúdzje yn 'e rôze kouwe. Giel
705 siet dêr de finzne; 't stof bestod' alhiel
har fingerseinen. Op 'e rêch delflijd,
ien skonk oer d' oar, lies yn in amerij
hja 't frjemd mystearje. En doe seach hja lang
de himel oan; hja wie noch bliid, noch bang.
710 Hja rôle om; doe liet har wang 't koraal
delsinke fan har earm, dy't fan ovaal
ta rûn waard as in pylder. En hja waard
gewaar dêr oer har hân, dy't lei yn 't skaad,
twa eagen en it lichem fan in frou,
715 dy't krekt as hja ek langút yn 'e dau
yn 't oare lân lei yn 'e folle sinne.
Har loaits wie as har stimlûd by 't begjinnen.
Dy klonk en 't flonkrjen wie as diamant:
, , Ik lis hjir al sa lang do oan dyn kant
720 bliid bist mei blommen; ja, ik lei hjir al
lang, doe't it grize iis de wetterfal
omtrint bestjurre. 'k Bin yn winternacht
sa faak omhegen kladdre. 'k Ha op wacht
faak stien op 't dún, wannear't myn earen heinden
725 it roppen fan de Tritons, dryste feinten,
dy't sels by stoarm jit spott' yn wintersk' oarden.

Mar as 'k dan boppe wie, seach ik it Noarden
 wyt fan it poaliis en sa blau en helder
 as by de wintersinne-kear. De kjeld dêr
 730 liet my rydboskjend triennen skrieme; dan
 gie 'k del wer en lei hjir te dreamen fan
 maityd en dij. Oant wer de damp, dy't skier
 moarns leit oer d'ekers, oploek en moarnsier
 wer fûgels fleagen. Doe ha 'k blommen socht
 735 en do hast lang om let se fûn. Hoe'n nocht!"
 Sa spriek de frou en swij; doe frege Maaie:
 - en 't wie as in swarm fûgels, dy't omskaaie
 moarnsier al yn 'e strjitte meiïnoar:
 hja pikke op 'e klinkerts; rût en doar
 740 stean noch net iepen; nimmen is noch wekker
 útsein de fûgels. Lyksa swijden ek dêr
 de ieren stil op 't lân; en oan syn seam
 rissle de wjittring net. De wylgebeam
 liet net syn wite blêden langer raze.
 745 En foar syn leger stûk' in brune hazze. -
 Hja sei: , , Hearsto wol 't rûzjen fan 'e see?
 Ik mocht it sa graach hearre, mar 't docht wee
 in byt, netwier? Myn susters allegearre
 stean by de sinne heech en kinn 't ek hearre,
 750 en binn' wat ernstich. Hy praat binnenmûl' en
 altyd allinne; 't liket soms wol gûlen.
 Mar by de sinne mocht ik graach yndie
 syn lûd behark' om't hy hy de boarne wie
 fan wat wy wisten dat der bard' op ierd.
 755 Fan alles kin men hearre yn syn liet,
 om't hy de wolkens ken en ljochte sinne.
 Sa heard' ik nammen; dêr koe ik fan spinne
 de wûndre dingen sels. Ik wie sa bliid,
 doe't einlings ik oan bar wie. Wiid en siid
 760 ha 'k no de namme neamd fan tûzen dingen.
 No kaam ik hjir en fûn Jo blommen ringen
 en Jo. Wa binn' Jo? Wenje Jo allinne?
 Is dit Jo wjittring? Woeksen dêrom hinne
 al dizze blommebern? Ik tocht niis blij:
 765 Hja ha wwe allegearre wacht' op mij!"
 En Maaie swij; in twirre jage oan
 troch 't blommich bledte fan 'e hagedoarn.
 Doe't dy him deljoech, spriek yn sinneskyn -
 en lyk de âlde doarpsklok klonk it fyn,
 770 as 't simmermiddeisskoft liedt foar de boer -
 dy frou: , , Moai bern, dyn lûd wie it gekoer
 lyk fan in doffer, dy't in roastbrún' iik
 it doke lokt. Do makkest d' earen ryk
 oan koezjend flaien; en ik soe sa felle
 775 graach harkjen bliuwe nei dy kleare belle,

dyn mûle, fol fan oerfloed fan geniet
oan huning, mea foar bijen, blommewiet.
'k Woe wenje by it lyts paleis, dat riist
mei tuorren fan dyn boarsten, 't paradiis
780 fan bloed en boartlik skaad. Wie ik in twirre,
dy't blaast oer 't lân, ik blies en bleau dan hjirre.
Mar 'k sil my fan dy ôfkeare tsjin 't sin,
en wylst ik dy fertelle sil wa 'k bin,
net nei dy sjen. Sjoch, hoe't dat wolkje giet
785 heech bopp' ús en ferdampt. De sinne stiet
al midden yn syn blauwe stjitt' en geit
fan laitsjen efter 't finster. Hark! Dêr baait
in jonge mosk syn fearren yn 'e beek.
Dêrjinsen batst in bûnt keal yn in kreek.
790 Djip yn 'e bosk ropt in koekút: 'Koekoek!'
Hoe stil is 't no rûnom; it griene doek
dat om 'e beammen weeft, is roerleas. 'k Sil
dy no fertelle oer mysels; wês stil!
'k Bin berne midden yn dit lân en dêre
795 leit wiid in miede; dêr kinsto faak hearre
de ljurk, dy't sjongt wannear't er riist nei 't blau.
Dêr gerskje kij en sline blanke dau
en lykje boaten, driuwend op rivieren.
En riist de moanne, dan jeit wyn ynfieren
800 de wite wiven fuort; dan dwaalt hiel fier
de diz' oer 't lân en bleekt de jûnsstjer skier.
Dêr lizze yn 'e sinne sleatten; beide,
de hege himel en de klavergreide,
lizz' iepen, en in fûgel siket better
805 gjin beam dêrtusken. Dêr is gâns gesnetter
fan wylde einen, dy't de sleat befolkje.
En simmerdeis speet út 'e oeren molke
troch hannen fan boerinnen. Helder blinke
de earren selen, en molkamers klinke.
810 Earizers glinsterje yn gouden skinen.
Dêr leit de see deun nêst; gjin gie le line
fan sân leit dêr. De miede is in lyst
fan greideblomt en rusken; inkeld riist
in mânske fjoertoer út it wetter op.
815 Dat wâlet ringsom, sa gau't fan 'e top
nachts ljocht baart en 't yn donker silend skip
de stream opfert, en elfen troch 't gehip
wyt wurd' yn 't skom dat om 'e stjûne trille.
Dêr wenn' ús Mem en hja hie grutte wille,
820 doe't hja my beme, want it reid mei 't plomt
bûgd' oer en sei it tsjin de wjittring prompt.
Dy sei de see en dy de mar de mear,
dêr't op 'e middei 't wite wolkenhear
steatlik oer sylt. Sa hearden fisk en mok

825 derfan. Dy deis wie 't bosk fan snilen drok
fan 't spatterjen en wyt fan fearredûns
fan kobb' en skiere reager, dy't de jûns
nei 't nêst giet op 'e beam. Syn wjokkengriis,
heech oer my hinne, seach ik út it riis,
830 myn widze wei. No wit ik 't wol wer klear:
Myn Mem wie streamgoadinne en as klear
de moanne priede, seach ik hoe dat hja,
in hege frouwe, by my kaam en sa
my de eagen sleat mei 't streakjen dat hja brûkte.
835 Har hân, sa sêft as wylgeblossem, rûkte
nei swietrook, oft de roas dêr moarns har drank
yngetten hie. De hiele nacht wie klank
fan siterspyljen fan 'e see fol tsjoen.
Faaks wie 't myn heit, want ik ha nea him sjoen.
840 Dêr groeid' ik op en libbe as in laam,
dat neist de mem hipt. Yn 'e jûne naam
hja my ticht by har as in bloedjong skiep,
wylst ik dan diigre yn myn waarme nêst
845 nei fiere kimen, dêr't in wjittring fêst
nachts skynt te streamen op 'e lege seam
fan 't donkerblauwe swurk. As yn in dream
skynt heech reid dêr te weevjen en te wiggljen,
en stjerren dy't dêr baam' as fjoerge miggen.
850 Mar doe't de hjerst kaam en de eiberts giene,
en foar de lêste kear it gers fris griene,
mar ier de loft al kâld waard, 't wetter skier,
doe gongen wy ek nei it gea, dêr't fier
de reagers nestlj' yn hege beammebêden.
855 Der gluurke sêft in fjoer fan stammen; blêden
yn rodzich skinen floddren del op 't mos
en tûken kreaken. Pearels sprongen los
fan hars; de wyn liet flakkerje de flammen.
Dêr rûnen wy midsmank de wiete stammen
860 en seagen wite wiven sûnder rêst
dwalen as wy. As fan de kjeld by 't hjerst
it wetter huvret yn 'e stream, begjinne
te reizjen hja dy't simmerw yn beminne
en simmersinne. Yn 'e neare nacht
865 ferfart elts, dy't de hiele simmer wacht
hold by de stream of fiver. Op 'e heide
komme hja gear; dêr binne saters mei de
prûz' elfen en har kening Oberoan.
Titania is ek dêr; yn har kroan
870 fan spinreachtrieden flonkret moannepriel;
yn 't each in trien, as gloed yn in juwiel.
Hja seit: 'Farwol!' tsjin alle nimfen dêr,
en : 'Kom foar nije wetterwille wer.
Jim allegearre wienen ús sa nei. '

875 Hja tute my; jit lang seach ik har nei
tebek oer 't paad. Hja siet dêr yn in kloft
ierdmantsjes op in hichte; tromgeroft
klonk drôf en tryst wie ek de lute-sang.
Wy hearden ûnderweis de rûzge klang
880 fan Pansfluit en de rinkeltamboeryn.
In sater droech in fet fol stellen wyn;
wâldnimfen brochten gouden skalen fol
fan blauwe trossen, dat de skieppewol
fan harren flues griemd druvesop yndronk.
885 Us Mem rôp my, al yn it wâld wjerklonk
't gedroan oer bergen en yn rotsravinen
de stoarm en toarre blêden bearden; pine
hie 't bleate liif fan heil; de foet fan 't grús.
Oant w' einlings kamen yn it hege hûs
890 fan Sudersinne, gastfrij, ûnberonge.
De soudring is mei blauw tapyt behongen
en marmren pylgers stean' yn muorreromte.
Slingers fan roazen út it lân fan blomte
dynje dêr middenmank mei stadich swaaien.
895 Oerdeis set hy syn hûs fol goud; lawaaien
docht hy op marren, en op bergen 't swieren
midsmank de pynbeammen en populieren.
Ik wenne yn in giele roazestrûk.
In marmren faas mei earen en in bûk
900 ferburch my en de roazestrûk; in bêd
fan goudsân late dêrlâns nei de stêd.
Dêr kamen brune berntsjes op besyk, alfolle
mei gouden ring yn 't ear en om 'e holle
in poarpren doek; memmen mei tateboarsten;
905 bleatfoets in muonts; in bidder mei in koarste
âld brea; hynders mei read sjabruk as tek;
soldaten en folk mei in doedelsek.
't Wie hyt yn 't roazebosk; ik seach dêrwei
mymrjend dy kliber rûzge minsken nei. "
910 Dat sei hja; Maaie seach nei har allyk in bern,
dat draken yn wyldeauw'ge kleuren tsjen
sjocht yn 'e wyn. It wie in echt ferhaal
foar 't waarme middeisskofft yn frouljustaal.
't Wie oft hja oan har âlde wurden jitte
915 tocht, doe't hja nije sei: , , It Noard temjitte
gongen wy wer, doe't jonge blêden kamen
oan d' âlde beammen. Mei ús ûndernemen
swellen de reis, kanarjes en de finken,
dy't hjir ek wenje. Hark! Dêr hearst syn kwinkjen!"
920 Dat sei hja, mar wist sels skraach wat 't betsjutte.
Doe helle hja de hannen út 'e skurte
en gong as wyt skiepke yn 'e greide
oerein. Hja seach hiel yn 'e fierte nei de

blêdstille krunen en wat wyts dêroer.
925 It wie in lânhus of in spitse toer.
, , Foar wat 'k dy noch fertelle moat, is hjoed
dit lân noch ek dit ljocht geskikt; de gloed
fan dizze middei droege grif de weagen
fan triennen út dyn mylde, moaie eagen,
930 dy't hast al skrieme, no't ik 't skriemen neam.
Silst lang noch libje; faaks fynsto myn stream
werom, as wer it wâld yn 't winterklaad
fan dize klaaid is en do dy yn 't paad
fersind hast. Rin dan by it wetter del.
935 Do hearst grif yn 'e damp it babbljen tel
en fynst m' yn dize. 'k Meitsje dy sa bleek
as ûnder mist de stream is fan de beek. "
De frou sett' ôf; dof waarden loft en sinne
en tryst en skier. Yn 't weake gers wie allinne
940 de hoefslach fan in hynder, as men harke:
in hoars dat mei de sturt heech, skril omtoarke.
Hja riisde fan 'e grûn op, dêr't it brún,
âld en dea leaf lei, en waard wei oer 't dún.
Der skûlet yn elk wêzen lytse kearn
945 fan oare wêzens. 't Minsk' yn syn bestean
is in piano, deastil, mar besnaard.
No trillet d' ien, dan d' oare snaar, nei 't aard
fan eltse toan; soms klinke tagelyk
in heap. Dêrtroch wurdt in stil, earm mins ryk.
950 Rigen akkoarden slomje yn him en
ûntweitsje yn 'e tiid dat hy fan bern
âld minske wurdt. Gâns dreamden stil aloan,
en sûnder libben is har libben stoarn,
wei mei de dea, allyk 't betsjoad kastiel
955 yn 't âlde mearke: klimmer hat alhiel
't oerwoeksen. Yn 'e hûs is 't stil; de wacht,
feinten en fammen slomj' yn djippe nacht.
Mar as in prins syn tsjoenspreuk sprekt oer 't sliepen,
giet elts oerein en swaait de poarte iepen.
960 Dan iepnje finsters wiid har foar de simme,
wylst yn 'e stins de minsken warber rime.
Sa is in minskesiel; alles kin wekke
en alles kin de doffe ban ferbrekke
fan sliep. O! Mei yn siel'seal in belle
965 lûd skilj' of kleare klanken by de welle
djip yn it wâld opwâlje út 'e fierte.
Muzyk kin yn 'e diel muzyk loslitte.
De siele giet, om 'tlokjend lûd te sykjen,
yn wûnder stal de poart' út ta 't muzykjen.
970 Sa kamen mei 't ferhaal fan efkes lyn
by 't bem bylden de spjegelseale yn
fan har siel. 't Lik' oft hja dêr ien fan wie,

oft hja dêr skriemend rûn, sa wyt as snie.
Dat wie de tsjoen en dwelm fan drôfenis.
975 Hja fielde foar it earst dat tryst gemis
fan blidens; en de waarme wel fan triennen
har hert oerstreamen. Dan ferdwynt de sinn'en
dan riist in kâlde dize yn de siel en
bleek moanneljocht en 't stadich wâlwend wieljen
980 fan lytse weagen yn in see fan leed.
Hja fielde 't stadich riizjen en fan need
sleat hja it each om foar 't fel ljocht te wiken,
sa't bloeiselknoppen foar de dau beswike.
Mar sa't by bern en grutten is de smerte -
985 har leed is fan in mem, dy't by de berte
gâns pine lîjt fan 't bern, dat lykwols stjert -
sa waard har leed wer wei. It lik' in set
reek út 'e skoarstien, dy't ek bylden stallet,
oant anst de wyn har broazlich mal ferballet.
990 En Zéfirus siet yn 't strewel jit; dêre
rûn hja op ta; hy liet syn basstim hearre.
Mar seach er har, doe staakt' er syn fermeits
en stiek in hân út en sei mei in laits:
, , Bliuw hjir net, want myn lûd is jit te rou
995 foar earen fan fy pearlmoer. Mar gau
meitsj' ik foar dy in liet, sa gau't myn kiel
alhiel ûntteid is. No lit ik dit giel
blomklokkespul dy spylje. " Nei dat flaaien
skodd' er in beam. En doe foel myld op Maaie
1000 de gouden rein. Hy plôke sels de fraaie,
blijreade klaproas fan 'e griene stâle.
dy't noch net lang dêr mank de klaver wâlde.
It waard in moai boeket fan giel en rea.
Hy foege dêroan plomreid ta en bea
1005 't har oan en sei: , , Foar krânsen ha 'k gjin tiid.
Ik moat no sjonge. " En hy gappe w iid
en song. En hja bleau dêr lûd laitsjend stean.
Mar hy waard lilik en hja besleat te gean.
't Wie middei. Ut it wâld wei kaam op siken
1010 fan wyn in damp fan sinnegoud oanstriken.
Lûd songen sjongfûgels, dy't by de swarte
beamkroanen fleagen. Hja seach by in barte
har wjokjen oer de wjittring mei 't kristal
de bûnte wâldeksters op griene wâl,
1015 wêrtsjin de wjittring flodze en it skûm
as dripstien efterbleau. Dêr fierden dûm
blaubûnte aksters al den dei gefjochten.
En fan in iik ôfswierden griene spjochten
en 't lytser beamfolk: readboarst en didyt
1020 en gielegou; de reinprofeet ek dy't
teninter heas wurdt. Alles siet hiel stil,

doe't hja úteingong; eagen gnúfden skril.
Fan wêr't twa downen yn har grize lea
dindren op tûken, floddr' in teister hea.
1025 Hja wie allyk in wyt byld, doe't hja dimmen
in lege lean' yngong, dêr't skimer nimmer
ferdwynt. Dêr rane moarnsier koele dampen
út dau, en middeis barnt de giele lampe
fan 't ljocht skier. Hja gong sitten dêr't de leane
1030 de ekers rekke, dy't yn brede seame
loai hinglen op in helling. Dêr siet hja.
Lykas in mar omfiemd fan rotsen, sa
hie 't swurk in list fan wolkens, dy't oplôgen
hiel fier yn 't Easten, dêr't de rûne bôge
1035 leit fân 'e kym. Lykas yn letter oeren
it read oer d' Alpen, lei in doffer fjoer in
gloed' oer dy bergen snie. Hja siet op 't moas
roerleas; der siet in fûgeltsje in poas
stil foar har op in bjirketwiich te mymrjen.
1040 Hookstrooks begûn 't sjongen, dat hja 't hymjen
sjen koe. Syn oargel daa vre troch de loft;
der kaam út 't bosk in gouden stream fân noff.
Doe wie 't fiif oere; in boer dy't hiel swier bodde,
wie wurch fan 't wurk en line op syn lodde.
1045 Hja seach him swart op 't lân yn tinzen wei.
Hy diigre 't sterk span hynders eftemei,
dreaun oer de fuorge troch de feint, dy't tûk
oan d' ein 't ûnredsum ploegemês omloek.
In swarm fân swarte fûgels spatte op.
1050 Mei reade doek 't swit wiskjend fan syn kop
preuvl' er, wêrnei't er him oan 't wurk wer wijd' en
gâns flokken goud op syn blaubaitsje snijden.
En hiel fier út 'e bosk kaam swak geroft
fan reau en stimmen troch de lichte loft.
1055 Der lei in wei, fan giele klinkerts fluore,
dy't houthakkers nei 't hûs bringt yn 'e buorren.
Earst kamen efter 't lûd, út wâld oanwaaid,
famkes yn helder reade jurkjes klaaid,
dy't mei elkoarren blommekrânsen slingren.
1060 Yn 't wyt jongfammen dy't de hammen stringlen
en 't paad yn 't gers ûnder de spjirren keazen.
Dan spûnen op 'e wei de boereseazen
it giele stof op 'e wielen fan 'e tsjillen.
In brulloft wie 't. Yn weelde fan 'e wille
1065 siet boppe moud' en blomt yn majesteit
fan kant en fân juwiel de prûze breid.
De hynders tûgden en der rinklen skellen
fan 't belgereid. De boer stie 't folk te tellen
en swaaide mei de pet. En op dy wei
1070 woeks doe 't gesnetter ta in lûd joechhei.

En doe't hja rieden út it grien kastiel,
blonk bliid de sinne oer it krompaniel.
Op 't snijwurk fan 'e weinen glânzge 't stil en
ek yn koopren tuollen fan 'e tsjillen.
1075 En doe't de lange staasje fierder teach,
ferfonk 't rumoer en 't folk waard wei út 't each.
Jit glinstre 't blomte en by wite skyn ris
fan famkes, 't stielen bytling fan 'e hynders.
En op 'e skeante lei yn 't lette ljocht
1080 in fjouwerkantich fjild mei blommen; rjocht
oerein de romers, foarmjend mei elkoar
in dis dy't ree stiet foar it drinken, mar
de gasten sitte jit net oan. Fol wyn
stiet elke tsjelk op ranke stâl en fyn
1085 beslipe. 't Wienen tulpen, giel en rea.
Ringsom stien' hiasinten, kant fan lea.
In donkerblauwe strús hie eltse blom.
't Moas fan de seadde hie kaphout ringsom.
Sa't yn 'e see koralebeammen bêden,
1090 hongen dêr jitte deade, brune blêden.
De sinne skynde dêryn jit fjoerrea,
mar yn 'e blommen gyng de glâns al dea.
Der lei in doarpke yn it dal hiel leech;
dêr kringle reek út skoarstiennen omheech.
1095 De sinne glânz' oer pannen, read' en blauwe.
En út 'e fiere strjitte kaam it flauwe
gerop fan d' arbeid yn 'e swarte smidte.
It izer daavre dof yn trage mjitte.
Hja hammeren de spranken fjoer en gloar.
1100 Leech wie de strjitte; buorfroulj' oan 'e doar
tateren drok, in swarte hûn rûn om.
Under de griene linebeam seach stom
in âld man nei de sinn' yn westergloede,
wylst efterhûs in frou it ûnrant wjûde.
1105 De skoalledoar fleach iepen en dêrút in
grut espel bern; de famkes mei in ruten
skeldoekje foar. Doe briek in lûd geklos
fan klompen en geskreau fan jonges los.
Twa fochten; d' oaren stienen dêr ringsom,
1110 oant master kaam. Doe gong men twaresom
of trijresom nei hûs ta, hân yn hân.
En Maaie seach, dat hja rûnom troch 't lân
oer brechjes en lâns lege hagen gienen,
en troch de buorren ek, dêr't hja ynienen
1115 dûkten yn 't hûs, beskûle ûnder dak.
Doe wie 't wer stil, útsein it klear klikklak
fan stiel, en yn in bûthûs kij dy't âlen.
Hja seach ek hoe't dêr yn 'e buorren wâlen
tusken de huzen strusen fan seringgen.

1120 Twa downen fleagen wyt mei wide swingen
klapwjokjend op nei 't swurk, en 't pearke swom
rûnmeallend foar de hege himel om.
Doe't hj' alles sjoen hie en de toerklok lette -
de loft droan' oeren fier yn 't rûn - doe sette
1125 hja ôf en rûn in hiel ein troch de mieden.
Dêr lei it gers besiedde mei it wiet en
gril diamant. Sinne mei 't burd fan strielen
striek d' ierd, dy't donker flonkre as ferwiel, en
hy eage mei in loddrich loaits. In stêd
1130 fan read' en wite stien lei jinsen; sêd
fan sinneljocht, dat troch graniten poarte
glêzen en strjitten yn kaam en fol stoarte.
Stie 'k sels dêr yn 'e jûnloft net fol geur
fan hea; seach ik dat fanke net fol fleur
1135 stean foar de poart' ûnder de boekebeam?
Ik twivelje. Gong hja mûlk yn myn dream
myn each foarby mei skimerich getsjoen,
as skym yn sliep? Nee, 'k haw yndied har sjoen.
Haw ik net faak dy tute, leave Maaie,
1140 dêr't by de wei de wetterweachjes aaie
de skiere wylgen? Ja, do wiest it, fanke!
Sa sêft as side wie dyn appelwankje,
wylst as in skulp dyn mûle sleat op minent.
Myn bloed wie dan de see; do wiest it dinend
1145 boat op myn boarst, dêr't dy myn hert ferhege.
Do likest fol geheimen en ik frege
se dy. Ik lies en fiede har, myn boutte,
yn waarmens út dy wâljen. O! hoe'n smoute
wiest foar myn lea. Myn Maaie-leaf, by dij
1150 koe 'k swiete huning sûge as in bij.
Soms as ik wurch besykje yn te sliepen
yn lette jûn, is 't of gean' oer myn sliepen
dyn sêfte en dyn floed fan krollen.
Dyn eagen binn' twa flammen dêr't myn holle
1155 op 't kjessen leit. Gliid ik mei dreamrich soeien
yn sliep, dan stean hja minlik jit te gloeien.
En doe'tst in bern wiest en swietrook fan blommen
djoeid' oer dyn fuotten en wolkens swommen
my oer 'e holle, as de moanne stige,
1160 wiest my in blomke, dat ta rêsten nige.
Ik siet by dy as by in lytse wel
fan libben wiet, dêr't elfen yn it fel -
read klaaid, dûnsj' op it giele sân yn diz' en
kristallen bûrlen út it wetter rize.
1165 Do pratest sêft en joechst in skat my mei:
geheimen, 'k burch dy yn myn herte wei.
Leist yn myn earmen as in moai waarm lamke,
dyn roazetût yn list fan 't ljocht hier, famke.

Do rûnest ta in reade kyers dyn lippen.
1170 Ik wist dêr tûzen tuten fan te nippen.
Soms gloepsto út myn earms, mar 'k griep dyn hân;
en dan naam ik dy mei troch eigen lân.
't Wie wol net fier, mar 't like dochs hiel lang,
want 't wie al jûntiid en der kaam in sang
1175 djip út it dal, dêr't minsken wennen. Faak
stien' wy dêr stil te harkjen. Harren taak
wie dien, hja bliid. Der fleach ek altemets
in swarte fûgel troch de loft; in flits
skeat oer de sonken sinne yn in tel.
1180 Der bable ûnder 't leech strewel in wel
mar yn himsels, in bern lyk. Doe't er seach,
wy harken, swijd' er. Mar in lytse weach
fan laitsjen rimple jit by 't fierder streamen.
Wy seagen ek in nestke, dêr't yn dreamen
1185 hijke nêst sijke lei, de eagen sletten
en fear oan fear, wêrnei wy fierder setten.
Doe kamen wy by 't roazich bloeisel oan,
dat hiel de nachtloft folle: 'n hagedoarn.
Der wie gjin sigen, en de swietrook bûrle
1190 út alle twigen. Dyn gesicht ferskûle
yn tsjuster, en wy wrotten troch it sân
in djip dal yn, stil geande hân yn hân.
't Wie wûnderhearlik. 'k Woe wol op 'e swalk
dêr ieuwenlang, en dêrfan foar it folk
1195 yn 't lân altyd in sulvren belle klippe.
Ik lei dêr, hja nêst my. En fan myn lippen
dronk hja as wyn myn tuten, en hja bûgde
har oer my as in mem oer 't bem, en sloech de
glânseagen net mear del, en sei: , , Ho, ho!
1200 't Reint tuten fan myn mûl' en do, en do,
ferrêde sûpkeal, fregest fan myn lippen
altyd mear drippen, dy't út 't wolkje drippe.
Gean nei dyn stêd werom. " Ik wachte lang;
't hert bûnze my; ik hie har hiel sêft wang
1205 tsjin mines oan. Hja lústre: , , Alle leanen
lizz' noegjend iepen. Lit no frij my gean en
hjr sykje alle geur en kleur en klang.
Hark, yn it beamte sjongt de geal syn sang,
dêr't alle blommen stean. De folle tsjelken
1210 yn 't gers as feestdis, en der blinkt yn elke
wynromer read' of giele swiete wyn!"
Hja dronk dy al, sa't like, doe't hja myn
hanfingers losliet. 'k Stie in lange poas
te sjen, hoe't hja sa mannich tsjelk fan roas
1215 of fan fioeltsjes leechdronk, dy't yn 't rûn
dêr stienen, blau en read yn skimerjûn.

Hja fûn in platte kûle yn in kling;
in espel keale heuveld, dy't in ring
fan wâlen en fan skânen foarmen om
1220 it heidekamp. De kûle wie in kom
foar donkre erika, mar sûnder blomte.
Hja jag' in bij op, dy't der hongrich bromde
om huning. Hja stoep yn en doe ferdwûn dêr
it reade himelfjoer, dat jitte ûnder
1225 har earmen gluorre. Hja gong sitten dêr.
Wid' eagen stoarren nei de hinn' en wer
weevjende raaien, steande op 'e râne,
dy't neat gjin wjerstân biede doarsten oan 'e
lijsoele, bolle jûnswyn, dy't óer wjokte
1230 op transparante flerken en sa skokte
de teisters en ferwûndre wie oer 't gers.
Hja seach, hoe't stadichoan it blauwe glês
fan 't himelwurk besloech mei tsjusternis
en dat fan 't read allinne heugenis
1235 jît libjen bleaun wie oan de bolle seame
fan lytse reade wolk. Oerdeis wie 't reamme
fan kleur; no like 't wol in perk fioelen,
hiel ienlik yn ferlitten tûn. Der foel in
swiid sungen ljocht oer as in hearlik wûnder.
1240 Der riisden út 'e woartels djip dêrûnder
de skier' abeeljen bjirk, en as dy rûzet
trillet de skeante. Yn dy beammen hûzet
in frjemde skrik foar skimer oer de ierd'
en elts lyts siichje dat troch 't bledte giet.
1245 Sa folle wie te hearren op dy jûn:
Knobske kabouters stapten ûnder rûn
en hellen út 'e grûn har âlde boeken.
Hja sykje nachts de stiennen dy't hja brûke.
Dêr ha alear Druïden medisyn en
1250 tsjoenspreuk yn grifke foar de hertepinen
fan jonge helden. 't Slaan ek fan houwiel
waard heard. Doe't yn it West de dei alhiel
ferstoarn wie, kamen jonge elfen folle
har ûndergrûnske huzen út. Dêr dolle
1255 hja deis har gongen yn in donkre myn.
Mynwurkerslampen sette hja, waans skyn
smaragden sealen bout yn 't gers. Mei flyt
en perkaminten skrift en yn gielwyt
gewaad, skrept nachts in elf dêr en studearret
1260 genêskeunst, wat de jicht hielt, wat regearret
de pols en 't hert. Ringsom him dûnsj' en laitsje
de elfen dy't, sa 't skynt, in flage meitsje
fan 't wappjend klaad fan elts. Yn 't bliid geskeuvel
weau dy nachts sêft har jûpe op 'e heuvel.

1265 Mar dof geskreau fierwei teskuorde 't siden
klaad fan 'e loft. Tsjoensters út âlde tiden
dy rieden oer de westerkym. Hja fiere
gâns lytse bern mei. Maaie koe it gieren,
moartsjen en martljen hearre en 't gerûs
1270 fan heksebiezems by har heite hûs.
Doe kaam de moanne; as in admiraal
fear hja de himel op, dy't yn metaal
foar op 'e plecht stie efter 't gouden skyld.
Wyt tynden seilen op it blau, en wyld
1275 sea 't hêf en brûsd' yn fine spatten skom.
De float fan stjerren wykte wei en rom
wie doe de wei. As moanne har heraut
fleach dêr in wolkje mei de kleuren goud
en wyt fan syn bazinn'en in bazún
1280 blies hy - sa like 't - fan giel, goud en brún.
Wa soe de gloede fan dy stjerre daaie,
as hja dêr glandich neaken stiet? Och, Maaie
koe 't net en dreamde wei. Moanne beseach
har hiel de nacht mei gouden glim yn 't each.
1285 By 't skymrich weevjen fan it griene hout
rekken tolf lytse ridders 't moannegoud,
mank swarte tûken krûmljend as betsoend.
Dy binne lange snaren; nachtw yn poent
ta kleiliet twigen yn 'e simmernacht.
1290 Hja bûg' en flije mei de donkre dracht
fan 't wâld en brekke fyn de splinters goud.
Tolf lytse ridders namen dat fan 't hout.
Hja droegen wite mantels en baretten,
sierd mei in wite strûsfear en hja setten -
1295 de moanne glom op 't striidark - heuvel op
en kamen yn in ring gear op 'e top.
Hja binn' de tolve oeren fan 'e nacht
en hâld' oer 't bern fan rûne Moanne wacht.
Hja stean' as bern by 't spul yn lytse kring.
1300 En elk om bar giet ôf en brekt de ring
en lit de oaren wekker efter; hy
rint fluch it wâld en 't wide fjild foarby
en klimt de treppen op yn d'âlde toer en
liedt, syn maten hearre dan syn oer' en
1305 sjogge syn wyt klaad boppe 't wâld úttild,
allyk ivoar mank 't gouden moannejild.
Tolf ridders stienen sa dy gouden nacht
en holden trou oer lytse Maaie wacht.
De moanne skynde fêst, wylst hja yn 't rûn
1310 stilstienen, mei de degens yn 'e grûn.

Twadde Sang

Midden yn 't lân stiet no in hillichdom
fan pylders dat ik boud ha, en ringsom
bûge sipressen har en popelieren.
't Hôf stiet fol leeljes; om de pylders swiere
1315 rigen fan roazen, wylst op 't alter 't koar
fan bern bliid sit te sjongen neist elkoar,
mei iepen kiel en blijread wang te lyljen.
'k Ha tsjin de muorr' in oargel set te spyljen
en yn in nis in famkesbyld. Ik wie
1320 de iene pryster; al dy wielde hie
iksels. Dêr libbe ik en ik allinne.
't Lân om de timpel lei der iensum hinne.
Nachts wekk' ik faak oer 't hillichdom, yn 't blau-
swart skaad; de timpel baaid' yn dau.
1325 De moann' oerstriele 't blauwe himelhou.
Dan wâle mank de pylders fan 'e au
muzyk. Wien 't fûgels, flinders dy't my lokken,
klapw jokjend mei har muzikale wjokken?
Of de ferwielen fuotsjes fan myn Maaie
1330 ringsom de timpel, dat de rigen laaien
gesichten fan fioelen yn 'e slomme
sa dreamrich dodd' en teffens alle blommen?
Of wie 't de loft dy't klanken skoep troch 't waaien
fan wyn en blombeweech en meidat Maaie
1335 drobb! om de timpel yn har boartlik pielen?
Tsjoent sa de loft gjin lûd út fûgelkielen,
en driuwt de wyn út tûken fan 'e beam
sa net syn sêfte toan? Lit hy de seam
fan 't klaad net moamsier rûzje oer it fjild?
1340 Muzyk wurdt troch de loft syn weagen tild.
Hoe koe 'k ea 't stee ferlitte dêr't myn siele
dwil' en it ljocht fier fan myn eagen striele;
myn each en ear waard lyk de grutte himel
heech oer de see mei al har wiet gewrimel
1345 fan kleureprisma's en muzykgegûns,
oprizend út 'e baren en fan dûns
plôk' út 'e weagewjokken? Dêr't de nacht
de ierde sleat, de himel iepen slacht
foar stjerren, wite lampen, klear en kein
1350 yn stilte stoarjend nei it swart domein
fan d' ierde; dêr't it blomt mei sêft geroft
fan weeën berne waard yn donkre loft;
en dêr't de klacht fan gealen kwinklearde?
1355 'k Wist net, dat dit sa moai wie, wûndermoai.
Sa stiet in bloeiend fanke ek yn toai.
De feint rint om har hinn' en aait har sier;
syn fingers glide troch har gouden hier.
Hy giet ferbjustre fuort en nimt bekoar,
1360 ynein en slûch. Dan riist der yn 'e doar

har neaken byld; dan moat it wite lekken
syn eagen en syn wurdefloed bedekke:
beskûl te skriemen, want de mimering
oer ider ding is tearder as it ding.
1365 En as ik spylje, hear ik ek sa rizen
út fiere fierten wei, in lichte dize
fan wurden; as ik sliep, dreamen rûnom.
Dêrom, myn leave lytse suster, kom!
Kom no, do jonge suster fan myn minne!
1370 De sichte sûze lang al om ús hinne.
Kom, ljochte suster, út it gouden nôd,
want hark! omfierrens kaam it kroast te wrâld
mei sinne-eagen; 't draacht yn raaien om
muzyk en wijreek. Leave suster, kom!
1375 Ik nim no myn swietlûdige skalmei
wer op. Jou my de hân en gean no mei.
Ei! dûnsje mei my op dyn roaze foet.
Dêr stiet de tûmpel! Riizj' al ta in groet
foar ús dy bern? Hja lykje blommetoppen,
1380 weevjend yn swiete roken. Hark! hja roppe
myn namm' en dines. Bliuw by harren stean
allyk in blom, mar lit my binnengean.
Wat is 't hjir stil! Ut wâld fan pylders stiicht
in blauwe glâns; de sinne gliidt; 't leaf niicht.
1385 Mar no sil wyn it oargel spylj' en gol
muzyk earst spried' en dan in wetterfal
deldaa vrje litte, sa't op bergen kriigje
de beammen fan 'e bosken, dy't dêr stiigje
nei 't rizichst stal. 't Blau sjocht ferheard omlegen
1390 de weagen fan it leaf elts jier ferhege.
Yn 't effen bêd streamt in rivier op 't stee,
giet nei it weagjend wiet fan 'e rivier en
drinkt, wylst it wetter glinstret yn 't lumieren.
1395 De stream rint brûzjend troch it rûzjend reid.
Dan brekt en bûcht er del yn majesteit,
boldrjend op d' ôfgrûn en hy tomlet om en
droant lykas trommers, batsend op 'e trommen.
Sa sil ek dit liet troch de lannen streame
1400 en toarstich folk sil drinke oan syn seame.
Myn siel fljocht op en baait yn iensumheid
troch lije wolkemar fan fleurichheid
en sloarpt de blauwe loft as swiete wyn,
himel dy't mong mei iivge sinneskyn.
1405 Myn lea doalt longrjend om en ropt syn breid
dy't ienlik by de wolkens flinterjeit.
Dan sjong ik dronken swalkjend dit heech liet,
dat jimme hearre, mar hja net ferstiet.
It skaad sliept tsjin de bergen en 't bazalt
1410 is drôvich en de bleke berchbeek skalt.

Nachtwolken farre oer de himel hinne;
dêr is it stil. Op d' ierde skriemt allinne
dy iene berch; de loft is swier en mêd,
en ringsom stoarje d' oare bergen têd.
1415 Pas wekker sit dêr Maai; in pearzich plak.
fan wyn griemd op 'e jurk; in wynstoktak
nêst har. Har ljochte blauwe eagen binne
heal yn 'e sliep jit. Mar dan spant Heit Sinne
syn wein oan. Lykas klimmerblêden rize
1420 roazen de himel op. Stjerren, ferrize
yn 't blau, terane. Yn har hert komd is
de bêste slaaf fan minsken: hûgenis.
Hoe faak hie hja al harke nei de wel
fan 't earste fûgelliet, as blêden kjel
1425 opflodderen en foar de moarnswyn dûnsen,
as swellen swieren en de bijen gûnzen.
De loft waard dan sa drok, dat troch 't getier
hja neat mear hearde. No sjocht hja hoe ier
dy earste fûgel fljocht. It wetter driplet
1430 yn kleuren fan 'e rots; elts driplet
bylâns in blom. Hark! dêr slacht in forel
mei sulvren sturt de beek, dy't hastich del
sjit en nea sliept. Wat trillet no har hân!
En hommels rint it read as fan in brân
1435 oer har bleek wang. Har boarst tynt út fan soargen
en spant de jûpe, dêr't hja wyn op barge.
't Wie juster op 'e jûne, doe't de stjerren
lyk ljochtkroanen heech hongen en fan fierren
de leechsten flonkren, kandlerearms fol kearsen.
1440 Doe siet hja hjir ek en hoe donker pears en
blakstil wie 't wâld, doe't hommels dêrút gien is
in stim dy't lyk in wel riisd' en dy't ienris
yn 't jier mar springt en dan syn wachtsjend wetter
opfleuret en yn 't eigen bliid gekletter
1445 noch hat. Sa wie dy stim; hja waard ferheard
en mankelyk; it like wol dat eat
no miste yn dy stim! Dochs wie 't in skat
fan ealstien, dy't yn 't deiljocht blinkt; as wat
fûn en bewarr' is troch in earne bodder.
1450 Nachts giet er him' en dolt it út 'e modder.
Hy triuwt syn tuten op syn skat en skriemt
Syn grouwe fûst tegruzet en fergriemt
syn skat yn gleon begear. No wie 't as klonk
't rinkljen fan jild; en dan oft immen skonk
1455 flonkrjende wyn út gouden krûk by nacht
yn 't mânske brûnzen kuolfet. Unferwacht
wie 't út en dien; allinne jit de moanne
hie skynd. Jit lang beharke hja de boarne
mei toarstig'earen en de skonken stil,

1460 oant hja de stilte hearde en it skril
útskreaud' en bang waard. Dochs kaam lang om let
har wille wer, oantrune troch 't ferlet
't lûd wer te hearren. Treast d' oantins yn nocht
oan 't ding net better as 't ding sels it docht?
1465 Hja naam in oanrin en sprong fan 'e rotsen
del. Doe hat hja ta gongelstok har brutsen
in tûke fan in druvebeam. En sa,
fan d' iere jûntyd oant de midnacht ta,
dy't stil is kreaake 't bosk. En dêr't hja gie sa,
1470 plaske de sjittring. 't Like wol of sie hja
as Bakkhos syn Mainaden op in paad
oer swart' en toarre rotsen. Ut it skaad
seach har de Moann' opdaagjen; yn it ljocht
gyng hja sitten. Hymjende besocht
1475 hja dy stim nei te dwaan. Mar hja wie mêd en
fel skriemend bûgde hja yn deade blêden
de holle djip del; hja wie net bysteat.
Sa tocht hja djip en wylst hja tocht, begeat
de Sinne, hofker fan 'e ierde, d' ierde,
1480 en 't reade blomke dat it ljocht plezierde,
wjerkeats' yn kleur de strielen. Helder dune
it gers as frouljushier; de beammekrunen
widzen de wyn allyk in bemtsje licht,
dat gûlend yn 'e sliep foel, d' eagen ticht
1485 jit, wekker wurdt en wer skriemt. Mar it roeien
fernoeget gau it bem en 't blêdesoeien.
En reade wolken weauwen lykas wier
yn 't seewiid hinn' en wer, de wiffe skier-
eilannen fan de kym, troch sinne boarne.
1490 De ierde dampe lyk in gleone boarne,
waans wide lippen glandichheid útsteame
yn giele gloed. De krûken fan 'e streamen
wien' rynsk yn 't skinken. Donau en de Ryn
jitt' sa har wetter út en koele wyn.
1495 De wyn blies oer it antlit fan 'e ierd' en
de bosken trillen, dy't op bergen tierden.
Wurch stof fan fyn porfiergranyt fleach wei
en 't goudskom fan 'e berchbeek stode mei.
De wyn waard net field yn elk leech grien dal,
1500 noch troch it blomt, noch troch de wetterfal.

Sa waard de himel fol fan winich rûzjen,
en fûgelkielen, dy't mei stimmen koezen,
galmen as beken mei. As bisten sprongen
rivieren út har hoalen, en har longen
1505 en bekken grommen. Mar de simeskyn,
dy't d'eagen folle, kromp har earen yn.
Har eagen groeiden grutter en in gloed

flamm'yn'e hals en't wang; har djipread bloed
brûsd'op; en hja femaam it amper mar.
1510 De wyn kaam as in leafdeboad'oer har
mei balsem en mei geur fan swietrook; hja
roek wol de wijreek, mar liet net him ta.
En yn har holle swarmen tinzen doe
allyk in swarm fan bijen, mar hja koe
1515 de iene net troch d'oar ferstean, sa holdren
hja har yn d'earen. 't Like wol oft boldren
gâns lippen har yn 't ear; en hja waard gleon,
troch ider dof, mar swiet wurd hjitter dreau.
't Wie oft dy swiete wurden yn har krongen
en yn in liny sinleas yn har gongen,
1520 krekt lykas skippen fearen op har bloed
rûnom troch hiel har lea, yn grutte floed
fan hertewaarmte. Hja wie bûten ried:
kamen hja bûten wei allyk in fliet
1525 dy't útstreamt yn in mar of wie't in boarne
dy't út harsels opspuite en har moanne?
Mar foar har eagen ljochte alles skel
en glinstre sprankljend lyk in sulvren bel
dy't let wurdt, wylst de floed al heger rize
1530 en d'eagen fol fan triennen geat en dize.
En hja foel efteroer en liet har jûpe
en hier del fan'e stien omlegen slûpe
Begeart en langstme nei befrediging
kampen en krigen yn har ûnderling.
1535 Sa lei hja midden yn'e wrâld; it wie
oft hja sa op harsels in wrâld ek wie.
Sa lei hja lang, oant hja wer kalmte fûn,
allyk de simmer nei in tongerjûn.
In frouljushert is as in simmergreide
1540 dêr't kij al drôgjend gerskje, en hja weidzje
bytiden net, mar hâlde stil de kop.
Sa wienen no har tinzen: hja seach op
nei't blauwe himeldoek. Har holle suchten
wie dûzich hjit en read as simmerfruchten.
1545 Rûnom wie alles stil; de middeissinne
flûnkr'yn de stilte; in bij liet gûnzj'allinne
de fine wjokken, wylst wyt sinneljocht
syn strielen op in dûn te droegjen socht.
Allyk de wolkens nei in winterdei
1550 tryst gean, al wurdt der yn de loft geklei
net heard, mar rûnom hearsket stâlte noch,
dan, wylst de snie falt hjir en jinsen, sjoch
ik soms in wolkem readzjen yn 'e loft.
Dy reizget laitsjend middenmank de kloften
1555 gûlende wolkens-lyksa wien'de hichten
fan sinneljochte bergen, dy't yn lichte

skeanten omhegen rûnen, blau en grûs.
Dêrop ferskynde mids de snie en 't iis
fan bleakrjend stof en rots, de blijread tsjeppe
1560 lea fan in jonge god, waans fuotten ljeppen-
de skrepten. Om 'e hege holle ranke
it tsjokke hier mei stream fan sinnespranken,
wylst om 'e hals in gouddjoer keating klampe
en út'e noas hy as in hynder dampe.
1565 In sim'allyk wie hy, mar read, mear kwier
as Sinne. sels, mei read ljocht lyk de sier
fan sjer Mars yn midwinternacht op paad.
Dochs joech er troch syn eigen ljocht gjin skaad.
Hy núndre en de lucht begûn te meallen,
1570 wannear't er mei wynhappen siken hell'en
de longen folle, oant it boarst him bol stie.
Dan blies er út en joech, dat stof sels dol wie
fan simmertwirre. Hiel de himel hong
te wachtsjen, oant er ûnder't rinnen song:

1575 -1629 *Balder syn earste sang*

1575 Dêr't de wyn is en't ivich gerûs
fan it wetter om Wodan syn hûs;
dêr't de see is sa ljacht
en de tsjusternis slacht
't hear fan stjerren ta glinsterjend brûs,
1580 dêr't jit let yn'e nachtlík'orkaan
by de opgeande moann'yn saffraan
de goadinnekloft bliid
om it brânalter swiid
dûnsj'yn raaien deunby d'oseaan,
1585 dêr't yn stoarmwaar de wyn sa fûl waait,
dat er beammen fan't bosk omramaait,
dêr't de tongerko balt
mar omheech him wer stalt
't wâld fan dinnen, fan Wodans hân aaid,
1590 dêr't mem Dage foar't sinnebern wynt
strielekrâns dy't de nachtloft ferblynt
en mei glinstering glier
en mei glimlaitsjen blier
't bern te rinnen begjint en klear skynt,
1595 O, dêr wennik alearen sa blij,
en Idûna dy dreamde by my
mei har fuottepear bleat
yn it roazige read
fan't fyn dûns fan de wolkene spreid.
1600 Wa brocht Wodan en Freia de skeal
reade wyn by it goademiël eal
yn d'Alfader syn hûs,

dêr't hja keninklik prûs
sitt'yn gloarje foaroan yn'e seal?
1605 En wa helle de moanne fan stâl,
stoep mei har troch de himelske hal,
wylst in pear wite swanen
yn'e fûgels har banen
oeral klapwjokjend fleach troch't hielal?
1610 Wa ferjage dy sombere skalken,
ta sinne moard tsjende kloft wolken,
dy't mei heilstien as swurd
houwe grousme hurd,
nei't hja heech út it noarden wei swalken?
1615 En wa boude jûns't westlik paleis
fan in koalefjoer gluorkjend troch't gleis
fan it wolkene grom
en guon pearels fan skom,
goadne taflecht nei deistige reis?
1620 Wa hat Sinne har goudene nôd
ta fyn sinnemoal meald; wa hat skuord
oan it sinne rêd steech,
dat de see spat't omheech,
en wa mealde moarns weagen kapot?
1625 Dat die ik, Balder; ik ha dat dien!
En gjin eagenblik siet ik yn't grien
tryst mei kommer en need
of yn wee en yn leed;
nimmer skriemd'ik mismoedich in trien.
1630 Wylst hy al geande song, siet Maaie stil.
Doe bleau er stean, nei har ta keard, en gril
gie't har oer hiel de lea. Hja taastte nei
de grûn; har jûpe slier'yn't dunsân mei
it triljen fan har fuotten, en it hier
1635 hong foar de holle, dêr't de blauwe ier
tynt; d'eagen namen hiel har antlit yn,
't Waard bleek, mar wie dochs ljocht fan sinneskyn.
Mei iepen eagen waard hja blyn en bûn,
doe't hy dêr roerleas stie en wer begûn.
1640 Syn stîm spûn as in spin in sulvren reach,
dêr't hy yn raande, wylst hja't glinstrjen seach:
{Sa't iennis ik ûntwekke,
{sa bin'k no wekker rekke.
't Wie by de wide gouden see op 't strân,
{dêr't yn'e jûntyd striele,
{yn reade gloede priele
1645 de sinne toarts fan't hege goadelân.
O!seach ik net it swieren,
as leaf fan popelieren
dêrjinsen, fan goadinnehier en -hân?
En blonken net fan fierren

1650 de strielen fan de stjerren,
dy't prûz'Idûna droech om 't hier as bân?
Doe foel ik yn'e sliep en
ringsom weiden myn skiep en
har tosken gribblen oan it ranke reid,
1655 dat waakst by wiete wolken
yn stream fan himelkolken.
Dêr song de wyn in sliepsang as in breid.
Mar o!doe'k wekker waard en
mem Dage't widzeklaad en
1660 de wynsels fan it sinnebem ôf helle,
doe wien'omwûn myn eagen,
tewyl't út troeble weagen
fan bline boarnen amper deiljocht welle.
Doe gynn ik út te faren
1665 oer wifeljende baren
fan wat ik seach as himelljochtsee swiid.
'k Lei driuwend op'e lúster
nei t núntrjend seegeflúster.
Myn triennen streamden mei it sâlte wiid.
1670 Doe haw ik swalke yn'e
fealskiere sânwoastine,
dy't iensum lei yn't moanneljocht as dea.
Mei hok in ynlik langjen
fongen myn dôve wangen
1675 it earst lumieren fan it dagerea!
Doe bin'k omhegen tein en
gien nei de wel fan't reinen.
"k Liet wolkedauwe op myn eagen spiele.
By Heimdals Bifrostbôge
1680 hak wolkehuning sûge.
mar'k ha gjin mea fûn dy't myn blinens hiele
Skimering,
mimering,
wa neamt de namme fan wat my twong?
1685 Tinkeling,
rinkeling,
heard'ik doe't de poarte iepengong.
Wacht fan'e boarch
frege mei soarch
1690 myn namme, dy't ik yn myn oantins mis.
Skimering,
rinkeling
lieten ferdampe myn hûgenis.
Weidreaun is
1695 hûgenis
oan nocht en drôfenis dy 'k jimmer droech.
Oerbleaun is

lafenis:

drank fan muzyk, dy't nea myn toarst fersloech.

1700 It is it sêfte driuwen

fan blaubefearre downen,

dy't út'e loft oer simestrielen strûzje.

It is it drokke dinen

fan blauwe baldakinen,

1705 dy't troch in wyn fan't gleone Súd opbrûzje.

It is it tear opgroeien,

it is it nachtluk bloeien

swiid fan in prûze blom, fan nimmen sjoen.

It is it amjend dinen

1710 fan roken, dy't bewine

in wide wrâld mei wûndermoaie tsjoen.

It is it heech opboljen

fan dizzen, mei it wâljen

fan wêzens, yn'e sinne transparant.

1715 It is it helder hifkjen

fan foarmen sûnder wifkjen,

as fan blokken granyt of diamant.

It binn'de kleare nachten

mei moann'en stjert'as wachten,

1720 in himelkoepel fol fan stjerreglâns.

Dêr stiet de sinnyn gloarje,

as blaast er lûd: Fiktoarje!

yn eltse dag'op hege tuorretrâns.

It is it roeien fan it nôd yn baren;

1725 it is it triljen fan gitaresnaren;

't is't weefsel fan muzyk, as reach sa fyn,

It is it rûzjen fan muzykfonteinen;

it is it daverjen fan toanetreinen,

wolken muzyk fan wjokken fan de wyn.

1730 It is in fiere kym fol bjuster longrjen;

it is it bolderjen en droanend tongrjen,

brekken en boarsten fan de simmernachten.

It is in see fan weageklokken jûns;

ûnder de wolken liede reuzen't brûns,

1735 dy't dêre swimme'as donkre see syn machten.

It binn'de karavanen

muzyk, dy't út spontane

oäsen opklinkt yn de sânwoastyn.

It is it hearlik farkjen

1740 fan muzikale barken

op't seewiid yn de gouden sinneskyn.

Lit eltsenien no komm'en

my swietrook bied'en blommen

hjr yn myn skiere, stille iensumheid.

1745 Want no tink ik te swingen

in keatling sulvren ringen
fan sungen út myn sel fan iensumheid.
O!nimmen ken it swijen,
nee, nimmen ken it lijen,
1750 sa't ik de tsjusternis ken fan myn klinte.
Dat is myn neare klûs;
dat is myn donker hûs;
dat is myn hiele ryk: in swarte tinte.
Hja loek de knibbels heechop; dêrop linen
1755 de earmen; en de ljochte lokken twinen
dêr ringsom. Mei de hannen stoppe hja
de wangen en de eagen, dy't ek ta
dien wienen. 't Like har, hja wie allinne
heech yn'e himel tein; djip dêrfandinne
1760 wie hiel de wrâld en eltse heugenis
ferdwûn oan't libben sa't yn maaie is.
't Wie allegearre ljocht, dat glinstring smiet.
't Wie stil-of net?hja wist gjin ûnderskied.
Har hert en polsen bûnzen jit fan't liet,
1765 dat alle spranken ljocht ringsom har songen,
doe't yn har eagen rigen bylden krongen.
Hja seach se blinken, oft wite figueren
yn lang gewaad troch ljochtrivieren slueren.
Guon droegen ynstreminten; snaren fonklen
1770 betusken rôze fingers, klankklear blonken
wide trompetten yn de manljusmûlen.
't Wie har in nocht en hja hie al beskûle
har triennen, doe't ynienen-foar de wyn
út fan har tinzen-yn syn rôze skyn
1775 de sjonger sels ferskynde en syn gloede
all'bare skimen út har eagen stjoerde
Earst song er-en syn mûle like wol
de loft yn winternacht, wannear't dy fol
mei heldre stjerren stiet. Syn sungen waarden
1780 as sparkeljende stjerrerein; kaskaden
fan blanke klanken spranklen út syn tût.
Mar aloan waard it sêfter en it lûd
hold op. Doe stie er stil foar har omlegen,
de mûl'en eagen ticht, en gjin ferwegen.
1785 Har tinzen floddren earst wat by him lâns
as skouwe fûgels, dy't yn hite glâns
en gloede fan syn liif ûnrêstich fleagen.
Mar aloan moed'ger wjokklen hja en weagen
har neier, en har eagen liet hja gean
1790 breed oer syn boarst, omheech, omleech en skean.
Allyk in gouden byld, sa helder gluorre
syn lôge op yn't tsjuster, dat in muorre
fan swarte stiennen like. Dat it tsjuster
wie, wie har glêd ûntkomd, sa bloeide't bjuster

1795 stanbyld fan flammen. Lykwols like 't rea
op blommen mear as wreed fjoer, oft syn lea
-allyk in roas mei tichte skulpen-diek
in reade fonk, en dat har gloede liek
de blommeblêden binnenyn. Hja stiek
1800 de hannen nei de sjonger út. As puollen
blonken har eagen; sêft begearen folle
har lippen en hja miend'yn ynlik longrjen
him tear te streakjen oer de lea. Mar 't sjongen
wie út: hy wie der net. Yn giele gongen
1805 barnde de sinne; hja die d'eagen ticht
en treau de hannen foar har myld gesicht.
De sinne sonk; de dellings waarden donker;
de swarte jûne ware om. Geflonker
begûn yn himelstreken en de dunen
1810 hie'yn'e lette jûn beskynde krunen,
dêr't sinne'op stipe. -Sa binn'jûns de strjitten
healdonker al dy't op'e westkant sitte,
wylst op'e finsters oan de easterkant
de sinne jit stienread en reammich brânt.
1815 't Waard nacht. De swarte ierde swei en drôge.
It bern siet mei de knibbels yn in bôge.
Der riisd'in dûnzen dize, dy't te dodzjen
stie bleek as seenettels, dy't aloan sodzje
mei waaiers yn it djipt fan see. Hja waard
1820 sa wiet en klamkâld, doe't dat skiere klaad
har koel beklaaid'en yn in dampe kape
fan flokken mist har holle sonk. De lape
fan 't weefsel hinge triest del oer de stien.
Dêr blonken drippen dize as geskriem
1825 fan loft, sa klear as Kaapse diamant.
Hja gûlde net, mar siet oan d'iggekant
fan eigen leed en seach de weagen stigen.
Dat murk har mem, dy't oer de kimen nige.
By't wachtfjoer op'e wacht as wekker beaken,
1830 stie hja foar't djipblau bêd en poerlik neaken.
Hja stie en seach har bern, en út har eagen
wâlen doe raande strielen ljocht en weagen
fan damp; hja skodde út har giele lokken.
De loft waard dizich; wite baren slokten
1835 it ljocht op fan de stjerren. Mank it grize
fan dampen blonk de moanne yn'e dize.
Hja sett'in amerij de fuotten mûtel
sûnder geplask del yn'e damp. In skûtel
fan sulver skepte hja fol fjoer, dat blonk der
1840 yn't antlit; ûnder wie har lichem donker.
Sa kaam hja by har bern; omhegen lôge
har helder antlit foar de brede bôge
fan't himelske ferwulf. Hja kaam-sa like't-

as tigerinne, dy't har welp opsiket
1845 yn nuodlike woastyn. Doe't hja har fûn,
-de knibbels en de earmen bûgd ta rûn-
doe stie har mânsk'stal njonken har. Elts sw ei;
boppe noch ûnder ien, dy't ien wurd sei.
Hja tochten't selde, as in mem dy't ynlik
1850 meilibbet mei de bern en op it pynlik
momint har bern ta help is. Yn it swijen
tocht elts, dat wille wie no oer, en lijen
stie foar har ree. Mar't jonge bern, optein,
geniete hjir sels fan. -De jongerein
1855 slacht legers pin'en nimt de sterke stêd
fan takomst hoopfol yn. -Ferwûndre meat
doe Maai de djippte fan har ienlikheid.
en fûn treast yn ferwûndring. Einleas leit
iensum domein, no't Balder net mear't ljocht
1860 folle. -Wêr wied er no?-En foar har sjocht
hja him wer rizen, as fan goud, sa suver.
Har mem gie't oars. Der glied in grille huver
har oer de lea. Sa't yn'e donkre sompe
't flak fan de poel him rimplet, sa fersombre
1865 har hûd. Hja trille en har holle spraatte
har lokken. In liuwinne dy't men skaatte
fan't leafste jong, stiet earst ferstomme kjel
en brinzget dan. -Sa seach hja ek in tel
stil foar har, en doe kroane hja: gebrom
1870 fan fiere tonger. Sa't in swanneplom
docht foar de wyn, fleach Maai op en hja seach
foar har de donkre fuotten; 't liif trocht't reach
fan donkre loft en yn de himel heech
har gril gesicht, dat minlik bûgd'omleech.
1875 It kaam al leger, yn'e mem har prieljen
blonk no it bem. It ljocht diek mei de strielen
har boarsten en har iepen earmen oer.
Hja bûgde har en sette 't bekken fjoer
del op in dún. En 't roazeblêd, har djoer,
1880 har bem, naam hja ta har, sloech ien earm om
har knibbels hinn'en ien om de kolom
fan fine hals, en doe naam hja in sit.
Gleon ljochte dêr it fjoer, en hetsich hjit
treau't bern de lippen yn har boarst; har kroast
1885 belik'in tatebern mei neat as toarst
dat, mei de eagen ticht-de tate drinkt.
Maai seach har oan en frege: "Mem, wat blinkt
dêr sa en docht de skimer skierjen
as reek fan brân?Toe, dwêst dat grille glierjen
1890 fan ljocht, en lit my dan Mem tútsj'yn't donker!"
Doe blies har mem it fjoer út en doe swonk wer
de dize, om dynjend oer it dún te gean.

Hja liken ruters dy't op't slachfjild stean
te wachtsjen op't kommando. Klinkt dat klear,
1895 dan fjouwerje hja fuort: de rêch rûngear.
Doe't hja in lange rite swijd, hien'yn
de donkre keamer fan de diizge skym-
Mem moanne wekke, oft hja regintesse
wie fan in ryk yn't hege Noard. Prinsesse
1900 Maai liet har eagen dream'in dream dy't ryk
oan sinnebylden wie, mar goud allyk
glânzgen de memme-eagen-doe begûn
mem Moann'oft moanneljocht oer't boskpaad rûn:
"Myn bern, wat is der? Wat barnt yn dyn eagen?"
1905 Maai kriemde yn har earmen en dronk weagen
fan ljocht yn; stiver tsjin mem sei de pjerre:
"Mem, 'k sjoch jo holle skinen foar de stjerren.
en yn Jo holle d'eagen, mar in wale
fan damp sweeft om, dat ik kin net bepale
1910 wêr't hja krekt steane. 't Liket wol in kolk
fan in lij bad. As molke dy't men molk
yn iere moarn, sa komt de smaak my oan.
Mar dochs ha'k toarst, mem, en ik leau, de moarn
is fier jît, moarn fan klare stilt'en free,
1915 fan suver ljocht en sinne oer de see.
Dêr hold ik sa fân, mem! Soe no foargoed
myn brein sa hyt en dof wêzen myn bloed
berûze bûnzje? Hiel myn wêzen bûlet
fan bloed sa swart as grom! Och, wêr ferskûlet
1920 har no myn âlde ik, de blanke Maai?
Ik rûk sa swiere roken en der waait
my tsjok foar't each in donkerread gerdyn.
O Mem, toe, help my dochs! Wat hâldt dit yn?"
Har mem joech antwurd; 't wie allyk de wyn
1925 dy't opsteekt nei de mitteissinne: "Fyn
ik sa dy wer, myn blanke bern? Folslein
as goud sa ljocht wiesto; no bist ynein,
te gleon en read. Mar wachtsje; 'k meitsje dij
sa fris as snie wer en dyn lea opnij
1930 in went fan jonge krêft en kalm en koel. "
Hja bûgd'en joech har bern it boarst. De stoel
fan't dún droech stom dy beide goaden swier,
de Moann'en Maaie. 't Bern har floed fan hier
bewolke memme' liif. Fan diz'oerkape
1935 dronk hja yn slomme. As troch in hevel tape
út't iene fet yn't oare, streamd'en bûle
de tattút memm'spien har yn'e mûle.
Hja fûn de rêst wer, want hja dronk har sêd.
Lang bleau hja lizzen, wylst de dize mêd
1940 hong oer de ôfgrûn, en sa no en dan
de mem in sucht útblies, allyk in man

djip wie yn mymrjen. Einlings sei hja doch:
"O Mem, ik ha Jo leaf en ik woe och
sa graach Jo folgje no en altyd by
1945 Jo wêze. Mar der is no wat dat my
en Jo skiedt. 'k Soe net altyd nei Jo roppen
braaf harkje wolle, en as skaad dêrboppe
Jo ryk bewolke, koe'k by Jo gjin skoft
mear bliuwe. By it readzjen fan de loft
1950 oan fiere kym, soe'k iensumheid en ljocht
opsykje earne oars. O Mem!hoe'n nocht
hat dit my jûn te witten hoe'n geniet
ik ha yn him. Soe'k him net syk'jyndied
oant ik syn hûs fyn?Op'e drompel wol
1955 ik sels syn fuotprint tútsje en't geskal
grif hearre fan syn stim as oargelpipen.
O Mem, syn lieten binn'as pylders, stipen
fan't marmeren paleis, ferblynjend wyt.
Dêryn binn'read ferljochte keamers dy't
1960 oan d'ein syn troan ha, dêr't hy wachtet noch.
Ik stean al oan'e doar; hy laket, sjoch,
en winkt my; licht wurdt hy myn kening hjoed.
Hjir bin ik, hjir bin ik!Wurdt dit foargoed
myn wenhûs no?Dan meitsje ik it moai.
1965 It is al moai; sjoch, 't hinget fol mei toai:
't blomt fan de simmer, winter syn kristal.
Mei iis fersierd en read koraal binn'al
de muorren. O!'k bedobje my yn roazen. "
Kjel hold hja hommels yn; by tuskenpoazen
1970 lake hja jít; har mem kaam tuskenbeid'en
hja spriek-en't wie as wyn troch rusk en reiden:
"De wetterfallen en de sulvren streamen
ferlitte ek de bergen, en de beammen
ferlieze alle jierren't leave leaf.
1975 Alearen wien'myn bern my as in skeaf
fan ieren. No binn'folle weitein al.
Wêr binn'hja?'k Wit it net. Har ranke stal
dûnset al lang net mear hjir op myn ierde.
Dy hâldt dy ek sa graach en wol dy biede
1980 har bûnte rige skatten, tûzenlei.
Wolst dy net ha?Gean dan fier by my wei!"
Lykas in skip yn see stekt, lyksa gong
hja fuort en sonk allyk in loftballon.
Hja skynde net mear, mar hja rûn oer d'ierde
1985 oant dat hja by in mar kaam, dy't beskieden
te skolperjen lei yn'e tsjusternis.
Dêr stie hja stoarjend stil en skriemde; in nis
like de swarte himel oer de mar.
In fijân fan de stilte stie nêst har:

1990 in lytse popelier, dy't reauntsjend klette.
Har triennen rûzen; sêftkes núndre't bledte.
Hja skynde dea. Op famkesfuotsjes sunich
sloep Maaie neier. 't Wie as swiete hunich,
sa flaaikjend wat hja sei: "Ik smee Jo, toe,
1995 Mem, wês net lilke, want wat ik kieze soe
út Jo presinten, makke my grif tige
ûnlökkich, sûnt ik ienris tyngje krige
fan swide pracht en tearens op elk plak.
Jo har der net fan heard. Ik soe as slak
2000 op ien beam krûpe, no't ik yn'e flucht
in hiele wrâld deis sjen kin, yn in sucht
de top rik fan de gouden piramide,
de grutte ierde, dêr't de dampen siede
fan't gleonhjit lok en ik útskroeven blij
2005 him wersjen sil, al wie't ien amerij.
Tink oan Jo jeugd, mem, doe't Jo foar de Sinne
weiskûlen en foar de d'ealfeint fan Jo minne.
Jo haw we ek de blauwe grotten socht
in feint dêr brocht en holden't strieljen rjocht,
2010 sadat er slomje koe. Troch bledteskermen
ha Jo in skyn sjoen fan syn hals en eamen. "
Mem bûgd'en tilde stadicht bem omheech,
beseach har, tute har, en fan ferweech
wie lang dêr neat; doe legere hja har.
2015 Doe rûn't bern Maaie fuort; mar by de mar
stie jit de mem sa stil allyk in beam,
bewuoll'yn damp en dize. En de seam
fan't donker lân hie soms in mânske stream
fan troebel wetter, as in minsk'in dream!
2020 Dy nachts seach nimmen mear de mûtle Maai;
gjin lúmske sater, noch it wiffe skaai
fan Faunen, dy't op it fjild te djoeien gear.
Ek net de elfen, dy't yn lange klean-
allyk in kara vaan de wegen giet-
2025 troch damp en dize rinne ta't beried
yn grutte gearkomst, hokker taak hja ha
de oare moarns oant hjitte middei ta,
as elfenbem te sliepen gear nei d'iver,
yn pompeblêden fan de leeljesfiver.
2030 De blanke stjerren kipen wol nijsgjirrich;
't leaf fan'e line kwebbele en swierich
waaide de wyn troch't wâld, mar dat wie al.
Net ien wist wêr't hja wie, noch dún noch dal.
Mar doe't de sinn'opbloeid'en moarnswyn sillich
2035 it leafbeamt seinige, doe fleach hja skrillich
oft hja in ree wie, út in skadich wâld.
Har bleate hûd hie drippen skom; as kâld
fris bad batst'achter har in katarakt.

En hja stie stil, dêr't beammen yn'e flakt'
2040 stien'as in skâns, dy't rint de dunen om;
dêr bleau hja stean. Hja stie dêr as in blom;
har wurden wien'as blommegeur fol nocht:
"Heit, Jo ferriizjen follet mei Jo ljocht
de himelkimen en Jo litte skine
2045 de donkre wolken lykas rike minen
fan goud en sulver. Heit, Jo klearre, reine
welle fan gleonens, wêrút de fonteinen
fan ljocht opwâlje, jou dêrfan ek mij!
Ik bergje't yn myn each; it blinkt dan blij
2050 om Jo ferhoalen ljocht. Myn ljochte hier
tynt dêrfan heech, allyk byt nôt de ier
dy't gouden sied en simmerrein ûntfong.
Heit, jou it my, no't ik in nije gong
gean sil. Mem hat my ek har molke jûn. "
2055 Heit Sinne heardet en syn ljochtfloed rûn
troch elke poarje'yn har blank liif as dau.
It ljocht wie suver goud, mar as in sou
har blanke hûd. It ljocht wie klearder jitte
yn har en't blonk nei bûten dat it skittre.
2060 In roazeknop garret sa ljocht; de roas
groeit dêrfan oant har dea. -En doet in poas
it ljocht brând hie, fertard wie wat alear
har swier wie, fiede hja har as in fear,
in fûgelplom. Hja spriek in berntsje oan
2065 fan nachtwyn en de frissens fan de moarn,
dat op in hege beammetûke slûge.
Har swiete klacht wie sa't in iere fûgel,
pas wekker, pipet, jitte net by stim:
"Rop no dyn heit foar my, en meld it him. "
2070 't Bern tildet kopke op en fluite fyn
en út it reade Easten kaam de wyn.
Op wide wjokken kaam de Moarnswyn neier
en nêst him draafd'in hynder oan'e leie.
En Maaie sei: "Ik wol sa jeme bliuwe
2075 dêrt dreaun fan wylde wyn, de wolken driuwe. "
Dat sei hja laitsjend. 't Hynder wie ôfmêd'en
hy him'en seach har bliid oan, wylst de blêden
fel skittren en de hynstemoanjes hoarten.
Hy sei: "k Ha west dêr't blomt rij swietrook stoartt'en
2080 Sinne syn ljocht. Mar do bist méár noch, lea,
as blomt en sinne; ik ferlit dy nea.
Mei ik dy widzjen om'e earen sûzje
en dy meifiere dêrt't de wolken strûzje?
Ik doch dy neat; wês mar net bang, leaf famke. "
2085 Hy lak'en d'eagen glommen. As in lamke
dat blettret klonk it, doet hja tank him sei.
"Ik tankje Jo, mar lit my gean myn wei

allinne. Bliuw Jo hjir; lit my fernimme
Jo streakjend'amme. "Doe foel stil har stimme.
2090 Fertrietlik knikte hy. Mar doe't er seach
har laits, doe spegel'er har laits yn 't each.
Doe gyng er hinn'en op in iepen stee,
in plein yn't wâld, blies hy en sloech grut swee.
De tinne lucht waard rap omhegen fierd en
2095 de wynhynst fjouwre wrinzgjend rûn oer d'ierde.
It like oft in rêstbank rêst har bea,
sa dreau hja fuort, earst troch it lege gea
fan't flinterfolk. Jit siet der ien by't hús
fan blomte fan in hege beam. "Wolthús,
2100 farwol!", sa preuvlen Maaie"lippen fyn.
Doe teach har eagewacht har holle yn:
blanke soldaten, dy't djip yn har brein
in wachtpost hienen; en hja seach feslein
in amerij. Doe waard it koeler en
2105 hja seach de wolkens ringsom har. "Ik ken
jim, moaie hynders, wer, "sa sei hja myld.
In hiele kliber wie it, mar net wyld
skril steegren hja of skodkoppen hja bot.
En Maaie dreau mei harren stadich fuort
2110 troch wide loftten, as de reek dy't hinget
en net de skou yngiet, mar dêr't oanfinget
de flam fan't hout, jit lang hâldt syn ferbliuw,
as hong er oan'e minske-keamer. "Driuw
my ek fuort jit!"lústre Maaie'stimme.
2115 De pûstpels hearde dat en hy bedimme
syn sykheljen, en alles swei. Doe striele
de sinne hjitter jit en loek en wiele
de wolkens aloan heger op. Sa lûke
ek fiskers faak de fisken yn de fûke
2120 hiel traach op, om't gâns fisken dêryn skûlen.
Hja seach guon wolken as in flues fan bûlen
fan sjipsop; dêrtroch himme dreauwen ringen
en streken bûnt fan kleur. Dêrûnder hingen
soms tsjokke swarte, sa't de weagen bolje
2125 by stoarm. Hiel heech en fier it wite wâljen
fan steam út kolf dy't rûn en ringsom brobble.
De sinne skynde gle on as by in dobbe
nei stjalprein yn'e heid'op simmerdei.
Dan skôgje hichten tryst en stiet de wei
2130 gau yn'e splis. Dan slacht de gloede út
de loft en nimt de ronflich wite bût,
de puozze, en sloarpt ferrêde't wetter op.
Sa swolge Sime hiel de wolketrop.
Wat rûge damp bleau oer, mar dy fertwirren
2135 waard gau al wei yn't skiere neat omfierren.

En heger dreau hja as in reade fûgel,
de Nylflamingo, troch de gouden kûgel,
de Sinne, lutsen. En syn krûme nekke
stekt yn karminen wjokken en it lekken
2140 fan goud gliidt oer syn fearren, read en blank.
Sa dreau hja dêr en skimpke sêft en rank
oer't kleare wiid, dat sûnder igge skynde.
Hja riisd'aloan. De blauwe souder tynde
al heger en de ierde, dêrwei skôge,
2145 lei djip en lik'ın hite hurd, dy't lôge
fan bûnte flammen, grien en wyt as dize.
't Wie boppe har en om har blau. Hja rize
sûnder te wigeljen in einleas poas.
Soms waaieren har fingers út; in roas
2150 lit sa har blêden beevjyn stille tûn.
De dei wie nachstûl en de sinnekrún
hie gouden hier as wie in tint'opslein.
Soms riisde hja en stie dan rjocht oere in
te laitsjen tsjin de stilte as in klok.
2155 Dan joech hja har wer del en loek ta blok
de knibbels op as't bem, yn slomme rekke,
en sliepte yn, oant wer in dream har wekke.
Op't lêst doe lei hja op'e rêch; net mear
ferwegend tocht hja yn dy atmosfear
2160 lûdop: "No woe'k dat hy hjirboppe kaam
en my dan fier omfierrens mei him naam.
'k Ha wol ris sjoen, dat sa in ienlik laam
benefters bleau fan't grutte skieppehear
by jûntiid yn it dún. En kear op kear
2165 dan seach it ûnder't gerskjen blettrjend op
fol langstme, mar dan bûgde't wer de kop.
Sa wol ik ek ferduldich wachtsje no.
Ik sil him wersjen dochts?Ik tankje Jo. "
Doe knikte hja har heit ta as in blom
2170 dy't jûns de wyn goenacht seit. En de rom
fan't swurk, de Sinne, liet syn hier bliid rêgje.
Hja lei yn praat en tinzen op it weagjen
fan wyn jit lang. -In frou fielt faak har winsk
en sprekt him út, en libbet oer de grins
2175 fan wurklikheid en't dizenich gebiet,
dêr't Hope altyd sjongt har tsoendersliet.
Yn sliep en dream waard d'iensme reis ferfette
as't skip op see dat út'e glêde skerte
fan d'iene weach opriist en klimt op d'oar.
2180 Dy dynj'jen dûnsje fleurich neist elkoar.
Sa like ek de loft yn hearlikheid
fan effen stilte, dêr't d'ûneinichheid
fan d'eter net begjint jit, mar hiel fyn
driuwt dêr de krânse fan de wolken yn.

2185 Jûns seach hja dy, alhiel fan blauwens sêd.
De sinne wie no ûnder; 't lik'in stêd
fan blide Moaren yn in Spaanske streek.
Dêr woeksen koepels heech mei lichte streek
as fan't pinsiel. In minaret stie rjocht
2190 as in slank fammensbern. Yn stille nocht
rûn bûgden har d'arkaden yn'e rige
fan gongen sûnder ein. En ûnbedrige
hong dêr in skimer, sêde fan it ljocht
en luftige befrediging en nocht
2195 Dêr dreau hja hinn'en troch de wite gongen
geand dobbre hja. In sucht fan dimmen longrjen
blies hja derút; dy folle gau de spûns
fan wolken mei har waarmens. Unfoarsjoens
sylde hja troch lâns sealmuorren, no stiigjend
2200 nei't tillich, transparante tek, dan diigrjend
troch't iepensteande finster yn'e loft.
Blank wie de wrâld, dêr't hiel de grutte kloft
fan himelljochten reizgen yn har gongen,
it stjerrehear, sa't ienris hja ûntfongen
2205 har baan yn oarder fan in grutte God.
Dan dûkte hja wer dinderjend, sadat
har fuotten tipten't nuverst mozayk.
Dêr joech hja del har reade lea; muzyk
tocht hja te hearren. Dy blies mei gepoen
2210 har foarút en tebek. Yn't let seisoen
djoeit sa de wyn mei't ôfwaaid roazeblêd
Doe lokk'in iepen seal; de weech wie glêd,
dêr't lôgen heldre, himelsblauwe fjoeren,
troch flier wjerspeegle, sa't yn iere oeren
2215 de mar de moamsloft speeglet, nûs ferrize.
En by it fjoer siet midsmank damp en dize,
op wrakke stoel in fanke, luftich, blier en
ien en al fleur en laits. By't deilumieren
gliïdt sa wol ris in wolk bylâns de sinne.
2220 Foar har in wiele, dêr't hja siet te spinnen
wol hûndert triedden, dy't as strielen slieren
fan wetter, lykas wat yn sulvren ieren
springt fan de swarte rots yn wetterfal.
Dat streamde hinn'en brúsde út'e hal
2225 de gongen yn as beek mei hûndert mûlen.
En Maai kaam ta de doar yn en yn tûle
seach hja de spinster, doe't Maai brocht yn't midden:
"Wat spinne Jo en wat bin'dêr dy triedden?"
It fanke andr'yn reauntsjende akkoarden:
2230 "Ik bin de wolkespinster út it Noarden.
Ik spin de fynste wolkens, dy't yn't swieren
it heechste binne, 't pronkje fan de ieren
dy't deis de Sinne rispjet fan de see.

(Dy meitsje ik ta wol fan wolkens ree.)
De fynste giet it heechst; dêr wuolj'ik fan
2235 in kleaune op. Sjoch hoet de belderman
al folg'is troch in keppel úte hal.
Men sjocht se rûnom weidzjen sûnder tal. "
Ynienen waaid'in dizich finster iepen.
Hja kipen beid'en seagen wolken skiep en
2240 yn wite fluezen rûn de keppel om,
as weagen fan de see mei't flues fan skom.
Guon dwaalden ôf en rûnen lykm'allinne
te drôgjen en hja stoarren foar har hinne.
De measten lykwols yn ien kompanjy,
2245 krekt oft it in legerkloft soldaten wie.
Doe spriek it fanke by 't blau fjoer har ta:
, , Wolsto hjir bliuwe oant de moarntyd? Ja?
Nim dan in sit hjir en fertel do my
op dyn bar. 'k Spin, mar harkje wol nei dy. "
2250 En Maaie kaam; langút joech hja har del
deun by de spinster, en de stimmewel
fan 't lûd begûn te streamen mei gerûs
fan wolketriedden troch de doar syn slûs:
, , Ik ha in moaie namme; 'k hjit fan Maai.
2255 Grif kenne Jo my, want net ien fan 't skaai
fan d' elfen en de goaden fan it gea
en wetternimfen en de winen rea
en wyt, en alle hege himelingen
dy't Maaie nèt ken. Alderhande dingen
2060 ha hja my oanbean foar ien inkle út.
Mar tútsjen joech my hertsear; 'k naaide út
dus faak, mar nimmen kriich ik dêrmei tsjin.
Ik freg'en elts die altiten myn sin.
Ik ha mar ien winsk no en dy draacht wis
2265 mei gauwens frucht. As yn my útrûn is
de blossem fan in winsk, hong yn in sucht
der ek yn rike tier de ripe frucht. "
Doe swijde hja in skoft en sei doe wer:
, , 'k Bin op 'e siik nei ien ik wit net wêr.
2270 Ik woe graach wite wêr't er is. Jo wite
it grif. " De spinster sei: , , Hoe mei er hite?
Is 't ien dy't wennet op 'e lege grûn?
Dêr kom ik nea. Mar swalk'er hjir ea rûn,
dan moat ik him wol sjoen ha, ier of let. "
2275 En Maai sei: , , Kenne Jo de moarntyd net
en 't lûd fan fûgels oer de griene greide?
En jûns yn 't ienlik bosk bylâns de heide
de nachtegeal, en al den dei 't fermeits
fan taterjende blêden en de laits
2280 fan alle blinkend' ierdske wetters? Jo
kenne dy net? Hear dan syn namme no

fan laits en maityd, maaie en syn jeugd.
Hy hjit fan 'Baldaur, Balder!' En fan freugd
moast hja doe skrieme, wylst syn nammeskal
2285 de diz' opklearre fan de himelhal.
Doe't d' oare frou dit hearde, skriemd' ek hja.
En nei it skriemen wie har antwurd sa,
wylst beider eagen fan de triennen glommen
en ringsom harren blauwe flammen klommen:
2290 , , Baldur, syn namm' is balsem en as dau.
De iepen earen fan in jonge frou
drink' yn syn rike namme, dy't alhiel de
djipte fan 't herte follet mei dy wielde.
Dan is har holle fan dy klank folslein
2295 ferfolle en dan tysplet yn har brein
syn stal yn sa'n fûleindich briljend byld.
Dus siket hja him op en tinkt har wyld
it finen yn. Ik kin 't my klear foarstelle. "
Doe skriemde hja opnij, allyk in welle
2300 dy't oerrint en de grûn ferdrinst yn 't wiet.
't Weeftou stie stil en 't lêste wolflues glied
de wente út. Sa sieten hja dêr lang
en beide mymren. Jout ienselde sang
net d' iene hop' en heugenis oan d' oar?
2305 En dochs foar beid' in wûndermoai bekoar?
Dize waard roazich read en 't blau ferskiere.
De sinne riisd' en gouden strielen swieren
de wite dampen. Doe binne hja fertein
allyk twa lammen, nei de sliep oere in
2310 gien op in klinge, dodzich út 'e drôge.
En Maai rûn hân yn hân mei d' oar yn lôge
fan fel ljocht oer in gongpaad, tige smel.
In wolkesame wie 't; as 't strân dat del-
rint by de seekust wied er skier as sân.
2315 Hja stienen nei in skoft stil, hân yn hân,
en hienen d' eagen yn ien rjochting slein.
De spinster sei: , , Sjochsto wol wêr't de ein
fan dizze wolken yn it wiid fan see
útstekt as havenhaad? Dat is de ree,
2320 dêrsto wei gean moatst. 'k Lit dy no allinne. "
Doe draaiden hja har nei elkoaren hinne
en elts joech d' oare op 'e mûl' in út.
Doe kearden hja har om en gongen út
elkoarren. Maai koe amperoan de skonken
2325 yn hâlde; d' oare waard fan 't spinnen wonken.
't Wiid fan de loft lei yn in stil gewimel;
in see fan diz' en damp; de bleke himel
fan ether lei dêrboppe; dêr stie hja.
In wize fan de see reant' op har ta.
2330 Hja bleau dêr sitten hiel dy dei en nacht

en yn har hold dat iene byld syn macht
en broeide mei in brodzich soele azem.
Hja wie sa fol fan him, as mei de wazem
fan dize op in hjerstdei is it wâld.
2335 Gjin ding ferweecht dan en de stilte hâldt
neat oars yn as it omgean fan de dize.
Soms skriemde hja en út har mûle rize
gepreuvel dan. Men heart soms fan fazanten
yn 't skaad fan ticht strewelleguod sok rantsjen.
2340 Har brein wie leech fan tinzen; wat hja tocht
kin dus troch nimmen ûnder wurden brocht.
It tearste fan in siel wurdt nimmer heind.
Allyk de ierde is as 't sunich reint
de simmerrein - dy't driplet mei gerûs
2345 fan miggeljen oeren lang, dat by gebrûs
yn 't hiele wâld de hege krún foleaze
fan mânske beammestammen, en it kreaze
blomt yn 't gers har follet mei dy dau -
Sa wie it herte fan dy jonge frou
2350 ûneinich wiid tynd en oerrinnend fol
mei rein fan hope, en har toarst waard gol
ferslein, want wyn fan lok stie folop ree
yn romers fan rju weelde op dat stee.
Hja wist net wêr't hja wie; dochs wienen 'd eagen
2355 wiidiepen en der dinen fine weagen
fan dize foar har, mar hja seach se net,
noch hoe't de swide nacht de dei dy't stjert,
opfolg' en dei de glinsterjende nacht.
Hja wie alhiel allinn' en hold de wacht
2360 by d' eigen siel, wat byld of fizioen
der yn- of útgong by de ring fol tsjoen.
Sa wie hja wakker yn harsels oan 't mymrjen,
doe't oer 'e see twa jonge goaden skymren
waans glânzge skonken 't tsjin elkoar besetten
2365 yn kriich. Maai hearde harren laits as 't skettrjen
en skallen fan de jachthoam, doe't hja foar
har lâns swongen en swieren en in spoar
fan triljen makken yn 'e sinnestrielen.
't Wie as in pear hurdfytsers, dy't har stielen
2370 fytstsjillen wielje en de glâns snjit mei.
De rêden meall' en 't wite paad gliidt wei.
Elts stjoert nei d' oar syn tsjillen en beret
traapje hja troch. Der woedet yn har hert
oergeunst en niid. Earst leit de iene foar
2375 mar wurdt ynhelle foar de miet, en d' oar
sjit gleon fan kriich foarby. Mei d' einspurt lyk
ferriist joechhei en klappen fan 't publyk.
Sa strûsden dy twa fierder; 't sinneljocht
belune wer. Maai stie oerein en rjocht.

2380 Nijsgjirrich kipe hja en sykhell' earst
as ien dy't wekker wurdt. In nije geast
fielde hja yn har as in seewyn waaien.
Doe fleach hja op en fan de wolkekaaien
de romte yn dwers troch de sinneskyn;
2385 oars wie der net. Hja hold de fuotten yn
dy wei en rept' yn 't spoar har fan de goaden.
Dy rûnen wol gâns rapper; 't wienen boaden
en hurdrinders fan 't goadelân, mar doch
seach hja se lang. Ut 't each wei roek hja noch
2390 de balsemrook, dy't fan de skouders wyndre
en yn 'e sinne raand' yn damp. Dy tynde
al wider út; de swietrook duorre lang.
En noris like Maai in wetterslang,
dy't yn 'e sleat swimt; 't liif wie lyk in sturt
2395 dy't kronklet; dan wer in makreel; fol furt
sjit troch 't wetter yn blau skobbedek.
Dan wer in akster ûnder 't blêdetek
fan 't donker bosk. Yn blau en wyt habyt
ferriist en sinkt er, wylst er fleanend kryt.
2400 Doe kaam hja dêr wêr't slachrigen fan flammen
losbarn' as yn 'e striid: oranje dammen
fan fjoer, allyk it oerâld wâld heechkrunich.
Der knettre neat, mar wol ûntglûpte sunich
hieltyd in nije fleach út âlde flaaieres,
2405 flammen as palmbled of gouden waaieres,
by muorren fan in dûnsseal bylkjend klear.
Slachrigen flammen, as wannear it hear
fan fijannen it lân ynfalt en nachts
op stille swarte bergen ûnferwachts
2410 it tilt fan fjoeren ûnder 't himeltek.
Hja fleach it fjoer yn, dat allyk in wek
útwreid' yn 't iis, dêr't eastewyn yn blaast.
Hja gong troch in priël fan fjoer; ferbaasd
hearde hja tongen lispjen dêr en rûzen
2415 fan wurden as fan blêden, mar de slûzen
fan flammen skutten krekt har út, doe't graach
hja witte woe wat rûze yn dy haach.
En hja swom fierder as in grutte fisk,
dy't yn de stâlte fan 'e djipsee is.
2420 Har kâlde eagen diigren djip; bysûnder
waard har ferwûndring wekke troch elts wûnder.

Doe kaam hja by de himelske gerdinen
fan sid'en sinne, sa't de baldakinen
binn'yn Sineeske sealen. Dêr postuere
2425 gâns frjemde dieren; dêr binn' spûn figueren:
grypfûgels, fampiers en bloedreade draken
mei kronkeltongen yn flymskerpe kaken.

Hja seach de kloeren by it iepenwaaien
hiel stadich weagjen en de siden baaien
2430 fan sleepgerdinen harren staasj'ynfieren
úttinen en opboljen. 't Skaai fan dieren
waaid'ek omheech en hie gjin ein of mjitte:
in sunich dinen yn in stille fierte.
Wiksljend fan kleur boll'op it seil fan't boat:
2435 grien, pears en roazeread. It lik' in float
fan skippen, dy't foart folle túch wei sylden.
Dy strûsde hja foarby; har eagen dwylden,
fan't diigrjen blyn: de holle wie har fol.
En doe begûn ringsom har hinne gol
2440 muzyk te rûzjen. En de holle keard
dan hjir, dan dêre, wie hja bliid ferheard.
Lykwols seach hja net folle: inkle blommen,
in boskroas; soms ferskynden ek de plommen
fan donkre roazen út'e roazestrûken.
2445 En hieltyd mear kaam blomte sûnder tûken,
dat útwiek en nei diizge fierte tige.
Yn swietrook hong oer en om har in rige
blinkende blommen fol muzyk-'t Gebrom
fan wide wetters klonk fierôf; rûnom
2450 song mar ien fûgel tige skel syn sang.
Hja skrepte moedsum troch. En fan de twang
ynienen fûgelfrij, fleach hja oer d'ierde.
In beek rûn as in ier troch blommemiede.
In wel wie as in kuolfet, dat rynsk skomme.
2455 In wjitrting sprong út't bêd en troch it romme
weidlân liet hy syn weachjes dwal'en sile,
wylst elfen lykas ingels fleurich spilen
oan d'ich; har skonken yn it wetter plompten.
Triangels tinklen en de snaren dompten.
2460 Foarby gyng hja; ta heide waard de finne
mei dûnkre grûn, en de meldij fan sinne
waard aloan sêfter. En de jûn kaam bjuster
mei slom en geat oer Maaie'eagen tsjuster
út slûge tsjelk, dat hja in flearmûs like:
2465 nachtravers, dy't troch swarte skaden strike.
Hja dobb'r'it donker yn mei sunich dunen.
It tsjuster foar har lokke har mei núndrjen
en naam har yn syn nachtmûts'op. Hja skôge
wûnders opnij: in kliber spoeken drôge
2470 en wankt'as mânske meunsters, dy't yn dodde
mammoeten driuwe; en de skimer skodde
lyk bergen, as de bevings d'ierde skokke.
Hja hienen sterke earms en lange lokken.
Sels dizich, wien'har siken diizge drôgen.
2475 Traach trêden hja foarby en wurchsum tôgen
hja fierder mei in swier en moedsum kroanen.

Soms klonk in rop; dan like't bosk te droanen
fan fallend'iken. Doe wie't stil en leech.
En doe seach hja yn woeste wolkens steech
2480 fjochtsjende ruterkloften. Dy bestrieden
elkoarren yn gefjocht; de mantels swierden
swier oer'e swarte hynsterêch en sonken.
Gnodzenen ruters foelen, gjalpen klonken.
Yn deadsgerochel klom jit wraak. Walkieren
2485 fitren de fjochters oan en grutte gieren
oerwjokken har. -Doe waard wer alles stil.
Troch't blêdte yn it wâld rûn licht geril.
En troch de rigen drôgen fan de goaden
socht hja har wei, wylst stadich ljochten gloarden.
2490 Jit seach hja yn'e fierte wêzens wâljen
tusken de beammen: grutte grize mânlju
en ljochte froulj'yn wite dize tild.
Mar dy ûntwiek hja yn it iepen fjild,
dat hja ûntdiek troch blij ljochtgreine blêden.
2495 It wâld waard wei as by in trein de rêden
fan weinen, oer in lange brêge gien.
Hjir lake inkeld takomst en gjin ien
seach ea tebek. In nije pracht die wiid de
stinspoarte iepen; hie men Maaie bide?
2500 In blanke strjitte lei foar har as feart
tusken twa lannen yn, en dêrút skeat
oan d'oare kant sniewyt in toer omheech
út blokken iis boud. Aloan lekt omleech
út foegen fan elk blok't iiswetter giel.
2505 Op elk blok blonk de sinne en fan hiel
de toer del sonk in stream fan wettergoud.
De toer wie hast ta himelshichte boud
oant djip yn't blau, mar leger, op'e trânsen
dêr sieten dikke downen, dy't bylâns en
2510 oer glêde fearren glêde snavels streaken.
Dêr sieten sûnder dûzeligen neaken
in espel manlju de trompet te blazen.
Sa stie dy toer dêr wetter út te wazen
en blonken manlj'en downen. Underwilen
2515 kaam Maaie as in sylboat sêft oansilen.
En foar de hege stins fan izich marmer
briek wetter op'e marmren treppens; warmer
waard dat-sa like't-fan gebrûs en ljocht,
en't skom fan beide transparant, as wrocht
2520 út ljocht en wetter, ta in swiid tafriël
fan ljochte glinsters en in wiete priël.
Der rûn in lange gong yn dizze toer.
Dêr rûn hja langsum troch, wylst heech fan't koer
tichtby de wulften jonge stimmen songen
2525 en blank'en reade antlitten gearkrongen

om Maai har rinnen ûnder goed te sjen.
Wol lake hja, mar fierder gong it bern;
jit hearde hja mûskopjen by de rûs.
Doe rûn hja troch in lange gong, in hûs
2530 fol hearlik ljocht. De rige muorren lûge
hast himelheech; de kleuren fan reinbôge
dy tsjemzen troch it transparante tek.
De flier wie fol kleurd ljocht, dat brek nei brek
yn koepels fûn fan glês en iis hiel heech.
2535 Hja seach troch spgeldammen en har eech
rûn hieltyd nije sealen yn. In set
stie hja soms stil. Hearde hja't lûd dêr net
fan Balder sjongen yn in fiere hal?
Of wie't it skolprjen fan ljochtwetterfal?
2540 Wienen de muorren wetter, iis of ljocht?
Hienen allinne kleuren dêre wrocht
eigen paleis of wienent' ek de sungen
fan Balder, dy't yn rigen en yn rangen
faak toeven by de goaden, dy't dêr spizen
2545 en dronken harren eigen wûndre wizen?
Soms seach hja yn'e fierte troch in doar
in wyt gewaad ferdwinen, en teloar
gong't roppen fan syn namme en't gefreech.
En'Balder!'galme't lûd lâns rût en weech,
2550 en trillings droegent licht nei oare oarden.
En ien seal wie ferljochte lykas't noarden
by't winter is fan't blauwyt Noarderljocht.
Dêr stie it byld fan ien man steil en rjocht,
de finger op'e mûl'en iepen d'eagen.
2555 It wie dêr stil; allinne skuorden fleagen
fan kâlde wyn en kroande mannich beam dêr.
En hja seach dêr foaroer in ljochte keamer;
dêr stie it byld yn fan in jonge frou.
Dêr blonk it ljocht fan Sudersinne ou;
2560 't antlit yn bloei, de fuotten steand'yn blommen,
in finger op'e mûle. As dreamen swommen
winen om har, dy't har ljocht hier omhegen
bliezen; en dreamen foelen har foar d'egen.
Har fuotten rûnen fierder fuort meien
2565 oer kleuren, glinsterjend yn iis of stien:
de kleur fan jaspis, pearlmoer, saffier,
Noarsk read granyt en spiegeljend porfier.
En alles speegle; 't lik' oft yn har bêden
figueren skymren lykas beammeblêden,
2570 dy't driuw'yn in rivier mei tede stream.
Elts byld dat skepen waard, bleau dêr bestean.
't Wie stil dêr earst, mar troch de stilte krong
in gûnzjend lûd; sa brommet ek in gong
dof troch de donkre nacht yn Ynje faken.

2575 Benearjend lûd wie't, krekt oft klibers laken.
It ljocht waard dêrfan kjel en efkes dimmen,
mar blonk doe wer en rêstich gong it swimmen
fan kleuren troch, fan boppen del omlegen
en wer omheech. En oer dy kleurewegen
2580 glied Maai nei wêr't dat rûzemoezjen grânzge.
It lûd boaz'oan, mar dêrtrochhinne glânzge-
allyk in wjerljochtstriel-soms skatterlaits,
sa't giele bliksums blink'as mei fermeits
Thors tongerhammer kleaut de wolkekloft.
2585 Hja hearde klearder klanken nei in skoft,
oft ien it folk taspriek, of oer't geklingel
fan't hiele klokkespul de brûnzen bingel
mei lûde slaggen skalt út hege hoepel.
Op't lêst seach hja yn bôgen fan in koepel
2590 in dûble poarte stean, mei goud fersierd.
Maai fottle hastich dêr op ta en liet
de holl'earst sakjen harken woe útfykje,
mar bleau, en bang liet hja de doarren wykje.
Doe stie hja stil. Hja seach in seale fol
2595 skril, grilllear ljocht, dat fonkl'en blonk oeral.
In espel mannen siet by skittering
fan glês en sulver yn in wide ring
om lange tafel. Dak of muorren skynden
der net te wêzen. Blommeslingers wynden
2600 har heech en sydlings; beammeleaf wie spûn
omheech en sydlings yn in ljochte tsjoen.
Hiel efteroan siet op in rots, dy't skier
en lyts lik'as in skosse iis hiel fier
yn see-in âld man mei in burd. Dy snjitte
2605 oerein en hev'in tsjelk en yn'e fierte
ûntdiek er Maai. Doe galm'er wier en wis.
Elts riisd'oerein en gyng bylâns de dis
fan't feestmiel stean, allyk de rigen reid
dy't riz'en bûge dêr't de stream har baait
2610 Dy spriek: "Ik sjoch in doke yn dit nêst
fan dofferts. Ast wat wolste, kinsto't bêst
grif my as d'âldst'en wiist'en myldste nimme.
Wa bisto?"-Doe't it manljusfolk bedimme
joechhei en bekerklinken, klonk har stimme.
2615 En Maaie song dit liet-en't wie alhiel
sa't yn in seal in frou sjongt. Ut har kiel
wâl'op de klanken yn it stille skoft.
De harkers drinke yn dit swiet geroft;
de muorren galmje. -Sa ek har meldij:
2620 "Hark, mannen, harkje goed en sjoch nei mij!
Hark, kening, yn'e seale efteryn:
Klear is de moann'en klear de moanneskyn.
Klear is it stjerrehear en klear de nacht.

Kâld binne moannefjoer en winternacht.
 2625 Klear is it moannebern by keningspracht
 Sjogg'Jo it moannebern, kâld as de nacht?"
 Guon hûvren, wylst ien oan'e lippen sette
 de romer wyn. 't Bleau stil, doe't hja ferfette:
 "Hark, harkje, mammen fân jim hûs en hurd!
 2630 Hark, kening, nei it wâljen fan myn wurd:
 Goud is de bôg'en goud de pylk fan sinne;
 goud binne skip en seildoek fan de sinne.
 Goud is de jûn en goud de havenpieren,
 dêr't moarns de sinn'útsylt by't deilumieren.
 2635 Klear is it sinneljocht, dat heilsum hielet.
 Goud is it simebern, dat helder strielet.
 Sjogg'jo it sinnebern, foarst dy't hjir prielet?
 Kâld is it moannefjoer en hyt de sinne,
 dy't yn ien himelseal tegearre binne.
 2640 'k Bin't bern fan moanne, kâld allyk de moanne;
 en bem fan sinne, hyt as sinneboame. "
 Doe hawwe guon har tsjelk te gruzleminte.
 Elts rôp en raasd'en hiel de wente dindre
 en daavr'en skodd'en wankele, wylst Maaie
 2645 om hiel dy rig'en rûnte himedraaide.
 En elts by wa't hja lânskaam, seach ris om;
 spriek as hja kaam, mar hold him fierder stom.
 As hja foarby wie, spriek in âld en skier
 god fol bewûndring, mar wa't gouden hier
 2650 jit hie, seach yn ferbjustering Maaie nei,
 en joech him wer ta spiz'en kann'en swei.
 Hja seagen har de rots fan hearlikheid
 beklimmen, dêr't yn hege majesteit
 Wodan syn sit hie en syn rûch burd hong.
 2655 Hy hie in eigen dis en hieltyd gong
 in god om bar ta him en brocht de spizen.
 Doe't Maai kaam, seach men Wodan heech ferrizen.
 Doe sieten hja tegearre, sa't in gib
 sit by in hynder yn it hynsterib.
 2660 En oan it miel sieten de goaden oan,
 jonge en âlde. Maai seach harren oan
 en hja socht Balder, mar dy wie der net.
 De dis like de Molkwei mei it stjert'
 yn nachtloft. Sa't dy glinstre wie it gûnzjen
 2665 fan stimmen earst en no en dan it bûnzjen
 fan't nije wynfet, dat de seal yn rôle.
 En no ris boarstt'in laitsjen los en wâle
 útskroeven oer de dis en skodden bryk
 de hollen. Dan, in keppelskiep allyk
 2670 dy't weidzje, wie't wer stiller en't lûd fyn.
 De bekers skittren, strikend fol mei wyn.
 De tsjelken yn'e blanke hannen flikkren

as slanke blommen; rigen toskjen blikkren
bleat tusken lippen fan de laits. In glâns
2675 diek hier en wang en eagen as in krâns.
It miel waard fuortset: reeëbout en fetten
wyn iependien; en wyn en bloed waard getten
yn glês en skaal en streamd'oe tafelrâne.
De wyn bûl'yn'e romers en ien kanne
2680 brik en de drank gjalp'út yn grutte flodze.
Elts skreaud'en stampt'en trant'as yn'e smodze.
En linkelytsen waggelen de rompen
en wibelen de hollen. -Skippen jompe
sa yn'e weagen, as de stoarm opstekt,
2685 en grin'en gromje, as de wyn losbrekt
en raast troch't neaken túch fan't skip op't wiid,
dat yn'e swiere stoarm op d'ankers riidt.
Wylst rûnom ljocht stie yn in grille priel-
triomf fan't ljocht; dêrûnder like't miel
2690 in see dy't wielet, dêr't de sim'op glimt
en barnt en blikkret, wylst it wetter brimt-
sei Maai, har bûgend ta de skierkert dêr,
dy't harkjend foar him stoarre: "Wodan, wêr
is Balder, kreaste god, dy't ik bedoel?"
2695 Lykas in beam omfalt, allyksa foel
syn holle del op't boarst; doe waarden dof
syn eagen, wylst de hannen mei in plof
fan tafel stoartten op'e knibbels del.
En hy bestive en syn kop waard tel
2700 noch skierder-seach hja-en syn antlit bleek.
Mei grutte eagen seach hja lykas reek
de âlde lea rydboskjen en it wâljen
fan wolken oer him. 't Weinen en it âljen
fan fee yn nachtskaad hearde hja fan him.
2705 Rings-en rûnom sett'as orkaan syn stim
in weelacht yn. De loft waard swart, en heil-
stien klettr'op tafel; 't skuorde heil om seil.
Tûnen en fetten kantelen yn kolken;
de seal fersonk yn dampen en yn wolken.
2710 De goaden foelen stom, en ien foar ien
bestiv'yn skrik; hja sieten stil byien.
De stoarmwyn boldre om har yn'e loft
allykt' spoekgûlen fan in wolvekloft.
2715 En Wodan riisd'oberein mids dat trelit.
D'âldman mei skiere skouwing spriek doe dit:
"Hjoed flok ik alle wille, want hja siket
om Balder; 't is myn soan dêr't hja om stiket. "
En alle goaden bûgden djip en dimmen
2720 de hollen op'e earmen del, en nimmen
heard'bars as doffe klachte fan fertriet.
Wodan stie dêr as hoeder en hy liet

ek djip syn holle sinke; 't wie as song er
in treurliet foar, dat reaunte op'e tonge.
2725 En yn'e Asgard harken de goadinnen
by't spyljen en it spinnen as ferstiene,
lyk simmerblommen by blakstille wyn.
Hja kamen traach oerein en setten fyn
geflúster yn, en kloften ta in bûn dêr,
2730 en namen har gewaden op, en sûnder
gespús of laits binn'hja yn blanke rige
as swannen op'e trek har went út tige
troch hege doarren en troch gâns portealen.
Rûzjend as snie delstrutsen by de seale,
2735 fleagen hja yn troch't hege finstersket
en hearden Balders namme. Leafdesmert
brocht har ta skriemen. Kloften gûlden fel
mank donkre beammen; oaren knibblen del
op iepen flier. It kriter fan de froulju
2740 wie sêft en fyn genúnder by de manlju
har mompeljen. 't Wie sa't yn't wâld in wel
rûst yn de hjerstwyn: drôvich en dochs skel.
En ien wie drôf en stil, en dat wie Maai.
Hja koe net skriem'en field'yn har in faai
2745 gemis en iensumheid, omdat har dream
fan hop'alhiel ferflein wie en in stream
fan kâld bloed stadichoan har lea ferize.
Hja siet dêr stil en field'allim'in grize
gean oer de rêch, doe't de goadinnekloft
2750 de seal yn fleach mei downen har geroft.
En Maaie kaam yn't sin Idûna's namm'en
hja speurd'yn't rûn dêr't de goadinnen samlen
en lykas downen strieken op'e tille.
Grif soe jit yn Idûna's hier eat brille
2755 fan Balders sinneglâns; grif soe har bloed
jit barne fan syn tuten. -Hja wie hjoed
lykwols by d'oaren net, mar bleau op't bêd,
dêr't eartiids Balder mei har sliept'en dêr't
dreamen as roazeknoppen iepensprúttten,
2760 dy't stil it koezjen fan har leaf beslute.
En wylst yn't hûs rûnom de flierren droanden
en bûten tonger, en de goaden kroanden
en mompelen, ûntspûn geredekavel.
Maai sei wat wâlet u'e fûgelsnavel
2765 by't maityd; Wodan, sa't de wyn syn stream
de blêden beevje lit oan eltse beam.
Fan kjellens waard de loft hieltyd teslein
by Balders namm'en bleauwen net oerein
noch god, noch pyllder, rôts noch wâldterrein.
2770 'O, wêr is Balder? Wa ferberget him?'.
"Hy is hjir weigien, "brimd'Alfaar syn süm.

'Wit nimmen wêr't er is?' "Nee, dat wit nimmen. "
 'Komt er net wer?' - "Hy komt hjir net wer, nimmer. "
 'Wied er hjir jong en bliid en dûns'en song?'
 2775 "Jit klinkt syn stim, skaad dûnset dêr't er sprong. "
 'Wie't hiele hûs net ljocht as Balder kaam?'
 "O weemy, dat er my it ljocht ûntnaam!"
 'Laken de goaden, readen dan goadinnen?'
 "Mei him stoep sillge nocht de sealen binnen. "
 2780 'Wie hy de blankste net, dy't measte blonk?'
 "Syn each wie't ljochtst, syn lûd it klearste klonk. "
 'Balder: in himelstjer, in dageblom. '
 "Balder: in wâldfûgel, Walhalla's rom. "
 'Balder: in springfontein, in wetterfal. '
 2785 "Balder: in simbeberch, in blommedal. "
 'O, wêr is Balder, wa hat weet fan him?'
 "Dat wit net ien mear", brimd'Alfaar syn stim.
 'En leave dan Idûna Balder net?'
 "Ja, hja genietet sels fan dizze smert. "
 2790 'Doe't hja him wachte, wie de jûn doe giel?'
 "Op't roazebêd en yn fioelepriel. "
 'En wied er yn Idûna's earms net mêd?'
 "Nee, mar mei strielekrâns en skonken rêd. "
 'Grif hied er gloed om him en geurge dampen. '
 2795 "Syn beide hannen wienen ljochte lampen. "
 'Balder syn leelgehûd hie swiete geur. '
 "Balder syn hearlik bloed hier poarperkleur. "
 'Balder syn lea wie as in keningstroan. '
 "Balder in keningsbern, in Wodanssoan. "
 2800 'O, wêr is Balder? Wa hat weet fan him?'
 "Wy witte't net, "sa brimde goadne stim.
 De seal wie aloan fol fan't woeste weauwen
 fan dizen, dreau troch winen, en it stowen
 fan blêden. En de wetters bûten botsten
 2805 op tsjin de fûneminten, en der klotsten
 gjalpen fan weagen tsjin de finstertreppen.
 Sa balt de steamtsjettel nei nije skeppen
 fan stienkoal, en syn flam en wetter raze,
 sa't dêr de wyn omware en de wazen
 2810 fan dampen dreau, stees nije efter him.
 Dêryn stie Wodan en hy hold syn stim
 no stil; wylst swijden ek de goaderigen
 as mannen, dy't foar harren kening nigen.
 En Maai spriek: 'Hearen, harkje nei myn stim!
 2815 Sels ha'k him sjoen. Ik bring in tiding jim. '
 Doe skynde sinne yn dy tryste tûn:
 de dize krûpte stiloan yn'e krûn
 fan't beamte, en't waard aloan klearder ûnder.
 Sa wurdt in hôf nei stjalprein op'e jûn wer
 2820 alhiel ljocht fan de gloed fan diamanten

fan simeskyn en drippen rein, en kanten
spinreagen; en mei drippen bûnt fan kleur
weeft eltse strûk en eltse blom hat geur.
Wer sei hja: 'Mannen, harkje nei myn stim.
2825 Sels ha'k him sjoen; in tiding bring ik jim. '
Wer klonk dat klear en't helder lûd bestille
as mylde oalje 't weagjend praat en rille
yn rommer ringen fierder en it dûkte
Idûna's keamer yn. En doe't dy rûkte
2830 en preau't kalmearjend drankje fan de treast,
gong hja oerein en dronk, mar wachte earst
en krig'in aan wat dit geroft yn hie,
wêrnei't hja preuvljend nei de seale gie.
En hja kaam yn en seach dêr de goadinnen
2835 en goaden stean, en Wodan stie allinne
yn earnst, wylst hja dêr troch elkoar krioelen.
Hja glânzgen blier en harren iepen mûlen
praatten ferwûndre en de reade hollen
beliken blommen. D'eagen wien'n'ferfolle
2840 fan freugd, sa skittren hja, en grutte hannen
swaaiden hja bliid. Hja lieten jûperannen
fan side en satyn de flier oer glide.
De goaden murken har; men gong fansiden
allyk de float by skou, mar ien bleau steande
2845 alhiel oan d'útein fan de ljochte leane.
Idûna knoffle midden troch it spul
op Maai ta, kroep har oan en om'e mul
lei hja in earm. Hja treau de holle leaf
tsjin Maai har boarst en skouders; yn in skeaf
2850 stean sa twa bosken ieren op'e ikker.
En út har eagen riisde gril geflikker
fan loaitsen, en har hân begûn't bespyljen
fan Maaie hier. Hja liken wol te lyljen
in sêfte sang, mar nimmen fette dat.
2855 Har oare hân omfett'as grutte skat
de hân fan Maai, dy't hja yn stiif besluten
fêstgriep en tilde, dat har mûle tuten
op alle fingers, ien foar ien, har joech.
En't rûze'Balder!Balder!'en hja sloech
2860 de earms om Maai, as hie dy Balders wêzen.
Lykas de wyn beweecht de lange gerzen,
waarden dy twa beweegd troch twa kear'Balder!'.
En sa't de wyn troch't beamte giert, sa skalde't
heger en heger út'e goadekloft:
2865 "O Balder, Balder!". Earms gien'yn'e loft.
Maai sei: 'Hy libbet, want ik ha him sjoen.
Libbet en sjongt; 'k ha heard syn stim fol tsjoen.
Goaden, hy song foar my in liet fan dwelme
en dream fan goaden; 'k wie net mear myselme,

2870 mar fielde m'ien mei him, in twadde him.
Ik reizge mei en strûsde mei syn stim
troch blinkend'ivichheid, as soe ik rinne
yn koele marren. Ik wie bûten sinnen.
Neat fan myn ynlik wêzen field'ik mear.
2875 'k Wie yn muzyk fêrlern, teraand yn sfear
fan harmony; 'k wie sels in rein akkoard.
Sa hear ik him altyd, yn eltse noat.
Sûnt hear ik altyd by him en foargoed.
Hy is ferdwûn en swijt no, en myn bloed
2880 streamt ek wer trager, mar yn't djipste djip
fart jimmer jit de oantins as in skip.
Hy song fan dy, Idûna; ik ha socht
dyn hûs, oft dêryn faaks hy toevje mocht. '
En goadne troanjes blonken rûnom blier
2885 as appels en de eagen glânzgen glier
en glinstren, doe't men mûtle Maai oanskôge.
Idûna lak'en liet har laitsjend tôgje
troch like lange Maai, dy't har omfieme.
Maai tute har en jitris, en hja klieme
2890 om har allyk de blauwe blommerank
klematis hecht har tsjelk flijt oan it slank
liif fan in faas. Doe wie it tige lang
hiel stil, wylst elts in oanstriid en in drang
ta blidens yn him field'en ynlik longrjen
2895 nei lûde sang en klang en ûnbetwongen
soms siken suchten út beneare kielen.
Mar einlings hearden hja it sêfte fielen
fan fingers oer harpsnaren, want in god
wie sûntsjes hinnegien en hie it slot
2900 fan Balders keamer brutsen en syn prûs
spylark him helle, dat mei swiet gerûs
oer hiel de gearkomst fan de goaden skimpke.
Om eltse mûle skymre doe in glimke.
De spylman spil'in liet; net ien seach op.
2905 mar elts seach foar him del en bûgde't krop.
It neonte en in reauntsjende fontein
fan klanken snjitt'op har as drippen rein.
Mar Wodan stie dêr rjocht oerein en wigle
syn lokken boppe hiel de goaderige.
2910 Doe't dit liet út wie, sei in elk syn sizzen,
mûskopjend mei elkoarren; sa belizze
fûgels by't hjerstmis harren lange tocht.
En ider lake en Idûna socht
mei stille langst al nei de hege yngong.
2915 Dy soe grif iepengean, sadat der yngong
har leafste, fan de reis werom yn tier.
'Hy libbet en sil komme!'sa song blier
har sljocht fereale hert en hja waard rea

oant yn'e nekk'en ynlik longrjend bea
2920 hja al de lippen oan de idle loft.
En om har floddre drok de wite kloft
goadinnen, dy't har fregen hoe't de sang
fan Balder wie, mar hja sleat stiif en strang
de mûl'en spriek hast net, mar al dy tiid
2925 seach hja Idûna oan mei leafd'en niid.
Doe dûnse hiel de mannichte mei nocht
troch hiel de seal. Rûnom wei waarden brocht
út harren keamers froulju mei ljocht hier.
En hja ferskynden laitsjend yn de sier
2930 fan har gewaad. Sa blinke yn satyn
djoer'edelstiennen, sa't hjir blonken yn
de jûpen boarst en foet fol graasje.
Idûna, Balders faam, laatte de staasje
en tripk'oer't marmer mei har slanke skonken.
2935 Doe d'oare froulju; klibers yn it pronkjen
trêden foarút. En hân yn hân op wei,
dinen de weagen fan har lokken mei
en swierden efter harren oan. In inkle
kearde de holle om en lake; 't tinkle
2940 allyk triangels tinkelje. Dêrnei
kamen de rigen goaden. In joechhei
klonk droanend; 't wie de skreau fan mânske Thor.
Him folgen oare goaden, skier en skor.
Wodan bleau iensum, drôf en sûnder noft.
2945 Hy wie allinne en stie sa in skoft
en gong doe sitten, mankelyk en drôf.
Syn swijend drôggjen frede ôf in hôf,
dat rûnom donker wie; dêr siet er prot.
De seal waard donker en de rike skat
2950 fan't miel waard donker; donker Wodans brein.
Inkeld syn eagen blonken jít yn d'ein.
Hy sonk yn peinzjen en twa swarte raven,
as deagravers dy't kâlde lyk begrave,
dy strieken op'e skouders del by him.
2955 Hy harke hiel lang nei har ried en stim.
En Maaie siet der jít in ein fan fierren
yn't tsjuster en hja blonk dêr as in stjerre
en seach ynmoedich nei de âlde god.
Fierôf dûnse de kloft en klonk jít bot
2960 gelaits en trantsjen en in drok gepraat,
amper te hearren. Heech yn sealenaad
hong diz'en rûze wyn, yn't rom ferlern.
En bang en banger waard hja as in bern
foar in âld man, is dy by't bern allinne.
2965 En bang gyng hja oerein en flechte himme,
en sûnder om te sjen teach hja omfierren,
dwalend yn't donker as in ljochte stjerre.

En hja waard iensum; doe ûntwiek de faam
as't skiep, de grime hoeder stil ûntkaam
2970 en no allinne weidzjend. 't Kin in kant
opgean nei eigen sin. Mêd wie hja fan't
plesier fan oaren en eigen fertriet.
En hja gong stadich, sûnder sjen, en biet
de tosken op elkoar, want der is stille
2975 niid yn it drôvich hert by oamans wille.
Iens bleau hja stilstean: efter har de finsters
fan't blank paleis; hja seach de glêzen glinsters
yn koepels en yn tuorren, dêr't it bjuster
ljocht fan de blidens barnde. Yn it tsjuster
2980 allinne rôp hja: 'Balder, 'k leavje't meast
dyn rike jonkheid!'-Dat wie foar har geast
in treast. Ynienen wâl'yn felle skokken
in weach fan grutskens op. De lange lokken
skodden as moanjes fan in derten happe,
2985 en hja rûn rap as wiet mei hynstestappen.
Djip, breed en heech wie dêr de blauwe rikens
fan sinnegloede wer, dy't syn gelikens
net hat, mar sels ferbarnt en nea ferrint.
Fjoer striidt tsjin fjoer dêr, mar net ien oerwint.
2990 En hja wie fier al yn dy romte rûn,
doe't hja lang stil stie en yn d'oantins fûn
in grutte blidens, want hja tocht, har tiidzjen
wie wissel wurden no en har lang biidzjen
koe net lang duotje mear. Grif soe hja't rêde
2995 te kommen by syn went; dan soen'har mêde
lippen om leafde freegje: o!ien lytskert!
Hja fielde har deun by him, sa't in lytskert
fan mem wol widze wurdt nei't dreameryk.
Doe hinn'en werre hja, in fear allyk,
3000 weirekke op in fiver troch in swan.
Hja bleau oerein, mar swime hast derfan.
En foar har eagen stie syn stal sa swiid
yn klear kontoer, dat no de noasters wiid
har iepnen en it wie, oft hja him rûkte.
3005 Doe kaam de ierde har yn't sin en dûkte
foar eagen op in blommewrâld: fioelen
en plomlewieren, wylst der drippen foelen
fan yn'e swietrook dipte jûntiidsdau.
Sa roek hja him en dwelmich foel hja flau.
3010 Sa lei hja en sonk stadich wei yn dreamen,
allyk it loftrom weisinkt yn de streamen
snieflokken fan de sniejacht. Om har rûze
de preuveljende wyn, en swietrook koeze
har earms en skonken mei in djippe geur.
3015 Har hier waaid'ber'e holl'en foll'yn fleur
de blanke flakte fan har boarst. 't Bewegen

fan't hier kaam fan de wyn, dy't war'omhegen.
No wie hja wiere skientme, want har siele
wie sletten yn har; gjin begearte wiele
3020 nei bûten mear. Hja wie in echte blom!
Wêr driuwst no hinne, Maai?Myn eigendom
neam ik dy. Bist al lang myn dowetil,
dêr't al myn tinzen as de downen stil
yn sitte, dêr't hja faken ek om saaie
3025 of yn-en útflean'en har rûnten draaie
oer dy en om dy, Maai, myn leaveling.
Myn downen folgje dy wol en har swing
is noch net wurch, mar net te fier gean, hear!
Ik sjoch dy hast net mear; do bist in stjer
3030 sa heech, inkeld myn eech, al swak en slûch,
folget dy jit. Myn lippen wurde droech.
Wêr driuwst no himme, Maai, myn leave blom?
Doe't hja in hiele set sa dreaun wie, klom
hja wer oerein, as út it wiet in dûker.
3035 En yn har hannen fûn hja doe in rûker:
fioel'en plomlewier. Hja wie ferblide
en hja wie wis, dat hja har Balder bide.
Hja floddre fierder, mar hja dreamde traach,
en tocht oan him en oan de earste fraach
3040 dy't hja him dwaan soe: 'Jou my dochs ien tût!'
Doe fiede hja syn lippen en syn snút
sêft flijen op har mûl'en yn har fingers
syn fingers triljen; yn de ljochte slingers
fan't hier syn hamen en syn wang no triuwen
3045 tsjin harres oan. No koe hja fierder driuwe
as foar har fal fan niis, dat hja gong troch.
Hja ergre har har fielen net, mar doch
spilen gâns tizen yn har hert muzyk,
as spylju dy't by't wachtsjen fan't publyk
3050 de snaren fan fioelen earst probearren.
Sa klonk it yn har, mar hja koe't net hearre.
Skûle hja wei, woe hja net ûnder fine
't geniet fan't harkjen, hoe't de toanen twine
ynien, as strûken dêr't de kamperfoelj'yn groeide?
3055 Mar wylst har oantins mei de roken djoeide,
mei Balders fielen en mei Balders geur,
sette hja fuort, de stap deryn. In kleur
fan fjoer kaam oer har; hja waard aloan reader,
en dêrnei waard hja wyt, allyk in deade.
3060 En hja waard wekker en hja rûn en skripte
flugger en flugger, en de fuotten dipte
s'yn skimerfjoer en reek by't blauwe skyld.
No wie hja fleurich; o!hoe minlik myld
laken har eagen, harren sjend'as pear,
3065 harsels en Balder, nea te skieden mear.

Hja hold mei beide earmen him omfette.
Hja seach in gouden wenning en hy sette
syn fuotten oer de drompel. En hja lei
yn rêst op bêd en fiede't ljocht har nei,
3070 as rûn de sinnegloed de keamer oer.
Har wangen waarden read fan't gleone fjoer
fan skamtyn har. En hja ferdroech it net
en dreamde wer. En doe waard yn har hert
in liet ynset, dat hja net hearde, al
3075 song hja it sels, sa't út it djipt fan't dal,
optein oer igg'en leaf en 't sinnehert,
in well'ûntspringt, mar't springen sels net heart.
Sa bleau hja mammich ierdske dei omdoarmjen,
en hja noch ik wit hoe of wêr; oft stoamen
3080 fan eigen wil har dreauwen, of wol dat
har loek it fûl begearen fan in god.
Ik wit it net, want al dy tiid wie ik
dysels, djip yn dy, Maaï; gjin eagenblik
waard rûnsjoen, mar wy fielden djip tegearre
3085 in smoute smûkens as fan dûnzen fearren.
En doe't hja wekker waard, wie't troch in sigen
fan frisse driuwkoelt'en in stadich stigen
fan dizen drôg'en't wie dêr tige donker
fan klamme dûnzen dampen; 't wie as wonk der
3090 in man mei grutte eagen. As baarnd'in fjoer
tichby har, waard it waarm; gjin skerm hong oer.
Har eagen seagen dêr de stjerren daagjen.
Mar rûnom wienen wolken lykas hagen
fan sêfte konifearen, ûnder't bêdzjen
3095 fan kjessens moas, wêrop de fuotten trêdzje
yn't bosk by't maityd, as hja kjessens meitsje.
Hja tocht: 'Is hy der noch net?'-Minlik laitsjen
glied flau har wangen oer; hja hoegde neat
mear bang te wêzen, want waard dêr net read
3100 de skimering?Dêr wied er wis wol yn.
Hja dreau dêrhinne, mar de reade skyn
dreau fierder ek. Hja gongen no tegearre,
in grutte treast foar har. En ûnder fearren
de kjessens fan de dize. 't Waard ek wyt
3105 en ljochter boppe: in donkre ûne dy't
hiel stadich gluorket. 't Wienen skiere skimen
mei kliene mul en witich stal, dy't wymlen
heech yn'e hichte en dy't bledsjes swierden,
blomblêden fan de roazen. 't Wienen sieden
3110 fan ljocht, want dêr't hja sonken, skeat it tel
as nôt ta risping troch de diz'en del
foel't ringsom Maaï har skouders. Dat hja sa
ûntfongen waarden, wie in nocht, tocht hja.

En stadich wykte all diz'en waarden
3115 de donkre drôgen wei en skiere skaden.
En alle skimen flechten en hja seach
de kloft fan damp ferdwinen út it each.
En stadichoan begûn muzyk te tingljen,
blomkes en klokjes fan muzyk te klingljen,
3120 in bingel yn in klok syn glêzen hús.
En elke klank fersplintre doe ta grús
de klok en bingel, want foar mar ien klank
wien'beide berne; dea wie dêrmei mank.
Wolken muzyk begûnen doe te driuwen.
3125 Maai seach se net, mar hja seach al har riuwen
balken en ringen, en yn ljochte fierte
se rêstich rizen, en de folle mjitte
fan klankerykdom koe hja klear beseffe.
Se wienen blijread, sûnder barst en effen.
3130 Wol wienen hja yn stilt'omhegen tein,
boarstten yn wolkbreuk fan in klankerein,
en reinden del yn glêzige gerdinen,
leadrjochte strielen, drippen dy't trochskine,
as kralen gearreaun ta in krâns fol sier;
3135 foar d'earen tichteby, foar d'eagen fier.
Wylst swier'en lichte klanken hinnefleagen,
fielde hja yn har op en del de weagen
gean fan har langst; as't bem dat jit net rint,
earst swak, mar dan allyk in sterke fînt,
3140 koe't elts oar byld ferdriuwe úte siel.
Maai tocht: 'Is Balder noch der net?'-Alhiel
rûn koe hja sjen, mar hearde gjin geroften.
Dit like d'ierde, want der stienen kloften
fan beammen rûnom, slanke popelrigen
3145 dy't sinneljocht graach hein'en mei har twigen
it skodzjen tjemzje. Ljochte skeanten gongen
omheech ta klingen op en dêr ferkrongen
har blommen by de rûs. En fierders stiigden
berchwanden steil omheech, en dêrfan niigden
3150 har wetterfallen del ta dronken springen.
Har langst waard sa sterk, hja koe al dy dingen
fan d'ierd net mear ferneare, want har nocht
fergong fan leafdesmert, sadat hja sljocht
him seach yn alles. Yn dy waan fleach hja
3155 ta op in beam, gong dêrfoar stean en sa,
mei d'earmen wiid, kroep hja him oan; hja fielde
en tute him en field'yn him in siele.
En dêrnei sprong hja yn in sleat, dêr groeven
njonken de rigen beammen, en útskroeven
3160 waard hja fan't peazgjen djip yn't woelich wiet.
Doe waard hja op'e wyn fereal'en liet
dy mei har trêden yn. Hy wie har iten

en drank. Hja streake'm; yn har griene rite
seach hja him loddrich oan en mei geskrip
3165 skeat hja der troch en fiede sa him djip.
Hja rûn troch greiden en oer heuvels hinne;
hja rûn op bergen, moast troch't wetter rinne;
hja rûn troch Balders ryk mei al syn rikens.
Ja, hja wie rûnom en seach syn gelikens
3170 yn alles, mar himsels net, oant hja kaam
yn in bedel'ten dêr himsels ymaam.
Hja fûn him, dronk him mei de eagen yn,
sprong op him ta en griep him. Ut noch yn
woe hja net dat er spriek; hja drukte him
3175 de lippen ta mei harres; beider stim
waard gâns in hoart net heard. Hja siet tichtby
tsjin him oan en hja bûgde har neiby
syn boarst, tild'op de holl'en stille sa
har toarst. Hja snokt'en amperoan koe hja
3180 de siken krije; 't kopke liet hja kriem'en
hja boarste op syn skouder út yn skriemen.
Hy wie in man dy't wûnders fan gefoel
wol wend wie, om dy reden koed er koel
en rêstich sitten bliuwe sa't er siet,
3185 wylst hja útskriemde. Mar mei gauwens liet
er har byld yn syn hert ta, sa't hja gûlde.
Doe waard er sels waarm en sloech mei gefoel de
hannen om har en hold har by him fêst,
mar gûlde sels net, krekt of hie it west
3190 syn suster, dy't útskriemde har fertriet.
Doe't hja syn triennen drippen fiede, liet
hja mear de holle wik'en seach ferhûge
ljocht troch de triemen, doe't hja't antlit droege.
Doe seach hja wer syn lippen, en ta tûtsjen
3195 bûgde hja oer. Hy fiede yn har útrjen
har hearlik sykheljen mei sines weagjen
as maitydswyn; doe kamen him foar eagen
gâns oantinkens en ljochte maitydsbylden.
Hysels waard as de maityd en der lylden
3200 fûgels yn him as yn in jonge beam.
Doe wiek hja fan him en hja siet neist him
beskromm'en skruten, mei de eagen ticht.
Doe't him har hannen lieten, teagen licht
wer tinzen yn him, sa't by't hofkesjongen
3205 de bem yn't hôf fan d'appels dy't dêr hongen,
in hanfol gnobje wol, mar gâns mear frucht
yn't gers fâlt, dat der read en giel fan sjucht.
En doe't hja, einlings kalm mar skamteread,
de flesse fan har bûnt fertriet útgeat,
3210 wie't him as wie nei't swijen fan de nacht
en bleke skimering mei't wiffe ljacht,

hommels de sinn'út wolkesompen riisd;
as wie de sinn'as loftballon opbliesd,
dy't kleur ferspra't oer loft en see en fjild,
3215 ja, alle dingen dêr't de wrâld fan tilt.
"Ik bin mar Maai en wenj'op ierd", sei hja,
"t WienSinn'en Moanne, dy't my oanset ha.
No bin ik grut; 'k sit njonken dy as frou.
Meitsje my grutter; 'k bin noch lyts en skou.
3220 O, lit my nei dyn wurden harkj'en sa
alles ferjitte wat'k fernommen ha
oer jeugd en skientme; sjen wat is fan dy.
Ik wol dyn skaad; wês do in beam foar my.
O!stean no boppe my allyk in beam;
3225 lit my lizz'ûnder dy!As yn in dream
hear'k dan dyn blêden riss'ljen. Fizioen
fan dy wol'k wêze; inkeld mar ien tsjoen,
in dream fan dy!Meitsje my fol besibbe
oan dy, frucht troch dyn gloede tynd ta libben.
3230 Ik wol dy alles jaan wat'k ha; ik skrep
derfoar en ha dat altyd dien. Ik skep
út my wol hûndert dingen, dy'k dij bied.
Ik bin in myn allyk; út donkre ierd
bring ik omhegen grutte edelstiennen
3235 by bergen. Ja, ferblikke sil de sinne
as er dy flonkring sjocht. In wjittering
streamt sa fol ljocht nei dy; allyksa spring
ik lang al, Balder, iepen foar dy, lea.
O Balder, Balder, hasto my noch nea
3240 gean sjoen oer d'ierde?Hasto dan teninter
sjoen, hoe't de ierdske goaden har presinten
my oanbean ha, en hoe't ik dy ûntfong
mei grutte wille, en der bliid mei gong
om laitsjend my te speeglj'en yn in wel?
3245 By moanneljocht lei'k alle skatten del
ringsom my yn it gers: in swide keat
fan skittering en strielegloed!Mar neat
is my dat wurdich mear, want dij ha'k no.
Mei ik dyn tuten drinke ek, nostó
3250 hjir nêst my sitst?Bist my in grutte wel
fan tuten en genot. Ik koe sa fel
nei dy ferlangje yn in nacht op ierde
en yn de himel!-En mei lang berieden,
as woe hja al har fantasij fyn priuwe
3255 yn eltse tút, besocht hja stiif te driuwen
har lippen djip yn sines, en dêrmei
skriemde hja wer en gûld'aloan en wei.
En troch har lûd liet hy him widzj'yn nocht,
in fûgel yn'e sinn'allyk; dy fljocht
3260 net mear, mar sûnder doel driuwt dy yn't rûn

en fielt de sinnegloed-Troch't fjoer oerwûn
tute syn mûle har; har reade lippen,
ta sang ornearre, hiene'm dêrta priippe.
Doe't hja sa sieten as in pear allinne-
3265 twa blommen neist elkoar, dy't woeksen binne
oan d'útein fan it wâld; en d'iene aa it
bytiden d'oar, wannear it wyntsje waait,
en elts fan beide fielt de oare bleakrjen;
de stâlen wriuwe tsjin elkoar en streakje;
3270 de giele huningheren sjogg'elkoarren
yn d'eagem-riisden bylden dêr foar harren
fan mannich wûndre drôgen frjemd ferskinen
yn mjitt'en melodij en dûnsjend dinen.
No seach hja't lân fan Balder en syn ljocht.
3275 Hy wie de hear en god fan't lân, en brocht
himsels te wrâld en libbe blide dagen,
oant oare ûnderdienen him ferjagen.
Alles wat Maai doe foar har seach, wie nolc,
't wie syn bewâld en allegear syn folk.
3280 Hja hearde klanken fan syn siele brûzjen,
yn him en yn syn ritme lieten rûzjen,
mar bûten him seach hja it ljochte skymrjen
en yn in reach skimen fan skaden wymrjen.
Sa sieten hja; hy spile stille wizen;
3285 hja harke net, mar seach de bylden rizen:
In rige bern sprong dêr en eltse tûtel
hie teare skyn fan wite roazen. Mûtel
wien'eams en skonken; d'eagen flammensangen
as kearsen jûns op ljochters; op de wangen
3290 stien'reade flammen as op bellefleuren.
Hja rigen har yn geuren en yn kleuren
kreas op; jonges en famkes fan de mearkes.
En elts socht dan de dûnsmaat en yn pearkes
rûndûnsen hja. Sa dine duzendskoanen
3295 fan't wâld yn sinneskyn. Seeânemoanen
weevje sa twaresom yn't djipt fan see. -
En doe ferskynd'ın fee; ringsom de fee
sprongen hja rûn en swierden om har skonken,
griepen har hân en draaiden har doe dronken.
3300 Doe waard it ûnder skimerich en jûn
en transparant as wettergrien; der spûn
in reach fan dûns en dau. Alles ferskierre;
gjin grûn wie mear te sjen en heech omfierren
fertoande him de nachtelike himel.
3305 De moanne riisd'oer't dizige gewimel.
Doe blonken moas en poddestuollen; 't ljocht
fan simmerbliksems flitst'en spoekljocht
dwil'yn'e loft; en mei ferblynjend nocht
rispe de moannesichte nôt; de ieren

3310 mei stjerrekroane, dy't har ekers siere.
De loft wie fol mei grize twivel boarne.
't Ferdonkre stadich; doe ferdwûn de moanne
har sichte en de beide skerpe dolken.
En driigjend dreauwen rûn rju tongerwolken.
3315 't Wie stil; de loft wie inkeld ien swart fet,
fan broeiskens fol en sûnder ljocht. It hert
sels fan de nacht sloech net mear, mar wie dea.
't Lyk fan de nacht wie waarm jit, swart en rea.
Ut swarte ierde bloeiden twa fioelen,
3320 twa blauwe blommen, en gjin strielen foelen
fan ljocht op har, mar selme hienen hja
blau ljocht yn har, dus flonkeren hja sa.
Hja foarmen fan dy gloed in dreamkastiel;
in widze fan blau blomt dêryn, fol priel
3325 fan blauwe side. Doe't it hûs foltôge
wie, swijden hja, wylst hja elkoar beskôgen.
Twa bleke minsken kamen doe nei foar,
stiif tsjin elkoar, de earmen yn elkoar.
Sa stienen hja, wylst hja elkoar oanseagen
3330 de holle d'ien nei d'oar ta bûgd; mei d'eagen
ferwaarmen hja elkoar. En om har hinne
wie neat oars as hja twaën; poer allinne.
En d'iene spriek en't fanke utre bliid:
"Do bist alhiel yn my; 'k ha lange tiid
3335 al by dy heard, en wat dyn libben is
of mines, wit ik net. Dyn likenis
bin ik, do mines, As út dy en my
in bern no berne wurdt, dan heart dat by
ús beiden likefolle, want wy binne
3340 as maten ien en mien yn beider minne. "
En nei dat sizzen wienen hja ferdwûn,
blauwe fioelen yn in dûnkre jûn.
Donker wie't wat om Maai ek himewynde.
Yn Balder bromd'in swier gebrom. Der skynde
3345 foar har in glinstring op út d'eftergrûn
fan al syn tinzen, en dy waren rûn
as skimen, wuoll'yn't tsjuster, op har ta.
Hja gong oerein en lústerjend sei hja,
no kalm wol, mar har lippen brânden wer:
3350 "Ik bin fan dy fêrfolle en ik hear
al lang by dy. En wat dyn libben is
of mines wit ik net. Dyn likenis
bin ik, do mines. As út dy en my
in bern no berne wurdt, dan heart dat by
3355 ús beide likefolle, want wy binne
as maten ien en mien yn beider minne. "
Doe daavr'en knette tonger; grutte spoeken
fleagen yn flitsen rûn en hommels doeken

hja del. Hja spatten skril op; gûlend wieken
3360 hja wei, wylst hja de hannen heech opstieken.
Balder rûisd'op allyk in rots, saffier
wien'al syn lea; syn hier wie swart en skier
hannen en fuotten. Doe sei Balder koart
wurden as stiennen: "Nea, nea, nea, !" -en swart
3365 bev'er as d'esp dy't fan de tonger slûn is.
En jitris sei er: "Nea!" -en as in fûnis
foelt wurd fan boppen swier op Maaie del.
Hannen en fuotten stiek hja út en kjel
siet hja. Hy rûn in ein fan har fandinne
3370 en bleau doe stean. Hja fiede om har hinne
no leechte en kjeld, beswim'en wist neat mear,
as ien dy't yn de winterkjeld befrear.
Stil stie er en hy fiede'm kâld as iis,
krekt oft hy ek befrear, en blauw ich griis
3375 waarden hannen en fuotten. En in brosse
berch iis wie yn it hoal fan't hert, in skosse
dy't fan it iisfjild yn de Poalsee rekke
en nachts omdriuwt yn stille see, bewekke
troch strielen fan de moame, blank en suver.
3380 Doe trill'er yn syn gruttens en de huver
rûn oer syn lea as fan in hege treppen.
Syn tosken klappertosken mei in kleppen
rap tsjin elkoar. Hy lake lykas't wetter,
dat winterdeis op bergen falt; gekletter,
3385 dat gryn troch hompen iis en kleauwen riidt.
Syn laits wie skattrjen, mar hy wie net bliid.
Doe waard er stil; hy hearde yn in miensang
koaren dy't segelieten songen; iensang
yn klankeflarden; heldre heldesangen;
3390 klearlûdich klonken dy. En op syn wangen
ferskynd'in helderreade gloed yn fleagen.
En roerleas hark'er nei de klankeweagen
riemslaggen fan muzyk en wjokkebrûzjen
en brede slaggen sa't de wjokken rûzje
3395 fan earden, of it wie oft siken wâlen
út boarst fan mânske keardels. En dêr rôle
út syn boarst ek in stream fan sterke suchten,
it balten fan in boll'allyk, it luchtsjen
fan roppen en fan razen en gedoch.
3400 Hy tocht net mear oan Maai, mar trêde troch
en stapte troch de himels yn in klaad
fan lûd, in sleepmantel; en breed wie't paad
fan weagen efter him; in kening prûs,
dy't trêdet troch de sealen fan syn hûs.
3405 Dat trêdzjen waard ek stadiger; hy kaam
wer dêr't Maai siet; en dat besef ûntnaam
him't klaad fan lûd, dat lûdleas hinesigde

del om syn fuotten. Oer syn siele niigde
en sprate him in dûble sêfte wjok.
3410 Doe kaam yn him't gefoel as wat in klok
fielt foar in pyk. Syn hert wie no yn rêst
en fiede djip tefredenheid, sa rêst
de ark yn't alderhillichst: steatlik stil.
Doe kamen yn-de flier oer rûn geril
3415 fan bleate fuotten; priesteressen tsjoiten
yn blide rigen, spyljende op floiten.
De blommen yn har ljochte lokken roeken
swiet. Dearnis wie't mei Maaie, dat hja loeken
gerdinen wei. Hy seach har byld doe tel
3420 stil sitten. En hy knibbele dêr del
dêr't er har sit wist; waard wer de jongfeint,
sa't hja him koe. En út syn mûle heind
as alsem út albasten krûk naam hja:
"Nee, Maaie, nea hear ik in oaren ta.
3425 Ik, Balder, ik bin blyn; ik kin net sjen.
'k Sjoch neat oars as mysels; nea dy, myn bern!"
Sa spriek er hy lei de hannen warch
del op har skouders. Lykas yn it park
in blom al ier yn't jier troch sim'ûntbarnt,
3430 ûntflamme hja. Har kâlde smert wie raand
ta triennen, dy't hjit streamden út har eagen.
En hja sei wer syn wurden, dy't har pleagen
mei nije pinen: "Maai, ik kin net sjen.
'k Sjoch neat oars as mysels; net dy, myn bern!"
3435 En doe sei Balder-'t wie krekt oft der spile
in oargel yn in lege tsjerk'en dw ile
't dof lûd tsjin muorren, dat de wulften folle.
Mar't kliemen klimt ta daavrjen; klanken dolle
de stilte iepen en de hillgennissen
3440 yn alle hemen en geheimenissen.
Hy sei: "Ik ha sa west as do; ik bin
no net mear sa; as nimmen mear; Ik ken
myn âld aard wol jit, mar dat giet no dea.
O!sjen te kinnen wie alear myn brea
3445 en drank, te hearren, fielen en te keuren
wat om jin is, de hjitt'en koele kleuren
en't sykheljen, dat giet troch hiel de wrâld
en dat elk wêzen troch syn bad behâldt,
en dat syn ynlik ta in ûne blaast,
3450 dêr't sels de fjoergloed fan de hel yn raast.
Dy easket branje, dat is't wreed begearen
fan wiidgouwende bek; de hân dy't mear en
mear grypt, hâldt graach de lange vingers kromme.
Dy teistret alles en ferdjert wa't komme
3455 yn syn berik; dy't omsmeit nei syn wil
wat is; dy't hatet al wat blank en stil

altiten is; dy't skept en bernet elts,
omt hy himsels ek hatet en net sels
trochlibje wol, mar fûl de dea bestrîbbet
3460 Sa binne god en minsken, elts dy libbet
ferwurdet en fergruzet, ja ta stôf
fergiet de ien nei d'bar. Hja wurd'in hôf
fan deadsbegearen en fan toarre bonken.
Hja bernj'in nij skaai en hja wurde wonken
3465 fan dea, haatsjend harsels en al wat is.
Har winsk wurdt wier yn woed'en drôfenis.
Hja binn'ek net kontint mei wat hja fiele
yn har, mar wierje ek de drift fan siele
en kuolje sa har willewoed'yn folle
3470 skeppingen ôf, wylst hja in grêf sa dolle
foar't djoerste, wat hja bimm'in hoart yn al
har uteringen. Sa joech Wodan stal
oan wat er wist en fiede, hy as witter
en fielder d'aldergrutste, en no hjit der
3475 in wrâld nei him. En hy is eam, en dea
sil grif hy mei syn wrâld gean. Noed en wea
fielt hy foar beid'al. Hy kin't lok net fine.
In deadswolf sil har beide grif fersline.
Soms komt jit mannich bleke, âlde tins
3480 yn my op; 'k sjoch dan fan myn hege stins
fan myn paleis de âlde goadewrâld
lykast' alear wie. 't Fjild telt as by âlds
fan goadne dûns; ik sjoch har mânsk postuerjen
op mjitte fan muzyk; en yn figueren
3485 dy't skier al bin', ken ik wer har gedaante.
Soms bloeie strûken om my en ik waan te
sliepen op ierde; dan sjoch ik it wiid
fan see en wolken en it ljocht, dat swiid
fergruze oan de himel, dêr't no stjerren
3490 spûn binn'yn glâns op't blauwe klaad fergearre.
Soms tink ik oan in frou as doesto kaamst
niiskrekt, doesto my yn dyn earmen naamst
en longrjend tutest. Fieldest doe de smert
fan eigen langst en eigen leafde net,
3495 't liif freg'om't dwêsten fan de felle lôge
fan dyn geniet? Dy hat dochs ûnttôge
de aldermoaiste glânzen yn dyn eagen.
Soms fiel ik noch as do. Niis hat myn leagen
dy wol bedroegen; no bin ik oprjocht
3500 en earlik wer en fiel wat'k altyd tocht.
Maai, hear my goed: der gloeit yn alle libben
en eltse lea in flam. Elts fielt dy bibjen
ienris of twaris, mar net faak en folle.
Men neamt dy gloed de siele; minsken stalle
3505 der lange, wûndere ferhalen oer.

De dommens ûnderhâldt har net, en't fjoer
stjert dan fergetten yn in iensum dwêsten.
Bern ha in aan fan har, as hja te rêsten
gien bimm'en lang jit stoarje yn'e slomme
3510 sûnder ien tins. Hja fiele neat dan kommen,
gjin byld riist foar har eagen; ek yn har
skynt neat te libjen of te drôgjien. Mar
dan fiele hja har libben riizjen en in
delsinken; sykheljen giet troch de hernen
3515 fan't hert, en ûnder hege himeltroan is
nij libben berne, no't it âlde stoam is.
Sa is't ek mei op jierren kommen froulju,
âldfammen, dy't de lange rige manlju
dy't om har stykje, jûntiids bûtenslute.
3520 Sa'n faam sit op in stoel stil foar de ruten,
mar sjocht net út; deagen binn'ticht foar't wea.
Har hoop is wei; har libbensbeam is dea.
Dan fielt hja twigen útrinnen djip yn
de siel, dy't wiuw' op d'amme fan de wyn.
3525 Hja huvret, wanklet, skriemt in amerij
de eagen iepen; dan is't wer foarbij.
Sa is't mei mannen, dy't men dichters hjit;
in jongefint dy't slaafsk bestean ferjit
in oere, in dei; en harket nei de stim
3530 fan eigen siel, wat berne wurdt yn him
oan libben en oan wûndre dieden, stalle
fan't djipste sels, en streamen dy't ferfolle
binne fan klanken, nimmer heard tefoare.
Sa harket hy, troch eigen tsjoen bekoare.
3535 Dat libben hat in byld. Hear nei de koarte
dream fan myn lok! Ik iepenje de poarte:
Sjoch hjir de ynkomst fan in bûnte staasje
ruters op hynders yn in prûze graasje.
'tByld fan dat libben is muzyk. Wa hat
3540 dy wûndre klanken oanheard, sûnder dat
syn siel útbriek en't âlde libben plette
en mei in raam in nij toaniel opsette
fan't nije libben sûnder bylden, sûnder
dat immen ea begrypt dat nuver wûnder,
3545 dat skyn noch skaad hat, mar allinne bûlen,
dêr't neat as lucht of bobbels sjipp'yn skûlen.
Muzyk hat neat mei oare dingen mien
en wurdt fan doffe simmen net ferstien.
Dy binne blyn foar har; hja hat bestek
3550 fan foarm noch kleur; de lucht allyk is ek
hja foar it each ôfwêzich; earm yn skyn.
Hja is it leafst en heilsumst medisyn
foar har dy't mêd bimm'fan it sjen en smeitsjen
fan folle wrâld. Dy drinke har; nei't reitsjen

3555 fan grage lippen, wollhja neat oars drinke.
 Dy nektar kin ferjit fan alles skinke.
 It sielelibben is muzyk; de folle
 floedweagen fan gefoel; de ivich golle
 útstream fan klanken; geysers dy't gleon siede
 3560 wâlwend yn steam dy't krôlet; gouden sieden
 fan rûne en folsleine ieren, bûne
 skeaven fan klanken, set ta nolke skûnen
 fan lichte lûden, nôt fan wyn trochwaaid.
 Snieballen fan muzyk is't; iis dat teit.
 3565 Iisbergen dy't teran'yn eigen wetter.
 't Is fûgels fan muzyk en lûd gekwetter
 fan fleurige froulju. Elts is sels in folk
 fan klanken en mei eigen tonge tolk
 fan eigen sang. In float is't fan muzyk.
 3570 Elk skip fart ûnder eigen seil unyk.
 It is in rein fan klanken út'e loft;
 in ierd dy't sjongt yn ien wrâldwiid geroft.
 Is dat wol sa? Is wol myn siele wis
 muzyk, dy't bûten my ea fallen is?
 3575 Nee, dat is't net; gjin wurden binn't; gjin klang,
 gjin dingen binn't; en nimmer kin in sang
 de sieleweagen klear yn klanken stalle,
 want alles is mar byld fan har, en falle
 sil ier of let it byld ta stof; hja bliuwt,
 3580 wât om har falle mei of hinnedriuwt.
 Wa't sa syn siel is, is himsels ta god.
 Ik bin myn siel en ik bin d'iene god.
 Troch gjin ding wurdt no noch myn blinens hiele.
 Gjin byld bestiet njonken myn god, myn siele.
 3585 Bûten myn siel is neat mear dat bestiet,
 gjin klang, gjin wurd, gjin ding dat my ferliet.
 Ja, har wol'k ha en haw ik. Gjint dy't ea
 as hja mei my bewenje mei dit gea.
 'k Wol gjin ferlin'of takomst ha, mar hjoed.
 3590 Altyd is hja gelyk; hja ken gjin floed
 of ebbe; is ivich; hja allinne is,
 en libbet út'e selsûntfinzenis. "
 Hy ging oerein. Maai seach in blauwich waas
 boppe syn krún; syn antlit blonk. As dwaas
 3595 sprat'er de earms út en skynde te drinken.
 No wist hja: hy wie net foar har; te sinken
 begûn hja, traach earst, flugger doe. Syn stim
 bleau yn har ear as't iennichste fan him.

Tredde Sang

't Wie nacht,
 3600 doe't alle wolken te begraven gongen.

Ik siet dê't in rivier rûn en der hongen
treurwylgen oer my; dêr skriemde de wyn
allyk in bêm sêft lije triennen yn.
't Wie sa'n rivier dy't út'e bergen springt
3605 en tusken diken fan de lamen kringt
fan Dútslân en fan Nederlân nei see.
It wetter brûz'as in ferlaat op't stee
dê't oerrint yn'e winternacht. In tsjalk
fear soms de stream del as in swarte falk
3610 op syn twa flerken, wylst in wynread each
foar op'e boech út swarte troanje seach.
It skip dreau fierder; 't skûme om'e bûk,
en'k hearde minskestimmen út it lûk.
Ik fielde my hiel tryst, omdat ik wist
3615 it drôvich lot fan Maai. En yn in mist
seach ik jit har fergese lange tocht.
En om my klage't yn'e loft. Ik socht
har stîm, mar hearde dy jit net dêryn.
Mar àl it klamme waaien fan de wyn
3620 trocht' jonge reid en lytse wylgen en
wat bjirken; sêft geskriem ek, oft in bern
yn't tsjuster rûn en gûlde sûnder snokken.
De tûken flotsken yn it wetter; klokken
en guorljien die't dêrtusken lyk in fisk,
3625 dy't swimt mank wieren yn'e tsjusternis.
En doe't ik drôf de eagen sloech omhegen
en tante wêr't hja wie, en ûnderfrege
de wolken, dy't heech oan de himel wielen-
hja liken op'e bultige kamielen,
3630 sa't dy sleepsoalje troch de sânwoestyn-
seach ik Maai hommels tusken harren yn.
Earst like hja in stjer mei diizge skyn,
aloan ferskietjend; doe koe s'ien fan't fyn
en flodderwjokjend flinterfolk belykje.
3635 En doe ien fan de bern, dy't dryst besykje
te fleanen as in hin dy't fleane woe;
hja slaan fergees de flerken út-en doe
skriemend myn Maai, in leeljewite faam.
En wylst har bleke fuotten trillen, kaam
3640 hja by my en siet neist my oan'e stream.
Wylst rûze eltse lea fbeklaaide beam;
de beammen beven as ús eigen herten.
Yn mines kôke't bloed hjit, mar har smerten
hien'stiif har hert beferzen, en hja sei
3645 gjin wurd, mar hja siet stil neist my en swei.
Yn klamme rein en oan dy brede stream
siet hja mank't tryste beamt yn tryste dream.
En by it kommen fan de reade dage,
doe't swarte soarch fan't wiet en't leaf ferjage

3650 waard troch it sinneljocht -dat kaam te hûzjen
mei fûgels yn'e tûken-en it brúzjen
fan weagen fleurich waard, sei hja tsjin mij
wat ik al wist. Hja sei ek op'e nij
Balder syn wurden, godlik, wûnder fraai.
3655 Ik bleau in skoft hiel stil en tocht djip nei,
mar ik begriep it net; myn geast koe net
sjen hoe't hja wie, wannear hja gjin ferlet
fan eagen en fan earen hie en winsk
fan oars en mear, nee, dat begrypt gjin minsk.
3660 't Waard aloan waarmer, wylst it skaad no kaam
ûnder de beammen, dêr't wy sieten. k Naam
har hân. Wy rûnen oer de mânske diken
mei't wiuwend gers; soms stien'wy stil en dikren
as út'e fier't in stomboat streamop kaam
3665 mei skippen yn'e sleep, lykas in raam
as belderman rint foar de nuete skiep.
Doe waard yn har wer wekker wat yn sliep
al rekke wie. Dryst sprong hja fan de dyk
en plôk' in blom en seach dêr mankelyk
3670 stil nei en treau him tsjin har boarst as kroast.
Doe woenen alle blommen graach har toarst
ferslaan: hja wigelen yn kleurge kloften
fan spranken him'en wer. Yn geurge loft
sykhellen hja. Wy rûnen troch, mar wykten
3675 fansiden, geand'oer ien fan dy twa diken
dy't keare de rivier syn brede wetter,
de fjilden yn. Dêr rattle mei gekletter
in hege beam, in sulverpopelier.
Dêr sieten wy en hearden't grut plesier
3680 fan't blêdte, wylst de sinn'omhegen klom
en al it leaf boppe ús hollen glom.
Kij baltten; boeren kamen mei de weinen
te melken en te meanen mei de seinen.
By'n pleatske knarst' in doar dy't iepne waard.
3685 En wolkens follen mei har gliidzjend skaad
en ljocht de fjilden en de mied'en bou.
En skaad en ljocht wikslen elkoarren ou.
En op'e bouwen kamen út'e buorren
arbeiders, en hja sammelen de kuorren
3690 fol fan de donkre ierdfucht, en rûngear
kroepen de rigen mannen oer it hear.
Dat alles seagen w'út'e fierte oan.
De sinne klom; de kleuren fan de moarn
bedroegen en de blêden glânzgen lang
3695 om let ta goud, en ek de klearre sang
fan't leaf hearden wy oer ús net mear lyljen.
't Waard middeisskofft; hiemdoggen gien'oan't byljen,
doe't fan it lân it folk kaam foar de skaf.

Hja hoartten oan it keatling mei geblaf.
 3700 De mieren flijden djip har yn it gers
 en witten blauwe kilen lein'oerders.
 De wolken doarmen út'e loft; it tilde
 fan hjitte oer de ierdedroege fjilden.
 Dêrboppe stie de sinne stil te skinen
 3705 en d'ierde lik'in waarme see yn't dinen.
 Ik riisd'oerein en gong de miede rûn,
 soms efter en soms foar har, sa't in hûn
 soms foar de keppel rint en soms dernjonken.
 'k Seach hieltyd nei har om; de blêden blonken
 3710 oer har yn't sinneljocht. Stil, lyts en read
 siet hja en seach my net; in flonkring skeat
 troch triennen hinne strielen út har egen.
 En ik rûn fierder dêr't de greid'omlegen
 gong nei in sleat; sleepsoaljend rûn ik hoeden.
 3715 De blommen dêre dy't myn fuotten roerden,
 dy roeiden hinn'en wer, en stadich gong
 ik oer har hinne en myn holle hong.
 Der stie in frou tusken de foarste strûken
 fan leech strewel, en slûke wylgetûken
 3720 dy hongen om har, streake fan de wyntsjes.
 Ik koe har wol en hja my ek, en fyntsjes
 glimken wy tsjin elkoarren. Dy frou wie't
 dy't eartiids Maaie moet'en gjin fertriet
 har dwaan woe om de blidens yn har egen.
 3725 Hja tilde d'iene earm op; yn dy hege
 stân wiisde hja nei Maaie en freg'allinne:
 "Gûlt hja no ek yn dizze middeissinne?"
 En ik gong op har ta en sei hart lot
 fan Maaie; hja hold har earm nei wêr't hja fuort
 3730 Maaie oanwiisd hie, en lijde folle pinen.
 Hja hark'en sucht'en preuvele mei skrinen,
 doe't ik útsprutsen wie, sels Balders namme.
 Wy stienen swijend dêr; allyk ferlamme
 hold hja de earm jit heech nei boppen ta.
 3735 Wy twaën seagen Maaie fan fierren sa
 ûnder de beam, en lang om let sei hja:
 "Balder en Maaie in pear? In moaie dream.
 Wie dy útkomd, wy hienen mei in glim
 ús mêd wol deljaan kind en alle goaden
 3740 hienstjerre kind. Wa hie dan alle oarden
 fan d'ierde urven? Mar dat is net bard.
 Hja sit dêr wer allinne; like swart
 iensum as eltse frou wie op'e wrâld,
 dy't syn lûd ienris heard'en yn't ûnthâld
 3745 bewarre. Ik ha him ek heard en bin bleek
 as ûnder damp it wetter fan in beek. "
 Húvrjend field'ik de maitydswyn kâld waaien,

doe't wy in skoft jit digeren nei Maaie.
Doe gong hja fuort; de wylgetúken nigen
3750 ringsom har, doe't har holle hinnetige.
Maaieagen skroelden mines, doe't ik kearde
by har werom. Ik seach, dat hja begearde
tuten en teare fingers. D'eagen barnden
sa fûl, dat d'ierde en de himel raanden.
3755 En gleone triennen follen har de eagen;
hja die gjin war en droegje ôf dy weagen.
't Waard letteroan en koeler waard de miede
mei langer skaden. En doe kaam oer d'ierde
in tinne dize. En wy rûnen yn de
3760 stilt'beral, wylst de sinn'al leger skynde.
Wy seagen de rivier wer mei syn weagen.
Te blinken lei it wetter; dêroer fleagen
de fûgels nei har nêsten ta yn pearen.
Ik krig'ek langst nei hûs werom te kearen.
3765 Hja rûn mei my; de stêd wie net mear fier.
't Waard stadich donker op ús paad en skier.
Beamstammen tsjustren earst en doe it bledte;
't wie langer grien en read, mar waard oergetten
fan weagen tsjusternis ek; en de lucht
3770 allinne amme jit in poapren sucht.
En giele gloede wâle yn in glâns
de heale himel oer: in skulpenkrâns.
Dêrûnder dûnsen dol en derten skimen
as reade spoeken op'e himelkimen.
3775 Doe seagen wy de poarte fan de stêd
foar ús, de tuorren en it silhouet
yn dy dofgouden ljochten fan de brede
see fan de loft. De poarte wie ôffrede
troch muorren oan wjerskanten, dêr't wy gongen.
3780 En't wjerlûd fan de stap begûn te sjongen
fan myn twa fuotten; harres wien'ûntkrêfte.
't Wie dêr al jûn; om strjitten en om grêften
hongt blauwe tsjuster fan de skimerjûn.
En yn'e hûzen gong de nacht al rûn,
3785 as bamden jit gjin lampen yn'e buorren.
De strjitten wienen leech, mar by de muorren
dêr't finsters wienen, seach in inkle frou,
in âlde hjir, in jonge dêr, yn't blau
skaad fan de keamer nei de ljochte strjitten.
3790 En ienris hearden wy meldijen snjitten:
dêr rûzen snaren fan fiolespyljen.
En ienris út in tún it kleare lyljen
fan in parkyt ek, yn in kouwe fongen.
En swarte minsken rûnen yn djip longrjen
3795 nei hûs as wurge dieren; linen stienen
te dreamen oan'e singels; en ynienen

rûn soms in riding troch de beammekrunen,
as hommels dêr in siichje wyn yn dune.
Myn hûs wie ien fan d'op stedsmuorre boude.
3800 Ik iepene de went; wat dêryn roude,
de tsjusternis, waard ljocht, doe't hja ynkaam.
't Wie lyk in kroanjuwiël, ú'te skat weinaam,
as pân beliend dan by in Joad, dy't ryk
in hûs bewennet yn in donkre wyk.
3805 't Juwiël ferrikt't swart mei glâns en glimmer.
Sa wie hja hjir; de souder fan de keamer
wie skymrich en de tsjustre hernen gnysken.
Dy keamer fan it hûs wie heech. Der tysken
rju beammen oan de strjitte yn'e lichte.
3810 't Finster stie iepen, en hja stiek't gesicht de
iepning út, dêr't de swarte dakken wienen.
As deakisten op hege bieren stienen
hja foar beïerdiging yn swarte grûn.
Mar inkle ljochten barnden jit yn't rûn.
3815 En skimen sprongen efter ljochte finsters.
Har toand'in toer de sifers yn'e glinsters:
de tolve oeren op'e wizerplaat,
amper te sjen. Hja hearde ûnder't praat
fan manlju op'e stjitten mei elkoarren.
3820 Swietrokich sûz'in sigen, krekt oft gloarre
en rikke fierôf wijreek yn in skeal.
De geur fan blommenoalj'en dau rûn feal
by ús ta't finster yn, en de rivier
dy grânzgen gromme tichtby as in dier.
3825 En ik hie't heard en sjoen, hie't net my dûzle
djip yn myn hert en hie it net my sûze
yn d'earen; sleaten net omtrint myn eagen.
Myn brein wie leech fan tinzen, mar doe fleagen
der nije tinzen yn my. En ik siet
3830 fier fuort yn't donker, wylst myn hannen wiet
fan eangst wien'om har hâlding, sa't hja stie,
lykas doe'k foar't earst har seach, en dat wie
dêr't blauwe wylgen stienen by de stream.
Doe seagen wy ta't finster út: yn dream
3835 lei foar ús-like't-dizze swarte stêd.
mei alle ljochten út; in man dy't têd
syn mêde lea nei't noegjend sliepste tûge
en dûzich falt yn dreamen en yn drûge.
En ik joech ek my del ta swiete sliep,
3840 mar sliepte net. 'k Seach har allinn'en skiep
fan wolken foar it finster lâns bewegen.
Ik seach har wer. De wolken gien'omhegen,
en doe seach ik se ien foar ien ferdwinen.
De moanne skynde; 'k seach har net, mar't skinen
3845 fan stjerren al en dy har trage trêd

hiel moedsum reizjen oer myn hûs. Myn hert
bleau bang, wylst hja hiel stil by it finster bleau.
Alles wie swart; de Stilte rôp in skreau
om lûd en wurdrumoer en amm'oeribel
3850 fan har nei my, fan my nei har, in kliber
fan lange suchten, dy't as jûpen slierden.
En wylst de Stilte peinzge om te rieden
it lûd dat komme soe, en yn beried
jit mym'ren lústre, klonk der al in liet
3855 klearlûdich op: der floit'in nachtegaal.
It liet wie bern fan Stilte; 't wie de taal
fan Stilte sels, krekt oft de Stilte spriek
en stilwei waard ta taal, dy't hommels briek.
De geal swei, doe't it klokkespul te sjongen
3860 begûn heech yn in toer; earst waard der songen
troch ien bel, doe troch d'bare fan metaal.
In sang fan klokken wie't, in koart ferhaal
fan d'âlde toer, dy't song mei jonge stim.
Maai harke nei him op en seach nei him.
3865 Doe die hja't finster ticht en stiek de lampen
oan yn't fertrek; de hannen hold hja klamp'en
stiif gear, en dangl'in hoartsje op en del.
Doe stie hja stil en fljide hja har del
nêst my en kearde nei my ta har mûle.
3870 En har bywêzichheid wie as in skûle,
in tint'oer my fan feilichheid en skimer.
Twa stjerren seach ik foar my en't gewimer
fan't ljocht fan dy gloed field'ik om my bleakrjen.
Har eagen blonken; fan har antlit streaken
3875 har siken oer my yn woldedich kliemen,
krekt oft mei sterke eams hja my omfiemen,
myn wangen en myn holl'alhiel berûsden.
Al folter siken kamen en dy strûsden
mei koel'ten laven my mei't frisse wiet,
3880 dêr't ik yn doek as yn in stream, dy't sliert
mei teid iis, sa't rivieren maityds tine,
as oer de bergen strûze lije winen.
Dêryn fersonk ik en myn lea ferdronken
yn sykheljen fan sliep, wylst eagen flonkren.
3885 En hja lei stil, as in soldaat op wacht,
de fierste foarpost, harkjend yn'e nacht,
oft er de fijân heart. Hy tinkt oan thús,
oan wat fier fuort is, mar heart elts gespús
mei skerp erchtinken troch it tsjuster kommen.
3890 Foar't finster fleagen earst op fe arreplommen-
ien fear droech licht har-elfen fan it ljocht, en
doe stienen hja foar't finster en hja tochten
lang nei en seinen neat, oant ien it weage
en sis wat, wêrnei laitsjend hja ferteagen.

3895 Mar in jongfaam, har suster, kaam foar't rût,
kipe nei Maai en joech har gol in tût
op fingers mei, mar fage d'eagen wyld.
't Wie Juny, fan jit ljochter ljocht omspield.
Wyls waard yn Maai de deaderoffel slein
3900 op tromme fan har hert, lykas yn d'ein
soldaten drage harren deade maat
ta syn beïerdiging yn't ivich skaad.
Hja fieldyn har de earste weeën smerten
fan kâlde dea, as stoaren yn har skerte
3905 de bem fan al har winsken en ferlangen.
En Maai lei op'e rêch en liet de lange
hierlokken rêst'op't sliepstee dêr't hja lei.
Har boarsten dinen mei't sykhjekjen mei.
Har bleate, bleke fuotten lein'yn't donker
3910 te blinken; om har mûle stie't geflonker
fan't blauwe amjen fan in tinne flamme.
Har hamen leinen nêst elkoar, de klamme
en kliene fingers op'e bêdespriede.
't Wie oft yn har de kjeld syn omgong fierde,
3915 lykas de wyn de lette jûns omdoarmet,
of sa't in bern yn't âlde hûs omtoarket
foar d'ôfreis, en in boartersding bespiedt
en't yn'e hân nimt-mei in fel fertriet.

Doe waard har hert allyk it wâld by't winter
3920 mei al syn skrik; troch neaken beammen rint der
fergees de wyn; stammen en tûken binne
no hurd en stiif en steane as ferstienne
om fjilden fan befêrzen gers. Dan smyt
de moanne strielen iis as beamtapyt.
3925 Har huveringen wien't dy't my skril wekken.
Hja lik'in blom, dy't ûnder't snieën lekken
kjeld ligt, en net mear sliept fan kjeld en snie,
of as in seefûgel sa wyt as snie
mei reade poaten. 'k Lin'op myn earm en sa
3930 blies ik myn amm'op har en waarm waard hja
allyk alear, in blom dy't bloeit yn priel.
Doe brûkte ik de siken fan myn siel
ta sjongen, skolperjende weageklank.
Ik song in liet; hja swei en sei har tank
3935 noch net, mar kaam oerein en seach my oan
en sei, as wie hja yn har stim bestoarn:
"Do biste krekt as Balder mei dyn stim. "
Hja tute my, mar hja bedoelde him
troch myn mûle te tûtsjen en myn egen.
3940 Lykwols, har egen dwaalden fier omhegen.
En einlings waard it moarn wer en it kliemen
fan skimemoarn begûn en't fine skriemen

fan skiere triennen, drippen dy't net poer
fan sulver wien', in rein fan parlemoer.
3945 En einlings brieken troch de sinnestrielen,
dy't yn it dagerea ús wûnders mielen,
fynngouden strielen mei in nije fleur.
Wy fleuren op mei glâns fan nije kleur.
Wy hienen wer elkoar goed yn't fizier;
3950 hja my, ik har yn't goud fan't lange hier.
Doe waarden leave wurden sein troch har,
as troch in fûgel moarns. Ien winsk hie'k mar:
dat hja hjir mei har mûle bleau fol klanken,
dy't wynden om har mûl'as blommeranken.
3955 En ûnderwilens bleauwen wy dêr stean en
seagen ne't gouden blau en't flugge fleanen
fan sinnestrielen oer de blauwe pannen.
De loft waard troch it ljocht ta goud; te brânnen
stie op'e tsjerketoer, de gouden hoanne.
3960 En hjir en dêr floddr'in wynwizer, poanne
ûnstadich fan in wiffe wyn. Hiel fier
rûn't blinkend streamlint fuort fan de rivier,
dy't wynde troch de greiden, dêr't de kij
kalm stien'te gerskjen en de wylgen blij
3965 har blêdt'en tûken lykas flaggen swaaiden.
En heldre marren laken klear en geiden
en skattren fan de sinne, en de floed
hie dêr se brocht. En de oerstreaming hjoed
wie noch net droege troch de simmersinne.
3970 De stêd hie hege wâlen om har hinne.
Dêr fleagen doe ús eagen hinn'as downen
nei flecht wer yn'e til. Wy seagen't wiuwen
fan bûtenblêden fan it beamt. Ek rûn der
oer binnenblêden djipgrien ljocht, en ûnder
3975 guon stammen leinen griz'en giele stiennen.
En troch de stedsgreft skod'in skûte himme.
Hja frege my dat wy de stêd yn gienen
te sjen, wat folk en arbeid dêryn wienen.
Der lei dan oan de singel in lyts plein
3980 mei beamtegrien, dat skaat joech en oerte in
wie fan gielgouden sinnestrielen, stripen
dêr't hja nijsgjirrich troch de ipen kipen.
Dêr skrepten hinnen flitich om en blonken
goudbrún op swarte grûn. De hoanne pronk'en
3985 skodd' út syn reade kaam en bûnte fear.
Der lei in giele flapbrêg'en dêr fear
in skûte troch, dy't fjoerread wie fan kyl.
It wetter ronfle en it fjoer rûn dwyl
al bibbrjend nei de wâl mei swiet gerabbel,
3990 en tsjin de skoeiing rôle't wiet gebabbel.
It wie jît stil; wy seagen op'e hoeken

fan strjitten hieltiten mear folk opdûken.
In frou kaam út en struide giele kerlen;
de hinnen keakelen en fleagen fel en
3995 hja pikten en hja skrokten. En doe gong in
doar iepen en nei bûten kaam in jonge.
Doe waard it effen stil; de sinne klom;
oer alle gevels skynd'er skril en glom.
In timmerwinkel stie oan't lytse plein.
4000 De dei woeks oan yn sinne, mar folslein
koel wie de saak; fan donker hout de flier
en ek de souder. Tige âld en skier
liken de finsters; dêryn sinneskyn
trocht leaf fan d'ipebeammen. Hjir kaam yn
4005 âld en griis folk ta d'arbeid, sa die bliken.
Der leinen steapels hout; de sterke iken
en't spjalte fjurrenhout út Skandinaavje.
It folk naam't op yn swijen, en beskaavje
dien'hja en hammeren en timmren oan,
4010 drok skreppend yn'e griene simmermoarn.
En noch in oar bedriuw stie oan dy kant,
ek donker. En dêrfoar leit stîffol want,
touwurk en skippersark en houten blokken
en ankerkeatlings en ek twynde flokken
4015 himptou yn steapels. Binnen, yn it wyt,
sieten d'âld seilmakkers te pjukken dy't-
't each op'e nulle, 't seildoek hien'op skoart.
Wy stienen dêr en seagen ta in hoart.
Wy rûnen fierder; hiel de stêd fersûpte
4020 yn sinnegloed. As út in gouden kûpe
foel't sinneljocht, sadat de treppegevels
fan reade stiennen droegen en de nevels
fan glâns, dy't iere moarntyds rûnom is,
ferdampten, rest fan nacht syn drôfenis.
4025 Wy gongen troch de strjitten de stêd út en
wy seagen troch de poarten, dy't as ruten
binn'ta in hûs. Dêr amme fris de wyn
en lôget flamjend ljocht en stoarren blyn
de marren har en fearten en rivier.
4030 Der kaam in grutte wein oan; 't lûkend dier
pesjantl'en loek en sleat de trochgong ta.
Doe kaam in keppel skiep; dy fottlen sa,
de fluezen wolle hobblen, en in boer
op't hynder draafde oan; it blonk deroer
4035 fan skittering. En jonges skreauden dol,
dy't fochten mei de klomp. In kroech rûn fol.
Doe nei de wiken by de stêdswâl heech;
de doarren wienen smel, de dakken leech.
Gers yn'e strjitten; 't manljusfolk net thús.
4040 Allinne froulju, harkjend nei't gespús

fan miggewjokken yn'e hûs en't stappen
fan fuotten bûtendoarren en it klappen
fan buorljusdoar. De swingel fan in pomp
waard heard. Bytiden seagen wy de romp
4045 fan in âld wyfke, dat it wiete linnen
stil op'e bleek te droegjen lei. En binnen
de doarren gûlde soms in tatebem.
Lang sieten w'op dy brede ring te sjen,
de stêdswâl, dêr't de kamperfoelje klom
4050 omheech mei ranken en dy kroepen krom
de muorre oer. Dêrûnder wie de grêft
in skoarr'allyk, as him de see oertreft.
Dêr hat hja my ferskate fragen sein,
dy't heechop klommen oft de moaie wein,
4055 't reau fan har stúmlûd, klom de hichten op.
Wy praten hiel lang, wylst wy fan de top
fan tsjerketoer hieltyd de slaggen hearden.
Gjin toanen wienen sa swiet as dy'k hearde
út har mûle de frisse loft yn rizen.
4060 De kimen foar my domplen har yn dizzen
fan dampe triennen; en in wrâld fan wea
wâl'yn my op: hja spriek my fan har dea.
Wy kamen yn'e stêd werom. Doe wie
de sinn'al út'e strjitten wykt en stie
4065 op't westen yn in folle leger stân.
De strjitten wienen stil en oan de bân
fan d'effen greften leinen skippen nearzich.
De stiennen by de finsters waarden pearzich;
de ruten sels besloegen blau. † Gerdyn
4070 waard lutsen foar de finsters fan't kesyn.
Doe waard de Sinne droegen nei't westein,
allyk in Easterk hear, dy't yn syn wein
in lange rûnrit dien hat troch syn stêd,
en werkomt by't paleis. 't Antlit is mêd
4075 ûnder de waaier, dy't ljochtgoud oerbôge.
Sa gyng de grutte Sinne mei in lôge
fan ljocht gloed om him fuort, in palankyn
fan gloed en mei ferwiel sa read as wyn.
Op strjitte kamen espels froulju gear,
4080 dy't foar har swiere libben yn petear
treast fûnen; skiere manlju, dy't alear
nea't libben sa genieten, sieten stil
op't stoepke foar it hûs, wylst troch de bril
men kalm nei minsken en nei dingen diigre.
4085 Tsjin ien hûs stie in steger; yn in rige
kaam't mitselfolk de hege steger del.
Ek in jongfêint mei ljocht hier wie by't stel;
dy't efkes stean bleau boppe op'e steger.
Sa sjocht men yn it wâld in blauwe reger

4090 stean yn in beammekrún. -Hy eag'yn't rûn
de hiel'oranj'en swarte twiljochtjûn,
en lak'en delgeand fan it stegerwurk
núndr'er in sankje, sûnder dat er't murk.
Wer kaam de nacht, en wylst de lampen jitte
4095 net brânden, wienen stil de donkre strjitten.
Mar foar de glêzen seach in inkle frou-
in âlde hjir, in jonge der-yn't blau
skaad fan de keamer nei de strjitt'yn swijen.
En ienris hearden hja en ik meldijen:
4100 der rûzen snaren fan fioelespyljen.
En ienris út in gong it kleare lyljen
fan in parkyt ek, yn in kouwe fongen.
En swarte minsken rûnen yn djip longrjen
nei hûs as wurge dieren; linen stienen,
4105 swier fan de sliep, oan singels. En ynienen
rûnen bytiden ridings oer de greft,
wannear de wyn oer't wetter striek, hiel sêft.
Doe kaam de Nacht mei swarte hannen; 't wie de
swartberne man, de skande fan de ierde.
4110 Doe gongen w'yn 'e hûs sûnder gespús.
Wy sieten yn dy nacht tegearre thús;
wy sliepten net en dreamden net; de sangen
fan sliep en dea dy songen wy, dy't wangen
ferblikk'en't lûd fan hertstocht yn'e kiel
4115 benearj'en smoare. Foar my, geizich giel
siet Maaie wer; de mûl'aloan ynt reppen.
Dy utere de lûden, dy't by heappen
manlju en froulju op begraffenis
útsprekke op in dei fan drôfenis.
4120 Sa song hja soms allim'en soms wy beide
allyk in somber koar. De nammen sei se
fan mannich ding, dat hja oanskôge hie.
Har tonge trille, dy't yn rouwe wie,
in kleiliet op ientoanich treurge weagen.
4125 Selden in blide noat, wannear har eagen
opljochten en har holl'allyk in beaken
wie, en hja d'earms útstiek om my te streakjen.
Mar dan loek hja de earms yn drôfenis
tebek wer en wer hong de tsjusternis
4130 har om'e holle; as't brommen fan de imen
klonk dan har sjongen en har sêfte skriemen.
Dan swijden wy wer hiele oeren stil,
fersonken yn ússels; om ús wie ril
fan stâlte en it git fan tsjusternis,
4135 dy't tilt foar d'eagen en as blinens is.
Fan bûten kaam gjin lûd; myn keamer mêd
wie't grêf allyk, dat fier fan eltse trêd
fan minsken ôf leit, yn'e skerte teard

fan waarme woestenij. It jûntydsread
4140 en't moarntydsread oanskôgje't grêf fan juster.
Sa stoarren ek ús eagen yn it tsjuster.
En sa kaam einlings dan de lêste dei-
de brânheap fan in dei-meit fûl geskaai
fan flammen om it amper brânend hout.
4145 En doe't it jitte skymr'om ús en't goud
fan dage ljochte, kaam hja my hiel nei.
Hja knibble by myn knibbels en hja lei
de holle, swier fan hier, dêr om te rêsten.
En wylst myn hannen oer har lokken presten,
4150 tu't ik har op it ljochte hier; hja skûle
aloan yn swijen, bleau earst sûnder gûlen
allyk in bern. Mar ik fernaam it snokken
en triljen fan har mûle. En as flokken
fan snie, sa stadich streamden tsjokke ieren
4155 fan triennen oer har wangen. As't ferskierjen
jûns fan de sinne, seach ik út har wiken
de spranken ljocht, no't hja in alter like,
dêr't mar flau fjoer barnt yn'e donkre nacht.
Mar ien fonk gloeit dêr jit en hâldt de wacht.
4160 Hja gyng oerein en ik gong neist har stean.
Mei hier en eagen fonkle hja jit glean
foar my. Hja hold de holle stiif tsjin minen.
Ik seach wer út har each de glâns ferdwinen
en dôvjen troch de floed út triennenboame.
4165 Har earmen om my wien'sa't fan de moanne
de earmen binne, like fyn en licht.
Allyksa treau hja ek har tryst gesicht
tsjin mines oan; lang stie hja yn bekoar,
har each yn myn each, oant myn hert bestoar.
4170 Doe gong hja hinne en hja rûn tebek;
har mûle sei gjin wurd. 'k Seach har yn't fek
stean fan de doar; har each op my altyd.
Doe gong hja fuort en wie ik Maaie kwyt.
Doe kaam hja bûten, dûzich fan de nacht.
4175 Hja stoep sliepdronken yn't rebelske ljacht,
dat moarns tsjin't tsjuster opstiet en dat kiest
in opperteur: de Sinne. It ferliest
him yn de grutte glâns, wêryn it falt
en stjert en opgiet nei de deadespjalt
4180 mei Tsjusternis, dy't ek stjert. Sa bleau hij
mei al syn skyn allinne, grutsk en blij.
Iensum en drôf stoep hja de dage yn.
't Leaf fan de beammen prate fan de wyn,
dy't moarnsier waait. Der sieten jonge fûgels
4185 te sjongen op'e wâlen of as kûgels
fleagen hja fan in tûke ôf en oan.
De klokslach sloech de tiid fan d'iere moam.

Yn drôve drôge glied har ranke stal
de poarte út, in dyk oer by de wâl
4190 fan de rivier, dy't wraksle mei syn tij.
En hja betocht, hoe't wêze soe mei mij
no sûnder har, en oft ik wer in leaf
gau fine soe, dy't ik allike leaf
ha soe as ik har leave hie as skat.
4195 Doe tocht hja oan'e dea en socht om wat
dat dea wie yn it gers, mar fûn it net,
gjin dea noch drôvens. Want it libben set
by't maityd eltse blom en plant yn prûze
tier, krêft en glâns, om d'ierde út te brûzen.
4200 Sa wie har lêste dei en drôvich ein.
Lykwols, har heit, de Sinne, sett'útein
laitsjend mei nije glâns. En daliks wuolle
de Sinne suvre klearens om har holle.
Hy samle wat oars fan syn tutendrank
4205 it bêste part fan d'ierde kriget; mank
de bergen heldre marren; snie sà fier,
nea te berikken; faaks yn hûndert jier
mar ienris skôge troch ien inkeld minsk.
Dat seach hja en hja field'yn har de winsk
4210 en't feit te wêzen as in klear poel,
sa rein as goud, as't lytse bem sa koel,
jit libjend tusken wille en fertriet.
Sa waard hja troch de rike Sinne sierd
mei d'ien nei d'oare wale foar har eagen.
4215 En eltse ierdekym ferdwûn yn reagen,
wylst hege blauwe himel nêi no waard
en beamt'en blêden krigen gouden klaad.
Alles hie ien kleur no, oeral gelyk.
Hja field'yn't herte har no like ryk
4220 as wa't foargoed allinne is en neat
ferlieze of fergrieme kin; oars neat
as't eigen libben en d'eigen natoer.
Yn Sinne syn presint, dy gouden toer,
rûn hja no fierder. Mèi har gong de sier;
4225 hjasels wie't suverst goud. Har gouden hier
in nôtskeaf om har hinne; dêr't de ieren
út bûgje, dy't de skeaf mei glâns omswiere.
Doe barde't dat hja yn in oarde kaam,
yn't frisse gers, sa kein as in jongfaam,
4230 mank fjouwer iken dy't har leaf jit rea
fertoanden fan it maitydsbloed, fan skea
net skeind, mar patte troch it iere ljocht,
dat triljen en elkoarren koezjen docht.
En fol fan gloede waard dy hege dom;
4235 de ûnderside fan de blêden glom.

Blau wie de himel en der rûn gjin ril
trocht griene leaf; de wyn wie stom en stil.
Dit wie fan d'ierde't hillichst hillichdom.
Hja stie folslein rjocht en yn neat mear krom;
4240 rjocht wie har lea; har hert fan soargen frij.
De moarns dy lêste deis stie hja dêr, rij
yn skienste swidens, dy't de ierde'a sjocht.
Hja tocht jit gâns, mar ta in utring brocht
hja neat mear troch har kalmte; ien gefoel
4245 hold har read bloed en har blank lichem koel.
Sa't op in simmermoarn mei't folle doek
in trijemêstert' grutte wiid yn dûkt,
lykwols licht optilt oer de weagefloed,
de kop yn't suver blau, yn't skom de foet;
4250 sa't simmermoarns dy bark nei swarte nacht
opriist út tsjusternis en dan yn pracht
him siert mei gloarje fan de gouden wimpels,
de sinnestrielen oan de mêst-en rimpels
dy't foar de boech ek weag'as gouden kroan-
4255 Lykas in bern in iere simmermoarn
de tún yn giet en oer de effen paden
yn't rûn rint, mei it simeljocht beladen,
en baait yn sinnegloed fan it ljocht
en net wit wat syn hert ta dûnsjen brocht-
4260 Lykas de simmerreade blom papaver
yn reade rêst stiet middenmank gedaver
fan sinnefjoer, dat d'ierde toar en skrok
spjalt en it gers teskroeit-de blom syn lok
bliuwt like grut. Hy lit syn reade flage
4265 yn't fjoer stean of opt' wyntsje sigesage.
Sa stie hja yn it heimichste genot,
it heechst en djipst: de gloed fan sinnegod,
har heit. Hja hold de holle rjocht omheech
en d'earmen stil. Sa stie hja stil dêr steech.
4270 Dêrnei begûn har holle licht te nigen.
Har folle tiid wie om; de teisters nigen
yn dreamrich drôgjen stadich del oer deagen.
En hja waard bleek; doe wikselen de weagen
fan wyt en read ôf oer har mêde hannen.
4275 De gouden wale wiek, sloech wide râmen
yn skânsen fan it ljocht, naam alles mei
wat net alhiel rein wie, en swom doe wei
mei libbne elfen, dat it hillichdom
foar har allinne bleau, allyk in kom
4280 of kleare fiver, dêr't neat oars yn driuwt
as ien swan mar, dy't roerleas dêrop bliuwt.
En rûnom waard de miede sûnder skaad
allyk in poel mei ljochtspranken bespraat,

lykas de wiete widens fan de see,
4285 wannear de sinne stiet op't middeisstee.
Allyk in toer, oerljochte fan de sinne,
skoarre troch mânske blokken mitselstiennen, -
bopp'oan leit fyn granyt en skynt de sinne.
De jûntiid komt en fan de kimen rinne
4290 de strielen dan: de toer wurdt âld en tsjuster,
en fan syn foet ont syn heech skouder bjuster
oerklaaid mei swart skaad en mei âlderdom-
Allyk in iik, dy't op'e bergen krom-
bûcht fan de flammen, dêr't er yn ferbamt,
4295 slein fan de tonger; 't lytste tûkje bamt.
In hûs fan fjoer liket er op'e hichte.
In donkre rein dwêst fjoer út; yn'e lichte
falt del de swiere swartferkoalle stamme.
Op tûkjes dûnset jit in lytse flamme-
4300 Sa't by de klaproas, simmerreade blom,
it read ferronflet en fertoarket; krom
bûcht hja de teare stâle têd omleech-
sa bûgd'ek Maai de holle têd omleech,
en bleek en bleker waarden no har wangen
4305 en flauwer waard de flamme fan't ferlangen,
dat yn de eagen fan de stjerling barnde.
Wyls wiek de ring en ringsom har teraande
de skiere fjoerbân, sa't rebelske maten
fier út elkoarren spatte, as soldaten
4310 in oanfal dogg'en slaan rebûlje stil.
Doe fiede hja it lêst'yn har: de wil,
de lêste winsk fan stjerlingen, de winsk om
no dea te wêzen, dy't it dwalend minskdom
ta stilstân bringt en har fanselme driuwt
4315 djip yn'e ierde, dêr't it lichem bliuwt.
Hja dûzle wei; de dûze wie sa sterk,
hja waard licht as in fear, dy't úte flerk
falt fan in do. Hja sonk, mar foel net ring.
Sa falt in reidstâl'yn in wjittering.
4320 Allyk in lyts bern, om it libben kommen;
lykas yn 't gers de simmerreade blomme,
de reade klaproas leit nei simmernocht,
sa lei hja dêr en 't lêste sinneljocht
beskynde har mei glimp fan jûntiidsrea
4325 en goud foar't lêst, en gyng doe mei har dea.
En doe't Maai stoarn wie, kaam har mem omleech:
de Moanne kaam ta d'ierde en omheech
fan't gers ôf tilde hja d'iiskâlde lea.
Wat bleau oer fan har namme nei har dea?
4330 Yn blau ljocht en op't antlit 't skiere skaad
fan trystens; klaaid yn't lange skiere klaad
fan rouwe en fan drôfenis gong hja

heech oer de ierd'en kaam op my sa ta.
Hja stie heech oer de stêd, doe't ik har seach
4335 mei Maaie op'e eamen. En doe teach
ik nei har ta, gong nêst har en koe sjen
yn hege hichte tild it deade bem.
En doe't wy kamen by de grutte stream,
gongen wy del. En hja lei oan syn seam
4340 it bleke bern. Ik skriem'den skriemde sa,
myn hert en eagen brieken. Wyls geat hja
de wrâldfol ljocht út hege himelsfear.
Doe wist ik, dat ik dwaan moast har begear.
Dat ik fear yn in boat de stream ôf, fier
4345 oer skolprich wiet troch't lân. Dêr't de rivier
syn wetter jout oan see, gong ik oan lân.
Ik rûn mei Maaie op'e earms oer't strân
yn stilte, mar wy waarden lykwols heard.
Want fan it lân ôf kamen d'elfen rêd,
4350 Wylst út'e loft de himeldizen krongen,
en út'e see de Tritons, dy't te sjongen
begûnen efter my: in deadesang.
En doe de tolve oeren, dy't sa lang
op Maai al wachten en har drôve plicht.
4355 Hja hien'in bier en mei in drôf gesicht
omhegen droegen hja har út, hiel hoeden.
De foarstap hie ik, dy't har goede hoeder
west hie, en nei my kamen lange rigen.
Hja kamen út'e dunen wei en nigen
4360 dan del, en út'e weagen fan de see
riisden rju Tritons yn'e rouklean, ree
ta sang; hja songen lykklacht fan har wee.
Wy kamen by de seame fan de see
en stienen dêr't har earste lâning wie.
4365 't Dún rekke fol en d'iivge brâning stie
ek fol mei wêzens, licht fan stal en bleek.
En wite skimen, lyk in skiere reek,
sweven oer ús yn machtige kolommen.
Doe spilen earst de ierdskes op har trommen
4370 en doe de elfen ek op har simbale;
doe Tritons; doe wy alle gear ferhalen;
yn lange sangen klonk ús drôfenis.
Doe setten d'oeren, fan har taak wol wis,
de bier mei har del; lieten my allinne
4375 mei Maai en gongen yn in rige hinne,
wêrnei hja mei de oaren stil taseagen.
Ik groef in grêf dêr wêr't de see syn weagen
it sân oerdekke. En ik lei har dêr
te rêsten. En de weagen riisden wer
en sonken wer mei trien of laits fan't hêf.
Dêr leit myn leave lytse Maai yn 't grêf.

Oade oan Herman Gorter

Hark! âlde klanken yn de nije maaie,
ebjend en riizjend, sa't in sulvren fluit
rynsk syn muzyk oer brêg'en huzen struit,
mei weagen dyt yn skimerjûn ferwaaie.
As klear de fluite klonk oer't dimmen hôf
neit iepen finster fan de pastorig,
glied yn dyn siel dy suvere meldij,
om bar sa blier as't ljocht en donker drôf.
Rom wie dyn herte, doe't de fluit bestille
troch twingen fan in rûziger seisoen.
En breek de nije tiid de âlde tsjoen,
ryk bleau dyn oantins oan de swiet'idylle.
Bliuwst ivich fan de nije maaie tolk,
al hoet de wrede wrâld dyn lûd ek bruts.
Lyk dy it liet fan ierde'skientme luts,
klinkt ús dyn Pansfluit yn it fredich Balk.

Malperthûs, Aldemardum. Klaas Bruinsma.

Namdicht ta gelegenheid fan de Herman Gorterbetinking
maaie 1992.

COLOFON

Van Klaas Bruinsma te Oudemirdum, geboren Oosterend (L.) 1931, oud-leraar Engels en geschiedenis, verschenen in de afgelopen veertig jaar vele vertalingen van poëzie en toneel uit de wereldliteratuur. Bruinsma vertaalde onder anderen uit het klassiek Grieks, Oud-, Middel- en Nieuwengels, Duits, Frans, Middelnederlands, Nederlands en Spaans. Anderzijds vertaalde hij verzen in het Spaans.

De meeste gepubliceerde vertalingen verschenen in de literaire tijdschriften Hjr en Trotwaer. Van Bruinsma werd eerder uitgegeven:

Rein de Foks (vertaling van Van den Vos Reinaerde) - L. Jansma, Buitenpost, 1974;

Sa Bist (vertaling van Esopet, 67 fabels) - De Tille/Bosch en Keuning, Baarn, 1985 ;

Sófokles, Trije Tragedzjes - Van der Eems, Oosterend, 1991 ;

Béatrys - Utjouwerij Frysk en Frij, Ljouwert, 1993;

Karel en Elegast - Utjouwerij Frysk en Frij, Ljouwert, 1994.

Deze vertaling werd gemaakt in 1992-1993.